



In minskelibben lang oan 't wetter



In minskelibben lang oan 't wetter



Op 2 juny 1897 waard hja berne yn in wentsje fuort by de Twizelerfeart. Har heit wie Marten Stel en har mem Antsje Jans Kamstra. Der wiene al fjouwer bern, Jantsje, Jan, Minke en Sytze en hja wie in neikommerke, hwant Sytze wie doe al toalse jier. Wy ha it oer Janke de Bruin-Stel, dy't nou dus al njoggentich jier wurden is.


Har bertehûs (no. 2) stie oan it Knilledjip en dat is der ôfrekke yn 'e fyftiger jierren, mar noch altyd hat se it sicht op itselde djip (dat no wol folle breder is, want sont har troudei wennet se op no. 11. Dêr oan dat Knilledjip leit har hiele libben. As bern hat hja dêr boarte as jong faam hie se ûnderskate plakken, dêr't se arbeide of naaiwurk die, mar jûns wie se wer thús.

Hja hie wol ris in skarreltsje, mar doe't se Feike de Bruin kennen learde, waard dat al gau fêste ferkearing en doe't hja goed 20 jier wie, trouden hja en kamen te wenjen op it sté, dêr't hja no noch wennet mei har soan Jan.

Wolno oer dizze frou en de mienskip, dêr't hja diel fan útmakke, wol ik jimme wat fertelle.

Wa wennen dêr sa al?

Wy begjinne mar mei no. 1. Dêr wennen Romke en Janke Stel. Dit wie dûbelde famylje. Want Romke wie in broer fan Janke har heit Marten en Janke in suster fan har mem Antsje. Romke wie klompmakker en soan Jan, dy't dêr letter by mem wenne, makke ek klompen. Hy wie in betûft fakman mar hie ek noch fan alles oars om hannen. Hy waard net om 'e nocht de útfiner neamd.



Hy troude letter en as er ferlet fan jild hie, dan wrotte hy wakker om in protsje klompen klear te krijen. Doe 't hy stoar is syn frou Anna letterwer troude mei Wolter Laanstra fan Stynsgea; hja ha doe ek yn Stynsgea wenne.

Dêrnjonken op no. 2 wennen dan Marten en Antsje. It hûs wie oarspronklik lytser en hie de ruten op it westen. Allinne in lyts finster seach út op it Djip. Marten wie ek klompmakker en dêrby wie hy fiskerman. Hy gie der wol mei de skou op út en hy hie in tichtset yn 'e Bûtenposter feart. De iel waard bewarre yn in kear, dy 't foar hûs oan 't ket yn it kanaal lei en ien kear wyks kaam de keapman mei syn boat om se op te heljen. Dan waarden der sinten bard en op sa'n stuit fiede mem har wakker ryk. De klompen, dy't heit makke, koe er foar in hiel part

wol kwyd oan de bewenners fan Moestille en oan de Alddyk en oars koe er se yn Bûtenpost wol slite. Janke hat noch altyd in psalmboekje bewarre, dat se fan har heit krige, doe 't dy ris fan sa'n reis nei Bûtenpost werom kaam. Har âldste suster Jantsje troude mei Siebren Stoker. Oan de oare kant it Djip kamen dy te wenjen op no. 17. Hja hiene der wat buorkerij. Doe 't Janke nei skoalle moast, helle har suster har moarns mei de skou oer it wetter en dan sette se mei de bern fan Jantsje ôf nei Droegeham.

"Ien fikse triuw mei de kloet, dan wiene wy oan de oare kant", seit Janke. Dus it Djip wie doe gâns smeller as no. Ien kear mislearre it mei it ynstappen yn 'e skou, en Janke rekke yn it wetter. Der sil dy deis wol neat telâne kommen wêze fan de reis nei skoalle. De klean moasten

fansels earst wer droech, en dat moast syn tiid ha. Gau efkes in oar jurkje en skelkje oan - né sa rom soppe it net, men wie doe al bliid, as men de bern sneins ris wat ekstra's oanlûke koe.

Har suster Jantsje, dy 't tweintich jier âlder wie as Janke, is net sa âld wurden. Noch mar 41 jier âld moasten har man en de bern har al misse. It komt ús no wat frjemd foar, dat de man en de bern der aparte adfertinsjes fan yn 'e krante setten, de man fan de stjerdei fan syn frou en de bern nei de begraffenis, fjouwer dagen letter. (Sjoch adfertinsjes).

.. Heden nam de Heero uit ons midden onze geliefde Echtgenoot en zorgvolle Moeder, Behuuden Grootmoeder

Jantje M. Stel,

in den ouderdom van 41 jaren.

Kooten, 22 Juli 1918

S. STOKER.

.. Tot onze diepe droefheid moesten wij 26 Juli onze geliefde Moeder

Jantje M. Stel

grafwaarts zien dragen, in den ouderdom van 41 jaren en 9 maanden.

Zwaar valt ons dit verlies, maar onze troost is, dat haar heengaan vrede was.

Kooten, Juli 1918

A VISSER--Stoker,	} Oud-
B VISSER	
L STOKER }	} woude.
M STOKER }	
G STOKER }	

Kooten.

It like my wol aardich ta, om dizze âlde foto hjirby te brûken. Janke har âldste suster Jantsje stiet hjir op mei trije fan har fjouwer bern, Loltsje, Minke en Geale. Har âldste dochter Antsje wie doe nei alle gedachten al fan skoalle ôf. Fierder komme hjir ek op foar de trije bern fan Jelle en Jantsje van der Veen, dy 't by de flapbrêge wennen. Dat binne Jan, Ymkje en Hylke. Ik kom wol ris werom op dizze foto.



Achter: Minke Kamminga (vr. van H. v.d. Veen), Romkje Sipkema (vr. van Joh. Nicolai), Maaïke Sipkema (2de vr. van G. Kamminga), Ynskje Merkus (op 23-jarige leeftiid overleden oan de Spaanse griep), Baukje L. de Graaf, Vr. Louw de Graaf, Jantje Stoker-Stel (vr. v. Sieberen Stoker), Andries Joh. Nicolai.

2de rij: Meester Duijst, Sietske Kamminga, Meester Visser, Minke Stoker, Ymkje v.d. Veen, Loltje Stoker, Anna Kamminga, Ymkje Merkus, Anna de Graaf, Elisabeth Kamminga, Maaïke Kamminga, Meester Strating, Sjoerd Joh. Nicolai.


3de rij: Ds. Weijenberg, Jan Jelles v.d. Veen, Gooitzen Joh. Nicolai, Jeltje de Graaf (werd handw. onderw.es in 1913), Hiltje de Graaf, Romkje Kamminga, Johannes Joh. Nicolai, Minze de Graaf, Sieberen de Graaf, Maaïke Sipkema (handw. onderw.es tot 1913; toen gehuwd met meester Duijst; ze is overleden in 1921).

4de rij: Roel Merkus, Hielke Jelles v.d. Veen, Jan Merkus, Atze Merkus, Anne Joh. Nicolai (met lei), Klaas Kamminga, Pieter Wiebes Kamminga, Jan Hendriks v.d. Veen, Simon Joh. Nicolai.

Naast de lei: Gosse Wiebes Kamminga.
Voor: Anna Wiebes Kamminga, Geale Stoker.
(Foto 1913).

In minskelibben lang oan 't wetter (2)

Doe 't broer Jan, dy't berne wie yn 1879, trouwe soe, waard der in keamer oan it hûs boud. Jan wie ek al klompmakker en hy koe de klompen dy't er thûs net ferkocht, wol kwyt oan Braaksmas yn Twizel, dy't ek klompen makke en dêr in winkel by hie. Jan syn earste frou wie Tetsje van der Meer. Hja krigen twa famkes en in jonkje. Dat wiene Marten †, Anna en Jantsje (sjoch foto). Koart nei de berte fan Jantsje is Tetsje stoarn. It lytse famke is doe greatbrocht by beppe Antsje. Jan troude wat letter foar de twadde kear en no mei Jantsje Hooijenga. Dy hie al twa bern Pieter † en Detsje. Tegearre krigen hja fjouwer jonges Rinze †, Sytze, Jelle en Jan. Doe 't dizze Jan, dy't no yn Hoogkerk wennet, berne waard, is de mem yn it kreambêd stoarn, sa fertelde syn broer Sytze my. Sytze wennet moch nei syn frou yn Surhuzum. Oer dit barren hat Sytze Zijlstra út é Koaten my jierren ferlyn alris it folgende ferhelle. Zijlstra wie destiids boade fan de begraffenisferiening fan de Koaten. Hy moast ek dizze begraffenis regelje. Der moast yn dit gefal net in swart kleed oer de kiste mar in witen-ien en dan ek noch oerhoeks, omdat dizze frou stoarn wie by de berte fan har bern. Nou wie it de deis fan de begraffenis striemin waar. It offisjele paad wie by de buorlju (nû. 4) lâns en dan troch it lân



Achter: Meester Duijst, meester Strating, Ymke R. Merkus, Simon Nicolai, Jurjen Bies, Katrinus v.d. Kooi, Marten Tjepkema, Jan H. v.d. Veen, Jacob C. Koster, meester Toornstra, juffr. J. de Graaf.
2e rij: Martje Wagenaar, Wikje C. Koster, Elisabeth Kamminga, Froukje Detmar, Hilligje Scheffer, Trijntje Tjepkema, Anna de Graaf, Aukje Detmar, Anna W. Stoker.
3de rij: Klaas Kamminga, Sjoerd Detmar, Berend R. Merkus, Ale Detmar, Marten J. Stel, Anne Tjepkema, Geale S. Stoker, Hielke J. v.d. Veen, Ruurd Rudmer's Veenstra, Jan J. Merkus.
Voor: Jantje J. Stel, Anna J. Stel, Detje v.d. Weg, Johanna Detmar, Foekje Detmar, Johan Detmar, Roel J. Merkus, Jan R. Merkus.
Foto 1914/15.

nei de reed en sa nei de Alddyk. It wie fansels folle koarter rjocht op it flapbrechje oan; dan koe men gâns in stik ôfsnije. En boppedat, sa troch in dei waard der ek faak gebrûk fan makke en der waard nea kapsje op makke.

Doe 't se lykwols by de Van der Veen's (nû. 20) fregen, oft it sa net koe, waard it wegere. Wêrom? It skynt, dat der in soarte fan ûnskreaune wet bestie, dêr 't dizze rigel fan tige wichtich wie: "Wêr 't in lyk de lêste reis lâns makket, dêr kin men nea in libben minske it rjocht ûntkeare, om itselde paad te gean". Dat soe betsjutte dat bewenners fan de wentsjes dêr oan 't Djip letter altyd rjocht fan reed ha soene en dat gie de Van der Veen's te fier.

Nei ferrin fan tiid troude Jan foar de tredde kear, no mei Geartsje Bekkema. Dy naam ek noch seis bern mei út har earste houlik. Dat wiene: Evertsje, Jabik †, Sytze †, Anne, Egbert en Wytke. It sil sa linkelytsen wol aardich fol wurden wêze yn it oanboude wentsje. Lykwols krigjen Jan en Geartsje tegearre ek noch twa famkes. Dat wiene Janke en Jinke. Janke is neamd nei de frou oer wa 't dit ferhaal giet. Hja wennet noch yn Kollumersweach. Har suster is jierren ferlyn mei har man emigrearre nei Canada. Dy is by har man wei, mar fierders wit nimmen mear, wêr 't se sit of dat se noch libbet of net, want se hat al jierren neat mear fan har hearre litten. Heit Jan (Janke har broer) is stoarn yn 1962. It folgjende bern fan Marten en Antsje wie Minke. Hja troude mei Wiebren Hoeksma en hja setten har

nei wenjen op nû 15. Anna, Ytsje, Jantsje, Melle, Marten en Minke wiene har bern. Ek yn dit gesin waard de mem al jong weinommen.

Heden overleed zacht en kalm, onze geliefde Echtgenoot, Moeder, Behuwd en Grootmoeder

MINKE STEL,

in den ouderdom van ruim 46 jaren.

**Uit aller naam,
De diepbedroefden:**

**W. HOEKSMa
en Kinderen.**

H. Opsinde, 15 Sept. 1927.

Hja wie noch mar 46 jier; hja ferstoar op 15 sept. 1927 en seis wike letter rekke Marten wei. Dy wie mei in foech preamke yn 'e Hamster feart warber. Faaks wie it spul wat te swier ôfladen, hoe 't it ek west hat, hy rekke yn 't wetter en ferdronk.

Moesten wij voor zes weken onze geliefde Vrouw en Moeder grafwaarts zien dragen, heden trof ons weder een gevoelige slag, door het plotseling overlijden van onze geliefde Zoon, Broeder en Behuwbroeder

MARTEN,

op den nog jeugdigen leeftijd van bijna 17 jaren.

**De diepbedroefden:
W. HOEKSMa
en Kinderen.**

Drogeham, 29 October '27.

Dat wie in slach foar dit gesin. De jongste dochter Minke wie doe noch mar trije jier. Hja hat letter as jonge frou jierren lang mei heit dêr wenne. Doe is se trouwd mei Fokko Velleman en hja wenje noch op itselde stee.

Nei Minke kaam Sytze. Dy hat nei it ferstjerren fan heit noch in skoft by mem yn 'e hûs wenne, om 't Janke doe noch mar in lyts famke wie. Letter is Sytze trouwd mei Jacobje (Kobe) Brouwer, in suster fan Hielke Brouwer (bekend as fersetsman) en letter noch mei Eeke Wobbes. Hja wennen yn Drachten en dêr is hy ferstoarn yn 1965. Ek syn twadde frou wie doe al wei.

Na een kortstondige ziekte heeft de Here van ons weggenomen in de hoop van het Eeuwige leven, onze lieve vader, groot- en overgrootvader

SIETSE STEL

in de gezegende ouderdom van 80 jaar; weduwnaar van Eeke Wobbes, eerder van Jacobje Brouwer.

M. Stel

J. Stel—Van Dellen

Tietjerk:

H. Koster—Stel

K. Koster


en kleinkinderen

Drachten, 25 jull 1965

Nou soe dan it ferhaal fan ús haadpersoan begjinne moatte, fan, Janke, de jongste dochter fan Marten en Antsje, dy't 12 jier nei Sytze berne waard. Om lykwols fan har libbensrin wat in sluted gehiel te krijen, li-

ket it my better ta earst op 'e selde foet troch te gean mei de huzen op it streekje en de bewenners dêrfan. Wy komme dan no op nû. 14. Dêr wennen Durk en Djoekje Tuinstra. Nei harren kamen Jelle en Geartsje Merkus op dit stee. Dy hiene earst yn it lytse wentsje op nû. 8 wenne. Dêr wiene ek in hiel keppeltsje bern. Ynskje, Hylke, Jelle, Ymkje, Jan, Atze, Roel en Sytske. Fiif fan dizze bern binne werom te finen op de foto fan 1913 bij de earste ôflevering. Dêr stie al by, dat Ynskje yn 1918 oan de Spaanske gryp stoarn wie. Dizze jongfaam stie op trouwen, doe 't se siik waard. Hja tsjinne by boer Rispen yn it West fan Bûtenpost. Dêr kaam it har oan en dêr is hja ek stoarn. Hja is doe mei in wein troch it lân nei de Bûtenposter feart brocht en dêr hawwe Joon en Egbert Veenstra har weihelle mei in skou en har sa nei it âlderlik hûs brocht. Op Sytske nei, binne se no alle gearre al wei. Ien fan de soannen, Roel, bleau dêr op nû. 4 op 't lêst allinne oer. It spul waard wat ynoarder hâlden troch Hinke, in dochter fan Roel syn broer Hylke, dy 't trouwd wie mei Jitske Koster.

Dizze jongfaam kaam der ek al geregeld, doe 't pake Jelle noch libbe. Hja is letter trouwd mei in skipper en wennet no oan 'e wâl yn Grypskerk. Roel is nêst jierren dea fûn yn it bûthûs. Wat der krekt bard is, wit men net, mar der waard wol tocht, dat it om in rôfmoard gie. Doe is it spul kocht troch in soan fan Fokke Hoeksma, de skilder en dy hat der in skoandere wente fan makke. It âlde paad nei de reed is no suver in leane wurden. In prachtich ferhurde wei mei tichte begroeiing oan wearskanten.



In minskelibben lang oan 't wetter (3)

Wy geane nou nei nû. 5. Hjir komme wy de namme fan de Veenstra's tsjin. En dat is eins al in ferhaal op him sels, want wy komme sa foar en nei seis bern út it gesin fan Joon en Ytsje Veenstra tsjin. Dit húske op nû. 5 wie mar in behyplik lyts krûpyntsje. Men koe der net rjochtop yn stean; de geiten sprongen sa fan de grûn op it tek en rûnen dan op é naald hinne en wer.

Eigener fan dit wentsje wiene Oeds en Sytske Veenstra-Oosterhuis (dit is dan de earste fan de seis, dy't ik neamde). Hja wiene ek eigener fan it hús op nû. 7, mar hja fearen, dat op nû. 7 wennen Klaas en Joukje Veenstra (dat wie de twade!) en Egbert en Gepke Veenstra (in soon fan Klaas en Joukje) wennen yn nû. 5 yn it begjin fan har trouwen. Oeds en Sytske fearen mei turf, ierapels, sân en faaks noch wol mear.

Nei in muoisume reis troch de Hamster feart mei leech wetter en in swierladen skip krige Oeds in mageblieding en trije dagen letter wie er wei. Dat wie yn 1912. De widdo hat noch in pear jier fearn mei har muoikesizzer Joon Wagenaar en sette her doe nei wenjen yn Droegedam. Jierren letter (Joon wie doe al troud en wenne ek yn 'e Ham) ornearre muoike, dat se eins ek skoan meiïnnoar yn it wentsje oan 't wetter koene. Sa ferhuzen Joon en Jeltsje mei bern en mei muoike Sytske nei nû. 7. Dêr wennen dus op dat stuit Klaas en Joukje Veenstra.

Dy moasten doe oar plak ha. Nou, dat wie wol te regelen, sei muoike Sytske. Sy koene it spultsje fan Egbert en Gepke wol keapje. Foar f600,- waard de keap sletten. Mar doe moasten Egbert en Gepke fansels ek wer omsjen om wat oars. Oer de reed stie in wat rejaler spul. Dat (nû. 6) wie eigendom fan Wander de Boer. Dy hie dêr noch mar in jier wenne, mar dêrfoar wennen Rudmer en Akke Veenstra (de tredde Veenstra) dêr op dat sté. Hja hiene dat spultsje dêr sels sette litten en dêr ek in bytsje in winkeltsje yn hawn. Wander de Boer woe it wol ferkeapje. Hy liet it har op f1800,-. Safolle jild hiene Egbert en Gepke net, mar hja koene it jild liene fan de Geart Jittes froulju. De Veenstra's stiene goed bekend, dat hja hoechden gjin boarch, mar de rinte wie wol tolve persint. Rudmer en Akke wiene ferhuze mei har bern Ruurd en Klaske nei Twizel nei it wentsje, dêr't no Folkert en Koosje de Haan wenje. Alde Klaas Veenstra is yn dat lytse wentsje op de nû. 5 ferstoarn en Joukje kaam letter yn é hús by har âldste soan Joon en syn frou Aukje de Haan. Dy wie klompmakker yn Twizel en by harren yn 'e hús is hja ek ferstoarn. Dizze Joon is nou ek al moai op reis nei de hûndert. Hy wennet no yn Haersmahiem, is noch goed helder fan geast, mar it gesicht lit him yn 'e steek en dat is slim, want hy mocht altyd graach lêze. Syn soan Klaas hat no de klomp-

makkerij.

Sa wie dat yn dy trije wentsjes op in stuit suver in folksferhuzing yn it lyts. Op nû. 5 ha neist oaren letter ek Albert en Feikje Alma noch wenne. Doe is it ôfbrutsen. Op nû. 6 sitte no Jelle en Gaatske v.d. Veen. Egbert en Gepke ferhuzen nei de Tille. Dêr is de âld man by in ûngelok om it libben kaam. Syn frou sit krekt as sweager Joon yn Haersmahiem. En op nû. 7 hawwê nei de Wagenaars noch wenne Ybele en Tryn van Lune. Dy binne nei Harke- ma ferhuze. It spul waard ferkocht as simmerwent. De nije eigener Hols hat it spultsje ôfbrutsen en der in skoandere bungalow delset.

Dan no nei nû. 8. Hjir wennen earst Jelle en Geartsje Merkus (sa 't ik al fertelde by nû. 4). Nei harren kamen Hylke en Jits hjir te wenjen. Dy hiene gâns in gesin. En om al dat lytse en opgroeiende guod wat yn 'e klean en oan 't iten te hâlden, moasten se wat mear earmslach ha, as hjir yn 'e mieden mûglik wie. Hja ferhuzen nei de klaai yn 'e omkriten fan Bitgum Bitgummôle (as it my goed foarstiet). Harren dochter Hinke neamde ik al earder (by nû. 4). Ien fan harren soannen, Willem, ha ik kennen leard yn 'e jierren, doe 't wy noch in soarte simmerkamp hâlden op 'e hege bult. Master Bottema, master Van der Meulen en ik diene dat doe mei ús trijen en Willem, dy't letter skoalmaster wurden is, wie in oantal jierren ien fan de

grutte rige jonge minsken, dy 't ús dêrby holpen.

Ik moat hjir earst in korreksje oanbringe op myn twadde stikje. Ik fertelde dêr, dat Hinke fan Hylke en Jits holp by pake Jelle Merkus en letter ek noch by omke Roel. Dat leit in bytsje oars. Hinke hat dat wol wat jierren dien by pake, mar letter waard dat oernommen troch Ynskje en Janke Postma. En ek nei it forstjerren fan Pake hawwe dizze froulju der foar soarge dat omke Roel wat help krige yn 'e húshâlding.

Fierders sil 't jimme opfallen wêze, dat it kaartsje der ek in bytsje oars útsjocht. It ûnlân leit no dêr't heart en nû. 12 bestiet no net mear út trije keamers, mar út twa dûbele wentsjes en op 12a is der noch in wentsje by tekene.

Dêrnei hawwe Melle en Sytske de Haan hjir wenne. Sytske wie in dochter fan Jelle en Geartsje Merkus. Hja ferhuzen letter nei Twizel (itselde wentsje, dêr 't earst Rudmer en Akke hinne gien wiene) en doe binne se nei Harns tein. Melle libbet al net mear en ien fan har jonges, Wytse, is as séman omkaam. Sytske en ien fan de oare soannen (Jelle of Gjerrit) wenje dêr noch en Geartsje hâldt ta yn Súdhorn.

Doe ha Wolter en Anna Laanstra ek noch yn dit wentsje tahâlden. Dêrnei Albert en Feikje en nou is it in simmerwentsje fan in Dútsker.

Dan komt nû. 9. Dêr wennen

Willem en Dúfke Kramer-Veenstra (de fjirde fan de Veenstra's). Dat wie earst ek skippersfolk. Willem fear in soad mei dong. Syn frou wie leauwich, mar hy moast der net sa folle fan ha. It wie op in saterdei, dat er tsjin syn frou sei: "Ik begjin mei it lossen en moarn meitsje ik it leech". Dúfke sei, dat soks net mocht. It wie in grouwel yn it each fan de Heare. Letter fertelde Willem, dat syn wiif wol gelyk hawn hie, want sa sei er... „ik rekke sa slim yn 'e loop, dat ik ha de hiele snein oer de rânne fan it skip hongen, der kaam gjin ein oan". Op 't lêst waard it skipke sa wrak, dat it eins net mear fertroud wie. Doe hawwe Egbert Veenstra en Joon Wagenaar in soart gloppe út it Djip wei groeven en dêr it skip yn op lutsen. De gloppe kaam wer ticht en dêrnei wennen hja yn har eigen fertroude kajútsje op 'e gerjochtichheit fan omkesizzer Joon. As tsjinprestaasje moast Willem wol wat op 'e hinnen fan Joon passe. Dy moasten jûns yn in pear grutte hokken dreaun wurde. Dêrta brûkte Willem in grutte hoarn, dy't in lûd joech, dat de hiele Mieden troch te hearren wie en as dat noch net genôch holp, begûn hy mei in lange stôk yn 'e hinnen om te reagen. Der wurdt bewerd, dat der ek wolris in hintsje it libben by ynskeat.

Om no earst it ferhaal fan de Veenstra's mar efkes ôf te meitsjen, gean ik efkes by it wetter wei. Yn it wentsje op nû. 27 hawwe Douwe en Gryt Wedzinga wenne. Dizze Douwe wie in soan fan Klaas en Martsje Wedzinga-Veenstra (de fiifde yn 'e rige). Beppesizzer Martsje (dochter fan Douwe en Gryt) wennet ek noch yn 'e Mieden. Hja wennet "mei alle wille healwei de Tille" by Lykele Hofstede, bekend fan it asyl foar hûnen en katten. It wentsje fan de Wedzinga's is al wer jierren ferlyn yn 'e brân stutsen en folslein ôfbaarnd. Dyselde namme Martsje (mar dan in muoikesizzer) komme wy ek tsjin op nû. 24.

Hjir wennen Wytse Wagenaar en syn frou Antsje Veenstra (dat is dan seisde). Hja hiene seis bern: Ytsje, Wytse, Geeske, Rep, Joon en Martsje. Njonken harren hûs lei in poel en der waard flaaks yn rotte. Dy flaaks waard levere troch Noordhof, dy't in winkeltsje hie by de Herfoarme tsjerke (nei alle gedachten dêr 't letter Joh. van der Zwaag wenne). Nei it rotsjen waard de flaaks drûge en dan gie it yn 'e wintertiid op in braken. Dan waard it produkt wer ôfleverd by de winkelman en koe


Wagenaar syn lean foar it wurk barre. De winkelman liet dan wol dúdlik blike, dat hy der op rekkene, dat de boadskippen foar de húshâlding by him yn 'e winkel kocht waarden. Sa net, no... dan soe er wol om in oare braker sjen... Sjoch, sa gie dat destiids.

Sa sette Antsje ris wer nei it doarp om boadskippen. Hja reiz'ge dan oer de barten, dy't oer de miedsleat en de sânsleat leine. Dat wiene barten mei in hikke der op en in omstapke foar fuotgongers. Nou hie Antsje lêst fan setten en op 'e weromreis is hja by de sânsleat fan it omstapke ôfrefke en ferdronken. Dat wie wat. In heit bleau mei seis bern sitten. De beide jongsten, dêr't noch de measte drokte mei wie, waarden by femylje ûnderbrocht. Joon, (dy't ik al earder neamde) kaam by omke Oeds en muoike Sytske op it skip en Martsje waard yn 'e hûs nommen by Klaas en Joukje en is dus opwoechsen mei Joon en Egbert Veenstra.

No ferstoar yn 'e Koaten yn dyselde snuorje Knilles Koster, dy't troud wie mei Lieuwkje Bosma. Dêr wiene

ek fjouwer bern: Hinke, Jitske, Jabik en Wikje. Hoe lang it duorre hat wit ik net mar dizze widner, dy't eins net wist, hoe't er allinne mei de bern rêdde moast en de widdo dy't har kostwinner misse moast, trouden nei ferrin fan tiid en sa wie de iene mei de oare út de grutste soargen. Hja setten har nei wenjen yn Twizel en de skoallebern koene der net by, hoe't dat nou koe: de iene hjitte Wagenaar en de oare Koster en dochters kamen se allegearre út itselde hûs.


Hinke troude mei Halbe Kootstra en hja wennen yn Kollumersweach. Jitske troude mei Hylke Merkus, dy ha ik al earder neamd. Jabik troude mei Gryt Leegstra, hja hiene in saak yn Assen en Wikje troude mei Melle Leegstra, hja hawwe jierrenlang yn in wein wenne op it Heechlân. Fan al dizze minsken libbet allinne Griet Koster-Leegstra noch. It kin soms frjemd gean. Doe 't ik dit tredde diel noch efkes nei seach, ear't ik it nei de krante bringe soe, pakte ik tuskenbeiden efkes de Kollumer krante en dêr falt myn each op in adfertinsje, der 't yn stiet, dat Grytsje Koster-Leegstra 84 jier âld, ferstoarn is yn Assen.



Siz no sels, is 't in wûnder, dat it âld minske hjir foar gjin goud wei wol. Wy binne krekt wer ûnderweis nei de foardoar. Jan (soan fan Janke) is drok yn petear mei Joon Wagenaar.

Fan de Wagenaars binne allinne Rep en Joon noch oer. Rep wennet yn Hollân, mar Joon sit no yn 't West fan Bûtenpost. Men kin noch altyd witte, dat hy as lyts jonkje by omke Oeds op 't skip kaam, want hy docht neat leaver, as op 't wetter omslaan. Waar as gjin waar, hy is warber op it Djip of yn de Strobosser trekferart, om iesfiskjes te fangen (sjoch foto!).

In minskelibben lang oan it wetter (4)



1. Binne v.d. Meer, 2. Loltje v.d. Meer-Kootstra, 3. meester Duyst, 4. Trijntje Mook-Brandsma, 5. Jacob Mook, 6. Rika Mook, 7. meester Strating, 8. Tiete Mook, 9. Jan Mook, 10. Johanna Kooistra, 11. Sietze Bijker, 12. meester Smit, 13. Renze Bijker, 14. ?, 15. Atze Bijker, 16. Bouke Henstra, 17. Sieb Bijker, 18. Eelkje Bijker, 19. Antje Henstra-Fokkinga, 20. Maaïke Sipkema, 21. Jantje Rinzema-Stel, 22. ?, 23. Jacoba Bijker, 24. J. v.d. Glas-Henstra, 25. Klaske Henstra-Kootstra, 26. Vr. G. Bijker-Huizinga, 27. Pietje de Haan, 28. Eelke de Jong, 29. ?, 30. Sietske Bijker, 31. Andries Bijker, 32. Merkje v.d. Meer, 33. Jitske C. Koster, 34. Martje Wagenaar, 35. Aaltje Mook, 36. Minke B. Henstra, 37. Rintje B. Henstra, 38. Berend B. Henstra, 39. Betske B. Henstra, 40. Janke Rinzema, 41. Minke Rinzema, 42. Lieuwkje Wagenaar-Bosma, 43. Ytje Bouius-Veenstra, 44. Akke Brandsma-Overzet, 45. Jacob C. Koster, 46. Wikje C. Koster, 47. Gerlof Willem Kootstra, 48. Pieter v.d. Glas, 49. Bintje C. Henstra, 50. Ipe C. Henstra, 51. Rintje C. Henstra, 52. Tiete Brandsma, 53. Fokje Brandsma, 54. Anne Kootstra. Bij pijltjes niet herkenbaar.

(Foto 1910)


Noch efkes kom ik werom op myn lêste stikje. Dêr fertelde ik fan Martsje Wagenaar, dy't nei it ferdrinken fan har mem yn 'e hûs kaam by Klaas en Joukje Veenstra en dêr opwoechs mei Joon en Egbert. Dêr hie ik fansels ek by neame moatten,

dat dêr ek noch twa famkes wiene. Dat wiene Froukje, dy't letter troude mei Hedzer van Houten en Ytsje, dy't de frou fan Jan Bouius waard. Ytsje is net sa âld wurden. Hja wie in kear mei har man op 'e fyts nei de Mieden. Op 'e âld dyk foel hja sa-

mar om en hja wie wei. Ik fûn noch in foto fan 1910 en dêr stiet Ytsje noch op. En ek de twade frou fan Wietse Wagenaar, Lieuwkje, mei trije fan har bern út har earste houlik mei Knilles Koster: Jitske, Jacob en Wikje.



In minskelibben lang oan it wetter (4)



No wurdt it tiid, dat ik werom gean nei de wetterkant. Dan komme wy no ta oan nû. 10. Op it kaartsje is te sjen, dat ek dit in skipke wie. Dêryn wennen Lammert en Geeske de Bruin. Dat soene letter de skoanâlden fan ús haadpersoan wurde, mar dat wist se doe sels noch net, want hja wie noch mar sa'n opslûpen fanke. Hja kaam wolris by de femylje De Bruin yn it skipke en letter, doe't dy ferhuzen nei it wentsje op nû. 13, barde dat noch faker, want doe hie se yntusken troch, dat der ek in jongfeint opwoechs, dy't Feike hjitte en dy't sy wol lije mocht. Lammert en Geeske binne doe nochris ferhuze nei Reahel. Dêr is de âldman stoarn en doe is Geeske yn 'e hûs kaam by har dochter Griet en dy har man Alle Postma yn 'e Koaten.

Op nû. 11 wennen Michiel en Aaltsje Kramer. Dy hiene hjir wat buorke-rij. Hja hiene nei har trouwen yn 1909 earst yn Twizel wenne, doe in jier as wat hjir op nû. 11, en nei wat hinne en wer geswalk tusken Twizel, Koaten, nochris Twizel en it Swart Krús binne hja yn Jistrum te lânne kommen oan de Efterwei en dêr hawwe se nêst jierren har 60 jierich houliksfeest noch fierd. Doe hat Wander de Boer buorke op ditselde stee en yn 1917 hawwe Feike de Bruin en syn jong wyfke Janke Stel har hjir nei wenjen set. Dêr kom ik noch wol op werom.

Wy geane fierder by it Djip lâns. Op nû. 12 stiene eartiids twa dûbele gemeentewentsjes. Om de bewenners hjirfan krekt wer te jaan, dat wurdt in hiele toer. En wa 't no wêr wenne, dêr doar ik de hân net foar yn 't fjoer te stekken. Neffens myn ynlochtjings komt dan nei nû. 11 earst Metske-Tryn. Dêrby wurdt dan de namme neamd fan in Durk v.d. Wal, dy't letter yn Droegeham wenne. Dan (lytse) Simen en Frearkje van der Wal. As tredde wurdt der praat oer in widdo dy't hjir wer troude en dan falt de namme fan in Jelke. En yn it lêste wentsje fan de fjouwer wennen al moai wis Gabe en Sytske Kramer. Dat wiene de âlden fan Machiel Kramer, dy't ik al neamde by nû. 11 en fan Jan, in frijgesel, dy't wenne hat yn it skipke op nû. 14. Dan nei nû. 12a. Dêr moat in kreas wyt wentsje stien ha (neffens Joon Veenstra, 96 jier) en dêr wennen Freark en Antsje Hoekstra. De heit Harm Thomas wenne der by yn en de soan Wieger fear mei in preamke mei sân en sutele dat út by it boerefolk yn wide omkriten. Dizze Wieger en syn frou Aafke wennen letter oan 'e âld dyk op 'e Tille. Wieger is al jierren wei en syn widdo is ferline jier stoarn oan de Wedze yn Twizel.

Op nû. 13 wennen nei Lammert en Geeske, Tsjoard en Lutske Stel mei har húshâlding. En no kom ik wer efkes werom op myn twade stikje. Dêr hie ik it oer it ferstjerren fan

Ynskje Merkus. Joon en Egbert hiene har mei de skou ophelle, sei ik doe. Mar Joon hat my ferteld, dat net syn broer Egbert mei him west hie, mar dat wie Romke, in soan fan Tjeerd Stel, want dy hiene in mânske skou, dat sadwaande. Hjir moat ik noch wol efkes by fertelle, dat dizze Tsjoard Stel in broer wie fan Marten en Romke, dus in omke fan Janke. Hja hat it dan ek oer omke Tsjoard en muoike Lutske. En de Romke, dy't ik neamde yn ferbân mei de skou, wie dan ek in neef fan Janke. Dêr kom ik noch wol op werom. Nei Stel had Sikke Hoeksma hjir wenne. Wêr 't dy earder krekt tahâlde, is net alhiel dúdlik. De iene seit oan it Nonnepaad, dêr 't foarhinne mear hûskes stien hawwe, mar hy kin ek yn in wentsje sitten ha op nû. 14, want neffens Joon Wagenaar moat dêr foar it skipke fan Jan Kramer wol in hûske stien hawwe, want hy (Joon) hat dêr by graafwurk ris in âlde wetterput fûn.

Sikke wenne dus op nû. 13. Hy mocht graach sterke stikken ferhelje. Yn syn jonge jierren hie hy yn Dútslân arbeide. En harkers hie er altyd wol want der wiene eins altyd wol fiskers, dy't dêr efkes in angeltsje útsmieten. Ik neam allinne mar Jan Kamstra en Jan Zuidersma. No wie it bekend dat Jan Kamstra gâns foer struide om it fiskeguod te lokjen. Sa fertelde Sikke mei in stielen gesicht dat Kamstra in bêste bon oan 'e kont krigen hie.

Dêr wiene skippen fêstrûn yn 'e bulten foer en der moast in sleepboat oan te pas komme om se wer los te lûken. Mar Sikke waard âlder en syn wentsje hie deselde kwaal. Dat kaam op 't lêst skjin oan ûnderhald ta, mar dat begrutte Sikke. No stie it wentsje op nû. 8 op dat stuit leech, dat dêr mocht hy wol yn. Dêr hat er syn lêste jierren sliten en dêr is er ek stoarn.

Op nû. 14, it skipke fan Jan Kramer hat Teake Nicolai mei syn frou Lutske ek noch wenne. Doe 't dy har ferbetterje koene mei in went oan 'e Âld Dyk, kaam it skipke leech. De Postma's fan nû. 16 ha letter de lêste biten en brokken opromme.

Wy geane nei nû 15. Dêr ha ik al oer skreaun doe 't ik it hie oer de bern fan Marten en Antsje Stel. Hjir wennen Minke en har man Wiebren Hoeksma. No wol ik der allinne noch by fertelle, dat dêrfoar de âlders fan Wiebren hjir wennen. Dat wiene Melle en Jantsje Hoeksma.

Dan bliuwt nû. 16 oan dizze kant fan it Djip en op 'e hoeke fan de Bûtenpostmer feart noch oer. Ik ha de âlde keapakte út 1864 sjoen. Yn seldsum moai hânskrift wurdt dêr fêstlein, dat Jan Bearns van der Veen dit spul kocht foar f300. De totale kosten kamen krekt boppe de fjouwer gûne. Dizze Jan Bearns van der Veen en syn frou Grytsje (Wouda?) hiene yn alle gefallen in dochter, dy't Leentsje hjitte.

Dan wurde ek neamd Hendrik, Aaltsje en Marijke mar hielendal wis bin ik dêr net fan. Dizze faam krige kunde oan in jong keardel fan de Surhuzumer kant. Dat wie in Lubbe Postma en hy wie ien fan Anne Postma en Janke van der Ley. Dêr wiene dan ek noch Antsje (in beppesizzer fan har - Reintsje Nicolai-Huizinga wennet noch yn Droegeham) - Roel, Hille, Gosse, Jan, Haaye en Reintsje. De lêste trije binne nei Amerika stutsen.

Lubbe en Leentsje trouden en krigen fiif bern: Anne, Jan, Grytsje Aaltsje, Janke en Antsje. It wie yn 1917, dat Grytsje Aaltsje en Antsje slim siik waarden. Hja hiene readfonk. De jongste stoar, noch mar 11 jier âld. Us haadpersoan Janke de Bruin-Stel wit noch sa

skoan, dat sy mei Jelle Geartsje (Merkus) dêr hinne moast, om it famke ôf te lizzen. Hja wie noch mar krekt troud, 20 jier âld, mar ja, it hearde der by en buorreplicht koe men jin net foar weiwine. Doe 't dit famke begroeven waard wie de mem net iens mei, om 't it oare bern fan 14 jier ek deamin wie. Doe 't it folk fan de begraffenis werom kaam, wie ek Grytsje Aaltsje stoarn. Doe sei Jelle Geartsje tsjin "ûs" Janke: "Ien wie al stûf genôch foar jo, der moat nou mar in oarenien mei my hinne".

Anne troude mei Ymkje Merkus (stiet ek op de foto by it earste stik fan 21 aug.), Jan mei Janke v.d. Meer (in dochter fan de smid oan de ein fan it Wyldpaad) en Janke troude mei Sjoerd Veenstra. Hja wenje noch yn Hearrenfean. Jan (krekt oan de oare kant fan de Bûtenpostmer feart), hat syn frou al ferlern. En ek Anne is al wer jierren widner. Hy en syn frou krigen seis bern. Geartsje, de âldste, is as jong faam dearekke op 6 ôfslútdyk op 15 july 1949. Hja makken in reis as ôfsluting fan in kursus en hja is doe by it oerstekken nei it monumint deariden.

Leen en Ynskje binne troud en wenje yn Stynsgea en yn Twizel en Lubbe, Jelle en Janke wenje noch mei heit op it spul op 'e hoeke fan feart en Djip. Dat men yn de offisjele pompieren op in gemeente hûs ek noch wolris op 'e doele reitsje kin, sille jo begripe, as ik jo siz, dat Anne Postma berne is yn Harkema, dat er letter yn Droegeham wenne en op dit stuit is syn adres Koatstertille. Likegoed is er berne op it stek, dêr 't er no tahâldt en hat hy ek nea op in oar plak wenne.

Wy moatte no efkes nei de oare kant fan it Djip. Dêr stie in wentsje (nû. 18) oan de Hamster feart. Dêr hiene Jabik en Antsje van Houten wat buorkerij. Dêrnjonken fertsjinne Jabik noch wat mei reidsnijen.

Op nû. 19 by de Feanster feart wenne Atze Boetes en dy kaam oan de kost as parlevinker.

Ek wol ik no noch neame de nûmers 28 en 29. By nû. 28 hat jierren lang in soarte bus stien en dêr wenne Anno Klunder yn. Hy wie in broer fan Frits Klunder, dy't yn 'e fiiftiger

jierren noch de hier fan de gemeentewenten ophelle. In suster fan dy beide is troud mei S. Veenstra en dy wenje noch yn it West fan Bûtenpost.

En op nû. 29 stie ek noch in wentsje oan in reed, dy't de Knollen hiet en rûn fan it nonnepaad nei de reed nei Muontsetille. Dêr wennen Jelle en Jap Boorsma.

In broer fan Jelle, Gabe Boorsma hat mei Sytske Kramer wenne op nû. 5. en op nû. 12. Hja wiene net troud, dat de bern krigen de efternamme fan de mem (Machiel en Jan). Doe't Jelle en it wiif ferhuzen, kaam it spul sawat om en nei't Joon Wagenaar my fertelde, hawwe hy, syn broer Rep en Jelle Merkus (letter de man fan Aukje de Haan) it mei har trijen op in sneintemoarn mei de grûn gelyk makke.

De nûmers, dy't ik no noch net neamd ha, komme sa foar en nei noch wol oan bod, want ik begjin no mei it libbensferhaal fan Janke en op de iene of oare wize, ha al dy huzen oan de âld dyk dochs wat mei har libbensrin te meitsjen.

In minskelibben lang oan it wetter (5)

Sa, no kom ik dan lang om let dochs oan Janke ta. Ik wie eins fan doel om mar te begjinnen mei de twade juny 1897, har bertedei. Mar dat rint no in bytsje oars. Ik gean net 90 jier tebek, mar hast twa kear safier en wol nei 1816. En dat, omdat Janke yn't foarste plak my har trouboekje sjen liet en twad omdat se my fertelde, dat se net ien fan har pakes of beppes kend hie. Earst it trouboekje. Dêr seach ik, dat Janke te boek stie as dochter fan Marten Stel en Aaltsje Kamstra. En se hie my earder ferteld, dat har mem Antsje Jans Kamstra hiet. En dat woe my ek wol oan, want by al har broers en susters is wol in dochter Antsje en gjin Aaltsje. Dus mar efkes nei it gemeentehûs om de offisjele trouakte te besjen. Ek dêr stie **Aaltsje**. Nou dan de berte-akte fan Janke. En ferduld, dêr stiet, dat Marten Stel op 2 juny 1897 oanjout, dat syn frou **Aaltsje** Kamstra it libben skonken hat oan in dochter, dy't de namme fan Janke kriget. No, dêr steane jo dan. Dan moat de trouakte fan de heit en de mem mar útslútsel jaan. En ja, hear, dêr stiet dan dat Marten Stel, soan fan Sytze Tsjeards Stel en Jantsje Romkes Hattema troude mei **Antsje** Kamstra, dochter fan Jan Jans Kamstra en Minke Oedzes Veenstra en wol op 25 augustus 1877.


Dus de flater is makke by de berte fan Janke en wa't dat fersin no tarekkene wurde moat, is net mear út te meitsjen. Hie ik my no allinne by dizze trou-akte hâlden, dan hie ik nea witten fan in wat tragysk barren om dit houlik hinne. Mar wat wie it gefal, dy trou-akten steane alfabetysk yn it boek, dat dy fan Romke en Janke (dûbele femylje, witte jim it noch?) stie der flak by. Fan beide akten naam ik in kopy en ik lies dat spul thús nochris wat oer. Op de akte fan Romke en Janke foel de hantekening fan M.O. Veenstra daliks op. Foars, dúdlik en yn in soarte sierskrift. Fierders hie de breid net tekenene ("als geen schrijven geleerd hebbende"). Mar dan sjogge jo de oare akte ek noch efkes nei op dy hantekeningen en dêr hat allinne de breugeman, Marten Stel, mar tekenene. ("hebbende de bruid, hare moeder en des bruidegoms moeder niet mede geteekend, als allen verklarende geen schrijven te hebben geleerd").

Dan wurdt men nijsgjirrich. Wat sille wy no ha? Fjouwer jier ferlyn sa'n moaie hantekening en no bewear se, dat se gjin skriuwen leard hat. Hoe kin dat? De efterkant fan de trouakte smyt wat mear ljocht op de saak.

Dêr kin men lêze, dat it jonge pear fuort nei it sluten fan it houlik ferklearret, dat sy in dochter hawwe, dy't berne is op 30 oktober 1876 (op dat stuit dus hast tsien moanne âld) en fierders ferklearje se, de wettige âlders fan dit bern te wêzen. No, soks kaam doe foar, soks komt no noch foar.

It frjemde is, dat dit houlik minstens sa'n oardel jier opkeard is. Men kriget de yndruk, dat de mem fan de breid hjir de hân yn hie en dat soks de jonge lju net sa noflik lei, want sy ha de lytse poppe net ferneamd nei de mem fan mem, want dan hie it Minke wêze moatten, mar it hat de namme fan Jantsje kriget, dat wie oan de kant fan de heit. Dat moat beppe Minke al moai wis yn't ferkearde kielsgat sketten wêze en dus hawwe de jonge lju nochris tsien moanne wachtsje moatten, ear't beppe troch de bocht gie. No ja, troch de bocht? Se wie teminsten op it gemeentehûs oanwêzich, se joech ek tastimming, mar de akte tekenje? - nee dat verpofte se, wat mienden dy smoarge bern wol. Ut dizze trouakte blykt fierders, dat de beide pakes al ferstoarn wiene en omdat Janke my ferteld hie dat sy net allinne de pakes, mar ek de beppes net kend hie, woe ik dêr ek wol wat mear fan witte.

Dan mar wer efkes nei it gemeentlik archyf. En dan belânje wy hielendal yn it begjin fan de foarige ieu. Om it wat oersichtlik te hâlden meitsje ik no efkes in soarte fan stambeamke:



Wa't dit steatsje goed besjocht, sil it opfalle, dat pake Sytze en heit Marten beide 59 jier âld wurden binne. Dy sil ek sjen, dat Beppe Minke al 40 jier widdo wie, doe't se stoar. (Like lang as Janke, want it is no ek al hast 40 jier lyn, dat har man Feike de Bruin weirekke). Dêr sit lykwols wol ferskil, want doe't Janke widdo waard, wie se fyftich jier en wie se troch de lytse bern hinne. Mar Beppe Minke wie noch mar 34 jier, doe't har man ferstoar en de beide hjirboppe neamde famkes Janke en Antsje wiene doe mar 9 en 6 jier âld. It is net om'e nocht, dat der op de trou-akte stie, dat se arbeidster wie fan berop. De bern moasten fersoarge wurde en wa soe it oars dwaan as sy it net die. It moat in hurd bestean west hawwe.

Ut it ferfolch fan it ferhaal blykt gelokkich, dat de ferhâlding tusken Beppe en it jongtroude pear nei de trouwerij gâns better waard... sjoch mar: Har twade bern wie in jonkje en dy waard Jan neamd, no doe wie de saak wer yn it lykwicht, de tredde waard in Minke (Beppe alhiel fergulde), doe kaam Sytze en dêrmei wiene alle pakes en beppes ferneamd. En doe't der tolve jier letter noch in famke kaam, waard dy Janke neamd, nei de âldste suster fan mem Antsje, alhiel neffens de doe noch gebrûklike regels. Hê, men fielt jin suver wat noflikker no't men wit, dat dit lytse femyljedrama yn 'e lêste helte fan de foarige ieu ta sa'n goed ein kaam.

Wy sille wol nea te witten komme,

wêr't dy lytse poppe dy earste tsien moanne ûnderdak west hat. Nei alle gedachten by beppe Jantsje, want wêr moast Antsje oars al hinne mei it lytse berntsje. En dat yn sokke gefallen beppe útkomst bringe moast, wie yn dy tiid de gewoanste saak fan de wrâld. Dat hat Antsje, doe't se sels beppe wie, ommers ek yn praktyk brocht. Doe't har soan Jan syn earste frou Tetsje v.d. Meer ferlear, waard de jongste fan de trije bern, Jantsje, in poppe noch, ek tabetroud oan 'e hoede fan beppe. En al rûn beppe al nei de sechstich, likegoed naam hja lytse Jan op har noed, doe't Jan syn twade frou Jantsje Hooijenga by de berte fan dit jonkje stoar. En dat dizze beide bern letter altyd oantsjut waarden as Beppe'


Jantsje en Beppe' Jan, wie net in soarte fan skelwurd, lykas men wol seit fan "och âlde beppe, wêr bemuoist dy mei?". O, heden nee, dit wie krekt oarsom, dit wie bedoeld as in earbetoan oan beppe. Dizze twa bern wiene mear as de oare beppesizers, sy wiene ommers tagelyk min ofte mear beppe har bern, want dêr wiene se opwoechsen. Dy komma fan bygelyks Heite' grutte jonge, memme' poppe, jout oan, dat der in sterke bân fan leafde en tagedienens bestiet. It is spesifyk Frysk-eigen en foar sa fier ik it besjen kin, giet dizze foarm yn it deistige spraakgebrûk der stadichwei út en dat is allinne mar spitich.

Nei dit histoaryske kuierke troch in fier ferline no werom nei 2 juny 1897. Doe waard Janke berne. Heit en mem wiene doe al 40 en 44 jier. Wat wiene se bliid mei dit neikommerke, al sil it fansels ek wol wat spanning en unwissens meibrocht hawwe. It wie ek noch al wat. Sytze wie al tolve jier en no kaam der noch sa'n lytse strop. Doe't de poppe sûn en wol yn it widske (of misskyn wol yn 'e krêbbe) lei, sette heit Marten, alhiel út 'e skroeven nei Bûtenpost ta, om it bern oan te jaan. Is it gjin wûnder, dat yn sa'n sitewaasje der in flaterke makke wurdt. Misskyn is it sa wol likernôch gien. "Dei menear, ik woe efkes ús lytse poppe oanjaan". "Jawol, in poppe - hoe is jo namme?" "Marten Stel - is 't net in wûnder, ús jongste is al tolve en no noch in famke". "Ja Ja - en hoe hjit it famke?" "Dat is Janke, hja is ferneamd nei myn wiiff har âldste suster, jonge, jonge, wa hie dit ea tocht". "No lokwinske, hear, mar no moat ik ek noch efkes de namme fan jo frou ha". "Antsje - menear...". "Hoemear?" "Kamstra, jo witte noch...". "Aaltsje, seine jo?". "Ja... in wolk fan in bern, as menear dat ris útkomt, wip dan mar efkes oan, dan krije jo ek in poppeslok. Dei menear... in wûnder is 't". "Dei Stel, de groetnis thús, hear".

No en doe stie dêr Aaltsje yn 'e berte-akte en sadwaande ek yn Janke har trouboekje. Dat wie har lykwols noch nea opfallen, net earder as doe't ik har der op attint makke. Sa'n neikommelinkje wurdt faken wol wat bedoarn. Ek Janke wit noch, dat heit en mem o sa wiis mei har wiene. Se hie in hiel soad boartersguod en ek dingen, dy't har broers en susters nea hân hiene. En in noed, dat heit en mem foar har stiene! Ek noch, doe't se al nei skoalle ta gie, wie dat sa. Ien foarbyld. Doe't master Strating ris in reiske organisearre foar de heechste klassen, mocht se net mei. Hja soene mei de trein nei Amsterdam. Hoe krige dy man it yn 'e plasse. Samar yn de trein, dat ding koe wol út de reels fleane en dan nei Amsterdam, wa koe yn sa'n grutte stêd al dy bern no tagelyk yn 'e gaten hâlde. Marten en Antsje seagen yn har tinzen dat harterke al omswalkjen yn de tsjustere efterbuertsjes - neé, nee - dêr sille wy net oan meidwaan. Dy man mei syn rare faksen en ús bern der samar oan weagje, seker, nee, sa sille wy net. In reiske nei Swarteweisein of - desneeds nei Olterterp, dat wie dochs moaiernôch.

Doe't Janke sa'n beukerke wie, hie se net folle boarters. Har suster Jantsje, oan de oare kant fan it djip, krige sa linkelytsen ek wat fan dat

lytsguod, mar ja, dy wiene oer it wetter en dêr hie se doe noch net folle oan. Dat sadwaande wie se al in bulte by mem yn en om it hûs. En ek naam heit har wol gauris mei, benammen tsjin 'e jûn, om noch efkes by it tichtset te sjen yn 'e Bûtenpostmer feart. Ik hie noch in tekeninkje fan sa'n tichtset lizzen, dat ik 44 jier ferlyn makke ha yn Sibrandahûs dêr't ik berne bin. Mei in tichtset (de namme seit it al) waard in farwetter alhiel ôfsletten mei netten, in sketsje oan de kant en mei fûken. It middelste-stik wie in grut net, dat men mei in fal-izer en in lierke op 'e wâl op 'e boaiem sakje litte koe, as der in skip oankaam. Oerdeis wie de trochfeart meast iepen mar jûns waard it middelste net der tusken set. Oan 'e peallen oan wearskanten kaam in lampe te hingjen, as warskôging foar de skippers. By frij drokke farwetters hie in fisker by it tichtset dan ek in houten keetsje, dêr't er nachts yn ta hâlde. Dan hoechde in skipper mar krekt lûd te jaan en de fiskerman stie al by de liere en liet it net falle. Dan joech er him wer del, oant de folgjende klant der troch woe.



H.v.d. Bui.

Tichtset. Sibrandahus.

7 Oct. 1943.

Fiskers hiene ferskate mûglikheden om har fangst binnen te heljen. Sa fiskten hja b.g. mei skeakels, twa lange netten mei driuwers, dêr't hja in stik fan de feart mei ôfsetten. Dy netten leine fan wâl nei wâl en dan sa'n 25 m. út inoar. Dan waard der wakker mei de ruiljer (in hiele lange swypkjende stok mei in aairûn blok op 'e ein) yn it wetter ompolske, benammen by de reidseamen lâns om sa de fiskten yn de netten te jeijen. As jonge mocht ik dêr graach nei sjen. Soms seach men nei in pear ramen mei de ruiljer al, dat de driuwers oan it net, wyld ûnder wetter skuord waarden. En dan fansels fol spanning wachtsje om te sjen wat der boppe komme soe. Fierders waard der fiske mei dôbers, mei setangels, mei de poer. De fisker, dy't iesfiskjes fange wol, brûkt dêrfoar in hjouwnet. (Sjoch de foto by diel 3!).

En spesjaal foar de iel brûkte men de toatebel. Dat is in kantige driuwende bak mei in opbou, dêr't de fisker yn tahâlde kin. Dêr sit in liere yn en dêrmei kin men in net, dat befêstige is tusken fjouwer stevige stokken, op 'e boaiem sakje litte. Nei in skoftsje wurdt it spul omheech helle.

By it ljocht fan in bûslampe wurdt mei in skepnet de iel út it net skept en yn 'e bûn dien. It grutte net giet wer omleech. Hoe mear iel der "rint", hoe faker it net opdraaid wurdt. It waar, de wyn en ek de stân fan de moanne hawwe ynfloed op de warberens fan de iel. Sa't jimme wol begrepen hawwe, wie dit echt nachtwurk.

Sa't ik al earder fertelde, wie Marten net allinne fisker, mar ek noch klompmakker dêrby. Dat al mei al hoechde hy him net te ferfelen. Fan moarns ier oan't jûns let wie hy yn't spier. Hy hat syn lytse poppe Janke opwaachsjen sjoen as skoallefamke, as jongfaam, dy't feste ferkearing krige, mar it hichtepunt yn har libben, har troudei, hat hy net belibbe. It jier dêrfoar yn 1916 is hy stoarn.

No noch efkes wat ferbetterje út myn lêste stik (4). Dêr stiet, dat Janke, de frou fan Jan Postma, krekt oer de Bûtenpostmer feart, in dochter wie fan de smid oan de ein fan it Wyldpaad. Dat is sa net. Dy smid,

Hendrik v.d. Meer, wie har broer. Hja wie in dochter fan Sipke v.d. Meer, de parlevinker fan Skûlenboarch, har mem hiet Minke Stel. Dat wie in dochter fan Rômke en Janke, dus in folle nicht fan "ûs" Janke. Der wiene by Sipke en Minke noch twa bern, Romke, dy't letter ek parlevinker wie (hy is ferstoarn) en Aaltsje, dy't noch yn Kanada wennet. Hendrik, de smid, is ek net âld wurden. Syn widdo is mei de bern emigrearre nei Kanada. Ien fan har dochters, Minke, hat as faam tsjinne by Master v.d. Zwaag en syn frou. Dêr is blykber in tige sterke bân fan freonskip tusken dy frou en dy faam ûntstien. Mefr. v.d. Zwaag is it foarich jier ferstoarn, mar oan 't lêste ta is dat kontakt op de iene of oare wiize altyd bestean bleaun. As wy dêr ris op besite wiene en hja hie wer in kaart of in brief fan Minke, dan koe men yn har eagen lêze, hoe wiis se wie mei dizze freonskip. Ik tink, dat it foar Minke net oars west hat en dat dizze bân ek foar har fan rike betsjutting west hat. Ik wit net, oft hja dit ûnder eagen krije sil, mar as dat al it gefal is, dan siz ik: "Hertlik tank, Minke, ek út namme fan de hiele femylje v.d. Zwaag, want dit

binne dingen, dy't glâns bringe yn in minskelibben en dy't de wearde fan goud of sulver fier te boppe geane. Dan noch in oanfolling by it ferhaal fan 1917, doe't de beide famkes fan Lubbe en Leentsje ferstoaren. Ik fertelde dêr wol by, dat mem net mei koe mei de begraffenis fan de jongste, mar ik fergeat der by te fertellen, dat hja doe al widdo wie. Har man wie yn 1915 stoarn. En doe, twa jier letter, dy beide jonge bern; de lytste helte fan it gesin wei yn sa'n koart tiidsbestek, dat wie wat.

In ferbettering yn it tredde stik. Egbert en Gepke Veenstra kochten it spul op nû 6 fan Wander de Boer foar f 1.800,-. Neffens myn ynformaasje doe hiene hja dat jild liend fan de Geart Jittes froulju tsjin in rinte fan 12 persint. Dat is oars. Hja lienden it jild fan in organisaasje, dy't koöperatyf warber wie op it mêd fan de wentebou en de rinte wie 4 persint.

In minskelibben lang oan it wetter (6)

Yn de earste ôflevering fan dit ferhaal neamde ik al efkes dat Janke yn Droegeham nei skoalle gie. Der wie doe noch net in Kristlike skoalle yn Twizel. Dat sadwaande. Janke reiz'ge mei twa dochters fan har âldste suster Jantsje troch de Hamster mieden op it doarp oan. Dy leine der doe wol hiel oars hinne as hjoed de dei. It wie foar in hiel part in soarte fan ûnlân. Reid en snilen en in slompe blommen yn allerhande soarten. En in hiel soad fûgels, dy't it dêr wakker nei it sin hiene. De beide famkes, dy't mei har nei skoalle giene, Anne en Loltsje, moasten eins muoike tsjin Janke sizze, mar dat woe fansels net sa bêst, want Anne wie wat âlder as sysels en Loltsje wie sawat fan har jierren. Janke kaam by juf Soeter yn 'e klasse. Dizze juf is yn 'e rin fan 'e jierren suver in begryp wurden yn 'e Ham. Doe't ik yn 1943 noch in skoftsje yn Droegeham oan 'e skoalle ferbûn wie as tydlik ûnderwizer, stie deselde juf Soeter dêr noch. It haad fan de skoalle wie master Hoeksma. Dy wie earst master yn Amsterdam. Hy wie ôfkomstich fan Droegeham en it like him wol moai ta, om yn syn bertedoarp mei in kristlike skoalle te begjinnen. De tsjerkeried, dy't hy dêroer benadere, woe him wol stypje dat op 1 augustus 1899 waard master

Hoeksma haad fan de krekt oprjochte skoalle. Syn ynkommen wie f38,50 yn 'e moanne. It measte jild waard opbrocht troch de âlden, dy't har bern eltse wike in kwartsje "skoaljild" meijoegen. Tige lang hat Janke net nei Droegeham reiz'ge, want yn 1905 sette der ek yn Twizel in kristlike skoalle útein en doe wie it dien mei har deistige boattochtsjes oer it Djip hinne en werom. It boatsje moast lykwols noch wol farre, want no waarden Anne en Loltsje de passagiers. Dy giene nammers ek mei nei Twizel.

It ein rinnen nei Twizel wie fêst net koarter as nei de Ham en ek dizze reis gie net oer "gebaande wegen". Earst troch it lân nei de âlddyk (dat wie doe ek noch in reed), dan oer it flapbrechje en dan by de feart lâns. In stik hinne oan it doarp ta wie in ôfwetteringsfeart, dy't útrûn yn de Twizeler feart. Dêr lei in planke oer en sa kamen se dan út by de herberch "Jachtlust".

Om 1910 hinne kaam der hookstrooks feroaring. De planke oer de sleat wie fuort, dêr stiene de bern, wat moasten se no? Dan mar in eintsje oerdwers, dêr wie wol in

daam en dan kamen se ek wol by de wei. De oare moarns wiene se noch net iens oan de sleat ta, dêr stie de boer dy't eigener fan it lân wie, al foar har en sei: "Ho, ik wol jim net oer myn lân ha. Tink derom, as ik jimme hjir wer fernim, dan krije jimme perses". Al gau kaam út, wat dit betsjutte. De iepenbiere skoalle fan de Koaten hie doe krekt in pear bern te min om in tredde master beneame te kinnen. As hja no ris in ploechje fan de bern út 'e Mieden bewege koene om de Koatster skoalle foar kar te nimmen. It koe licht besocht wurde.

En de Twizeler boer, dy't syn lân foar in part der oan 'e feart hie, wie foarstanner fan iepenbier ûnderwiis, dat dy woe wol efkes hantlangje. It skoallebestjoer hat noch alle war dien om it paad by de feart lâns wer yn gebrûk te krijen. It kaam foar it rjocht; der waarden tsjûgen opropen (û.o. Jelle Jans van der Veen) om te befêstigjen, dat dit paad "altyd" al brûkt wie en dus in wettich fuotpaad wie, mar it helle neat út.

De saak waard ferlern, de tsjûgen krigen elk in gûne fan it skoallebestjoer, om 't se in deihier mist hiene

fanwege de Ljouwerter reis, mar de bern wiene har paad kwyd. Dy makken der lykwols net sa'n probleem fan. Hja swalken gewoan oer de brêge in eintsje de âlddyk del en giene dan wer it lân yn en kamen út by it hûske fan Gjetje-Jehanne (Gjerrit Brouwer). Ek giene se noch wol ris wat fierder de âlddyk lâns en dan stieken se oer de heid'ikkers en kamen hast op Koatstermûne út (by Eije de Vries).

En altyd moast it jong folkje de eagen goed iepen ha, want der koe fansels wolris in lulke bolle yn it lân omstappe. Sa'n bist liet dan faken fan fierren al hearre, dat er net sa wiis wie mei dy droktemakkers. No, dy giene dan gewoan in eintsje oerdwers, want it wie har thús goed yndruid, dat se gjin risiko's nimme mochten.

Winterdeis, as it iis sawat hâlde koe, stieken se dochs wol wer by de feart lâns en yn 'e buert fan de sânsleat, giene se oer de feart en dan kamen se by de "njoggen âlde mantsjes" lâns.

Dat wiene wylgemoezen (knotwylgen). Dan kamen se by de weinmakker op 'e wei. De lêste weinmakker wie Atema (dêr't no Rein van der Veen wennet). Ek sneins kaam it tsjerkefolk dit paad lâns, mar dan stieken se noch foar it flapke it lân al yn. Dan lei der in boatsje yn de Miedsleat en dan gie it troch de Petten op itselde paad oan. It folk wie fansels op klompen, mar dy kamen dan by de weinmakker ûnder de hage en dan waarden de skuon út 'e tas helle. Op 'e weromreis waard it spul fansels op itselde stê wer omruile. Nei dy rebûlje mei it fuotpaad waard der oerlein mei it wetterskipsbestjoer. Dy ornearren, dat der wol in paadtsje makke wurde mocht by "de Nieuwe weg" lâns (letter hiet dy miedreed en no miedwei). It mocht net in soad jild kostje, dat it waard in kerweike foar in groep frijwilligers. It slagge en doe't it der ienkear lei, naam it wetterskip it fêrder op 'e noed. Jabik Bruining wit noch skoan, dat hy en syn broer Kees dêr noch wolris in rattelstoer mei fertsjinnen. Hja moasten de reed dan wat sljochtsje, de grutste gatten moasten ticht en it greppeltsje tusken reed en paadtsje moast kreas bystutsen wurde.

Wy geane werom nei de skoalle. Net allinne Janke en har beide muoikesisers Anne en Loltsje giene dêr hinne, mar ek Jan fan Jelle van der Veen, Klaske fan Rudmer en Akke

Veenstra, Siebren en Aaltsje Boorsma (bern fan Jelle en Jap) en Ynskje en Ymkje, Jelle en Hylke Merkus (bern fan Jelle en Geartsje). Efkes letter ek Minke Stoker en Jantsje Boorsma en Ymkje v.d. Veen. It wie doe al in moai ploechje, mar yn letter jierren dijde dat al mar út. Benammen yn de tritiger jierren waard it in hiele kloft. Bern, dy't sa'n ein rinne moasten, koene fansels net efkes nei hûs om iten, dat hja krigen wat mei. Guon hiene it yn in trompke, oaren yn in linnen pûdtsje mei in koardtsje.

Yn it tuskenskoft waard dit yn skoalle behimmele. Ien fan it personiel begûn dan mei gebet en as se it op hiene, dan moasten se in ferske sjonge, dat se dêrfoar leard hiene. Hiene se toarst, dan mar nei de pomp op it skoalleplein. Dy hie altyd wol wetter. As it wat lang droech bleau, dan hellen hiel wat minsken in amerfol of in busfol wetter út dizze pomp. By de winterdei, as de kachels baarnden, waard der wolris in stikje bôle op it lid fan de greate kachel set. Dat wie lekker, sa'n waarm knapperich hapke, it wie krekt as kaam it rjochtstreeks út 'e ûne fan de bakker.

Yn de leechste klassen waard der noch skreaun op laaien. Elk hie dan ek in griffeldoaze en in spûnzedoasaske. Sa'n doaske hie twa lidtsjes.

Under it iene siet in spûnske, dêr waard de laai mei ôfwiske en dan kaam it seemlearkê ûnder it oare lidtsje wei, om it laaie wer ôf te droegjen.


Benammen de famkes wiene hjir noch al tige krekt yn. De measte jonges wie soks fierstentefolle drokte. Dy fliben in kear op har laai en dan in flear mei de mouwe, sa, dat fûnen se moaiernôch. It betsjutte al, dat der nei ferrin fan tiid in grienige rânne tsjin it houten listke oankaam. It duorre faak sa lang, oan 't it master te mâl waard en dan krige sa'n bongel in meske en mocht er besykje, de fizichheid derôf te skrabjen en it laaie wer toanber te meitsjen.

Noch wat oer de kachel. Dy stie yn in hoeke fan it lokaal en de pipen giene dwers troch it hiele lokaal, ear't se troch de souder yn 'e skoarstien belânnen. Dat wie fansels om sa min mûglik waarmte ferlern gean te litten. Om 'e kachel hinne stie in soarte skerm, en soms hong dat fol mei jaskes en kyltsjes, dy 't dweil-trochwie't wiene fan it reinen. Ek as der ris mei it sleatsjespringen ien yn-sitten hie kamen de sokken oer it skerm. Reinklaaiing lyk as hjoed de dei wie doe noch gjin sprake fan, mar foar in buike rein bleauwen de miedtsjers net thúsh. Dat waard oars, as fûle súdweste winen (benammen by 't hjerst), it wetter opjagen, oant it smelle Djip en de opfearten it net

mear ferkropje koene. Dan strûpte it lân der ûnder, oan wjerskanten fan de Alddyk. Dan wie der gjin sprake fan, dat de bern nei skoalle koene. De wentsjes stiene yn it wetter. It kaam ek binnendoar. Alles waard trochwie't, en as men jûns mei droege fuotten op bêd woe, moast men oer planken op blokken of stiennen op it bedstee ta lavearje.

By alle hûskes hie men dan in skouke oan de klink fan de doar fêstlizzen, want men moast by need der fansels al útkomme kinne. As it wetter nei ferrin fan tiid wer wat sakke, wiene de bern wolris wat ûndogensk. It frij fan skoalle wêzen foldie bêst, dat dan kamen se wolris werom as heit en mem har wer nei skoalle stjoerd hiene en dan seine se: "It kin noch net hear, want dêr of dêr stiet it wetter noch wit hoe heech." Mar sa'n ferlechje holp mar ien dei, want heit en mem wisten wol krekt, hoe 't de mieden der hinne leine.

No noch wat oer de beide foto's, dy 't hjirby steane. Doe 't ik yn 1980 in tinkboek makke yn ferbân mei it 75-jierrich bestean fan ús skoalle, wie ik wakkere wiis mei in foto, dy 't al makke is, doe 't de skoalle noch mar in pear jier bestie. En no kaam Janke mei de oanfolling op 'e proppen, want sy hie de foto yn har besit dêr 't de rest fan de bern op steane, dy 't doe nei skoalle giene. It hat my no wat mear mûoite koste, om de nammen te efterheljen, mar de measten binne dochs boppe wetter kommen.



1. Boukje Wilpstra, 2. Anna Stoker, 3. Catharina Steltman, 4. Kúnje Steltman, 5. Boukje v.d. Boon, 6. ?, 7. ?, 8. Siebren Boorsma, 9. Juffr. Langhout; 10. ?, 11. ?, 12. Janke Stel, 13. meester Strating, 14. Ynskje Merkus, 15. Leffert Rinzema, 16. Hedzer Terpstra, 17. Trijntje Hamstra, 18. Sijbren Tjepkema, 19. Minke Stoker, 20. Loltje Stoker, 21. Ymkje Merkus, 22. Tjeerd S. Stel, 23. Pieter v.d. Glas, 24. Minke Henstra, 25. Betske Henstra, 26. Rinskje Hamstra, 27. ?, 28. ?, 29. Jan Jelles v.d. Veen, 30. Còrnelis Rinzema, 31. Jelle Jelles Merkus, 32. Marten Tjepkema, 33. Klaske Veenstra, 34. Ymkje v.d. Veen, 35. Tryntje Tjepkema, 36. Jacob Terpstra, 37. Hylke Jelles Merkus, 38. Anna Kootstra, 39. Gerlof Kootstra, 40. Jantsje Boorsma, 41. Aaltje Tol.

De famkes op 7 en 10 binne dúdlik suskes. (sjoch mar nei de klean).

Ek dizze kear moat ik wat ferbetter- Doe waard it arkje op 'e wal heuvele

Ek dizze kear moat ik wat ferbetterje en oanfolje út it fjirde stik. Earst oer de beide troude dochters fan Anne Postma. Dat gie wat koart om 'e hoeke en wie ek net hielendal goed.

Leen wennet net yn Stynsgea, mar yn Surhuzum en hja is troud mei Simon v.d. Schors. Ynskje wennet wol yn Twizel en har man hjit Bindert Kloosterman.

Dan oer Anno Klunder en Aaltsje Klunder, dy 't troud is mei Sytze Veenstra út it West fan Bûtenpost. Dy beide wiene gjin broer en suster fan Frits Klunder mar it wiene bern fan him.

En as lêste dit kear noch wat oer Sikke Hoeksma. Ik wist net, wêr 't hy wenne hie, ear 't er op nû 13 kaam. No, dat siet sa: Doe 't Sikke al gâns jierren yn Dútslân oan it wurk west hie, kaam er op in kear dêr wer wei en doe sei er: "No wol ik rintenierje".

Hy liet in wenarkje bouwe en doe 't dat klear wie, waard it te wetter litten yn 'e wyk efter it hûske oan it nonnepaad (nû 27). Der wennen Klaas en Martsje Wedzinga doe noch. It duorre net iens sa mâlde lang, doe begûn it spul te lekken.

Doe waard it arkje op 'e wal heuvele
en sa krige Sikke syn domisylje by
Klaas en Martsje efter op 'e tún.
Sikke hie ek in revolver (kal. 9). Dêr
mocht er noch wol ris mei sjitte. Op
in kear hie hy der wer mei oan it me-
neuvelfjen west en doe 't er neitiid
syn fingers telde, bliket it, dat der
mar njoggen mear wiene. Doe 't Sik-
ke stoarn wie op nû 8, hat syn suster
dêr it spul wat himmele en oprêdden
en neffens Joon Wagenaar, dy 't my
dit allegearre ferteld hat, moat doe
de revolver yn it Djiip belânne wêze.

H. v.d. Bij
Til. 05115-1485.

In minskelibben lang oan it wetter (7)

De foarige kear ha wy it hân oer de skoallejierren fan Janke. Sels stiet hja op de twade foto. Hja wie doe tsien jier. Doe 't se mei dy foto thús kaam, sei heit: "No, dû stiest der kreas op, hear, mar wêrom hast it hier sa strak nei efteren kjimd?" Dat wie fansels mem har wurk. Benammen as der sprake fan wie, dat de bern op portret komme soene, diene de memmen alle war, om har kroast sa kreas mûglik foar 't ljocht komme te litten. By skoalle waarden fansels ek spultsjes dien. Toudûnsje, krythinkelje, heinebalje, knikkertsje, topje, steltrinne en noch wol mear spultsjes. De jonges diene dan ek noch wol oare dingen, lykas bokjespringe en petsjebalje.

Thús kaam der fan spultsjedwaan net iens sa folle. Der wie eins altyd wol wat te dwaan. Heit hie noch al in moai lapke tún en dêr wie ek gâns wurk mei. En dan yn de turf fansels. Ja, der waard ek turf makke yn de Mieden. Dat wie yn dat stik tusken de knollen en de Alddyk. En dan yn de buert fan it Nonnepaad. Al mei al joech dat gâns drokte. Men begûn mei it slatten of leukjen fan de klyn.

It waard mei wetter oanmongen ta in tsjokke brij en dat kaam as in laach fan sa'n 20-25 cm op it lân. Oan 'e

kanten kamen wat planken om it spul te kearen. As it wat bekaam wie, dan moast it trape wurde. Nei in skoftsje wie it stevich genôch om it te snijen, yn 't lang en oerdwers.

Dan moast it in pear dagen wat yndroegje en dan koene de baalders twa by twa op inoar set wurde. Dan koe de wyn der troch komme. As de boppeste aardich fersiigd wie, waarden ze keard en dan krige de ûnderste ek de kâns om op te droegjen.

It ien mei 't oar wie it in hiel kerwei. Hja wiene dan ek mei de manne-macht dêr mei dwaande. Ek mem wrotte like hurd mei, like goed as de grutte soannen. Janke wit noch sk oan, dat se dan withoefaak besite krigen fan Jan Ritskes Kloosterman, as se dêr sa omskripten. Sy wit net krekt wêrom. Miskien omdat dy turf foar him makke waard, of om't it syn lân wie. Har heit sei altyd: "It is in eigenaardich man. Hy praat in sekfol somtiden, slacht fan it iene yn 't oar en dan ynienen seit er - Wat ik lêst sein ha, dat hâldt - en dan stapt er fuort". No, dat kaam my net sa frjemd foar, sokke ferhalen hie ik wolris earder heard. Sa koe er soms mei immen in hiel ein kuijerje troch it lân en dan fertelde hy ek fan alles

en noch wat. Wiene se dan likernôch wer oan hûs tã, dan bleau er ynienen stean, lûk mei de klomp wat oerside in streek oer de reed en sei dan: "As ik no oer dy streek stap, dan ha ik neat sein". Dat woe safolle sizze as - tink derom, datst net fierder fer-telst, wat ik sein ha!

Ik sei al, dat der net safolle tiid wie om thús nochris in spultsje te dwaan. Soms ris efkes mei inoar dominearje (domineekje, seit Janke) en in inkelde kear gie se ek wol mei, as heit en mem te jûnpraten giene nei Boate en Froukje Hamstra, dy 't doe by de flapbrêge wennen. Janke wit noch, dat se dan in kopke kofje krige mei in stik koeke. Dêr wie oars sa troch én dei gjin sprake fan. Betiid fan kant, want moarns ier wachte it wurk ommers wer. Ek wit se noch wol, dat der dan ek fêst ferhalen loskamen oer spûken en foartsjirme-rijen en soksoarte dingen, dêr 't de iene de oare mar mei oerstjoer makke.

Doe 't Janke fan skoalle ôf wie, moast se der ek mei foar. Al gau gie hja nei har suster Minke, om mei de wask te helpen. Se die wakker har bêst om it naaien te learen. En dat gie har mar goed ôf, dat der waard in naaimesine oantúgd foar f50,- en

de kast dy 't der by hearde, kostte f5,-. En wat se doe allegearre net by-innoar naaid had, dat stekt net sa nau. Dernjonken die se noch hiel wat húshâldlik wurk op in hiele rige adressen. Sa naaide se foar Boate en Froukje Hamstra (20) foar Jelle en Jantsje v.d. Veen (22) en foar Molle en Klaske v.d. Velde (30), dy 't in oerset hiene oer de Bûtenposter feart. En fierder die se wurk yn 'e húshâlding by Jelle en Jantsje en dan gie se ek by Atze Merkus (23) efkes troch de foarein om it spul wat kreas te hâlden. Geregeld gie se by Molle en Klaske mei it boatsje oer de feart om te helpen by Romke en Swaantsje Stel. Romke ha ik al earder neamd by it ferstjerren fan Ynskje Merkus. Hy wie in neef fan Janke (in soan fan Tsjeard en Lutske). As it my net mist, wiene Romke en Swaantsje de heit en mem fan Klaas Stel, dy 't nei Kanada emigrearre is en fan wa't fan 't simmer in Frysk boek útkommen is. "Nei it lân fan dream en winsken". Klaas hat syn boek opdroegen oan syn frou Johanna van der Veen, dy 't yn 1980 rerstoarn is. By Tsjeard en Lutske wie noch in soan, dy 't Sytze hiet. Dy troude mei Ulkje Hiemstra. Harren jonkje Tsjeard stiet op de foto út it foarige stik (6), dêr 't ek Jan-


ke op stiet. No stiet hjir hjoed in foto by, dêr't net allinne trije famkes út dit gesin op steane (op nû 33, 34 en 35) mar ek de mem Ulkje Stel-Hiemstra (4). En dan fine jimme op dizze foto ek noch Romke'Janke (5) en Marten's Antsje (7). Janke is de muoike, dêr't us Janke nei neamd is en Antsje is ús Janke har mem.

Op it stuit, dat dizze foto nommen waard, wie muoike Janke al 18 jier widdo (har man Romke ferstoar yn 1895). Hja hat doe noch 27 jier libbe. Doe 't hja stoar yn 1940, wie hja 45 jier lang al widdo, dat wie de helte fan har libben.

Sytze en Ulkje, dy 't ik hjirfoar neamde hawwe wenne yn it âlde hûske, dat stie op it sté, dêr 't no it parkearplak fan de Rabobank yn Twizel is. Hiel wat minsken sille noch wol witte, dat widdo Tuinstra hjir wenne. Har soan Willem hat mei syn frou Foekje jierrenlang yn Bûtenpost wenne. Gâns in skoft hat Willem warber west as merkmaster fan de tongersdeismerk yn de Tsjerkestrjitte yn Bûtenpost.

No 't ik dochs wer wat yn 'e femyljelaasjes sit, wol ik no earst noch mar wat fertelle oer de bewenners fan de huzen op de nûmers 20, 21, 22 en 23.

Ik begjin mar mei nû 23. Dêr wennen Hylke Atzes Merkus en Ymkje Roels Hoekstra. Dy hiene fiif bern: Antsje, Roel, Atze, Jelle en Jantsje. Roel is stoarn yn 1904. Atze bleau âld-feint. Antsje, de âldste dochter




1. Antje Heidbuurt-Nauta (vr. van Tjeerd Heidbuurt); 2. Hendrik Bijma; 3. vr. Sibe Bijma; 4. Uilkje Stel-Hiemstra; 5. Romke Janke (Stel); 6. Elske Tjepkema-de Vries; 7. Martens' Antsje (Stel); 8. wed. Hellinga (2de vr. v. ds. Weijenberg); 9. Grietje Hoekstra-Nicolai; 10. Derkina Strating-Rozema; 11. Riemke Schaper-Ypma; 12. Louw Detmar; 13. Tietje Hellinga (trouwe in 1915 met meester Strating, nadat zijn eerste vr. was overleden in 1913); 14. meester Duijst; 15. meester Strating; 16. Tjeerd Hoekstra; 17. meester Visser; 18. Trijntje Heidbuurt; 19. Sietske Zuidersma; 20. Marten Tjepkema; 21. Anne Tjepkema; 22. Trijntje Tjepkema; 23. Gooitske v.d. Meer; 24. Fré Weijenberg; 25. Martje Wagenaar; 26. Trijntje v.d. Meer; 27. Hiltje Hollema; 28. Maaïke Sipkema; 29. Griet Zuidersma; 30. Anna Zuidersma; 31. Albertus Zuidersma; 32. Klaas Heidbuurt; 33. Wietske S. Stel; 34. Lutske S. Stel; 35. Hiltje S. Stel; 36. Jan Zuidersma; 37. Beth Strating; 38. Geertje Schaper; 39. Reid Heidbuurt; 40. Watze v.d. Meer; 41. Gerlof Schaper; 42. Arjen Heidbuurt; 43. Petrus Schaper; 44. Sake Schaper.
Foto 1913.

troude mei Willem Brouwer en dy kamen yn Dokkum te lânne. Jelle troude mei Geartsje v.d. Wal en dy setten earst nei it wentsje op nû 8 oan it Djip en letter nei nû 4, it spultsje, dêr't Durk en Djoeke Tuinstra doe wennen. Dizze Durk wie in soan fan Bouke en Tiet Tuinstra, dy 't doe noch wennen op 20 by de brêge. Dêr wie noch in soan Gjerit, mar dêr kom ik aanst wol op

werom. Jantsje, de jongste dochter dy 't noch mar 9 jier wie, doe 't har mem ferstoar yn 1879, troude mei Jelle Jans v.d. Veen, en dy kamen te wenjen op nû 22. Dizze Jelle wie in soan fan Jan Jelles v.d. Veen († 1919) en fan Meija Wijnjeterp († 1908) en hy hie ek noch in broer Hindrik en hja wennen doe op it stee dêr't Minze en Boukje Hamstra no wenje. Dizze Hindrik troude mei

Minke, in dochter fan Gosse Kamminga en syn earste frou. Dy krigen in soan en dy hiet Jan. Dat wie dus in Jan Hendriks v.d. Veen en dy troude mei Styn en dy setten oer de grutte dobbe. Dit wie efkes in lyts stapke oerders (Sjoch nochris nei de foto by it earste stik). It gesin fan Jelle en Geartsje ha ik al hiel wat fan ferteld yn de twade ôflevering. Dêrom no wat oer it gesin fan Willem en



Antsje Brouwer en dat fan Jelle en Jantsje v.d. Veen. By Willem en Antsje wiene seis bern. Dat wiene Ymkje, Tryn, Kobe, Sjoerd, Hylke en Jantsje. Sjoerd is fry jong stoarn yn 1926. Dit folkje wenne yn Dokkum.

By Jelle en Jantsje v.d. Veen kamen Jan, Ymkje en Hylke (en nog in Ymkje en in Hendrik, dy 't hiel jong stoarn binne) en dy wennen dus op nû 22. Dizze Jan wie dan ek in Jan Jelles v.d. Veen. Dat waard der faak by sein, om him en Jan Hindriks, dy 't ik niis neamde, út innoar te hâlden. No kaam der yn it begjin fan dizze ieu feroaring. By de brêge wiene Boate en Froukje Hamstra kaam. Boate ferlear syn frou en krige in húshâldster, Lieuwkje Stoker, dêr 't er letter ek mei troude. Lieuwkje Stoker wie in suster fan Siebren Stoker (man fan Jantsje Stel - sjoch it earste stik) en fan Sjoukje Stoker, dy 't troude wie mei Louw de Graaf de pake fan ús hjoeddeiske Steats-siktaris en ek fan Wybren Stoker, dêr 't ik anst noch wat oer fertelle sil.

Yn 1918 kochten Jelle en Jantsje it spul fan Boate en Lieuwkje en hja ferhuzen dus nei de flapbrêge. Omke Atze, de net-troude broer fan Jantsje gie ek mei nei it nije stêe. Dy wie mei heit Hylke op it âlderlik spul bleaun, doe 't Jantsje mei har trouwen de doar útgong. Mar doe wiene

de beide manlju eins wol oanwezen op in húshâldster. No, dat slagge, want yn Dokkum wiene wol omkesizzers, dy 't it wol wat talike, om dit ris te besykjen. Sa kaam earst Ymkje Brouwer yn 'e Mieden te lânne. Hoe lang as hja dêr tsjinne hat, wit ik net, mar it is al sa, dat hja kunde krige oan Wybren Stoker en dat rûn nei in skoftsje út op in houlik. Dat wie moai foar it jonge pear, mar foar Atze wie it minder aardich. Hy wie doe mar mear allinnich, dat hy moast al omsjen om in nije help.

Wybren en Ymkje setten har nei wenjen op nû 21. Dat wie in âld wentsje, dêr 't Jan Stel en syn earste frou Fetsje v.d. Meer ek in skoftsje wenne hiene (nei alle gedachten, doe 't der in stikje (nû 3) oanboud waard oan nû 2 dêr oan it Djip). Wybren Stoker hat it wentsje tige opknapt. Der kamen pannen op it dak en dat wie wat nijs. In reinwettersbak kaam der ek. Tsjonge-jonge-reinwetter wat in wielde. Jelle en Jantsje kamen ek om in âmerfol sa no en dan. Iten siede, thê wetter. Wetter wie yn de Mieden eins altyd in probleem. Hiel moai, glêshelder wetter wie der wol, mar dêrfoar moast men elke kear in loop nei de petgatten meitsje. Dat wie altyd wer in hiel getôch. Foar gewoan deistich gebrûk helle men it wetter út 'e feart of út it Djip. Foar de wask bygelyks. No ja, dat wie wolris in bytsje grûnich, mar dat wie te ferhelpen. In hantsjefol alún der

yn en dan waard it sa klear as kristal. Allinne - it ferge gâns griene sjippe, want mei dy alún waard it wetter sa hurd as in bikkel.

Atze hoechde net lang yn noed te sitten, want Tryn Brouwer woe it plak fan har suster wol ynnimme. Dat gie foar wûnder, omke Atze wie alhiel op 't skik. In fleurich frommiske en hja wist wol fan oanpakken. Faaks wie se wol wat te fleurich om lang by him te bliuwen, want sjoch - der wiene yn 'e Mieden ek jonge keardels, dy 't net alle dagen tsjin in Dokkumer jong faam oanrûnen. Ik sei al, dat der by Bouke en Tiet Tuinstra noch in soan wie, in Gjerit. No, dy hat fêst tocht - as Wybren it rêdt by sa'n jong faam út 'e stêd, dan kin ik it allicht ek wolris besykje. Dat hat er dien en sjochris oan, it slagge. Wer in breidspear en Atze siet wer yn 'e nêsten. Dit jongtroude span bleau net yn 'e Mieden, nee, hja emigrearren tegearre nei Amerika. Dat wie in hiele stap, benammen yn dy tiid.

Misskyn hat ien fan jimme yn 'e gauwichheit al efkes kipe, oft der yn Dokkum net noch in faam foar hannen wie, dy 't no opdrave koe. No, dy wie der en, hoe is't mûglik, dy kaam ek del. Dit wie Kobe en hja waard húshâldster by omke Atze. Wa 't myn stikjes oant no ta goed folge hat, sil no wol tinke: Bin ik dy

namme net ris tsjinkommen? Ja wis en it soe fansels ek sûnde west ha, as dit fanke hjir yn 'e Mieden net oan 'e man komme kind hie. De namme, dy 't jim no troch de holle spile, wie dy fan Sytze Stel, de 12 jier âldere broer fan Janke. Hy wie de man, dy 't troude mei dizze tredde dochter fan Willem en Antsje Brouwer. Wie 't net wat? Dat wie no de tredde kear, dat Atze syn húshâldster kwytrekke nei betreklik koarte tiid. Hoe no? Der wie noch in dochter fan Willem en Antsje. Dat wie de jongste, Jantsje en hja wie neamd nei Atze syn suster, dy 't mei Jelle van der Veen troude wie en oan de oare kant fan de Alddyk flak foar him oer wenne. Soe dy no as fjirde der gjin sin oan ha om it húshâldsterjen by omke ek as in springplanke te brûken nei in bestean as húsfrou fan in flinke man út 'e Mieden? Né, dat hie se net. Jantsje hie oare aspiraasjes.

Hja kaam hjir en dêr yn in tsjinst en úteinlik kaam hja telânne by de rikelju (sa't se dat yn 'e Mieden sizze). Wat is it gefal? Jantsje waard sokswat as selsskipsjuffer by in hiel bekende dame yn Baarn. Dat wie Suzanne Maria van Woensel Kooij. Dy hat greate bekendheid krige troch har bondels mei kristlike lieten lykas "Laudamus" en "Oude en nieuwe zangen". Yn hiel wat gesinnen fûn men sa'n bondel njonken in boek fan Johannes de Heer op it harmoanum. Jierren en jierren letter kaam

Dan noch efkes werom nei it spul by de flapbrêge. Doe 't Ymkje v.d. Veen yn 1932 troude mei Pieter Vries, bleauwen heit Jelle, omke Atze en broer Hylke dêr mei har trijen oer. Dêr ha doe in pear húshâldsters west. Miskien ha der wol mear west, mar ik wit allinne fan Klaske Visser en fan Anna Hulzinga, dy 't letter troude mei Jan Postma. Yn 1941 wiene de manlju alle trije deasiik. Yn febrewaris stoaren heit en omke dei oan dei. Allinne Hylke kaam der wer boppe op. Dy hat letter noch as húshâldster Gaatske v.d. Bij yn 'e hûs hân. Mar dy troude mei Jelle, de âldste soan fan Jan en Ruurdsje en sûnt dy dei wie Hylke allinnich. Hy hat it de lêste jierren dêr net sa noflik hân. Nei in skoft yn it sikenhús tahâlden te hawwen, is hy opnommen yn "Toutenburch" yn Noardburgum. Hy wurdt dêr goed fersoarge, mar it measte, wat om him hinne bart, ûntkomt him. It spultsje by de brêge is no ek net folle mear fan oer; net oars is it mei it hûs op 21, dêr 't Geale Stoker útgien is, doe 't hy ferhuze nei Bûtenpost.

Behalve Jelle hiene Jan en Ruurdsje noch twa soannen. Dat binne Oene en Hylke. Jan is ferstoarn yn 1974 en nou wenje Ruurdsje en de beide soannen noch op it âlde stee, dat hiel fier tebek yn de foarige ieu ek al in rol spile yn de histoarje fan de Mieden.



Dit is Janke as jong faam. Hja sil doe sawat 18 jier west ha en al moai wis hie se doe al ferkearing mei Feike de Bruin.

In minskelibben lang oan it wetter (8)

De lêste kear ha ik jimme ferteld fan alle plakken, dêr 't Janke wol hinne gie te naaien of oar húshâldlik wurk die. It wie in tiid, dat der omraak skript wurde moast en folle tiid foar ferdivedaasje wie der net. Janke wit noch wol, dat se as famke wolris op besite gie by de van der Veen's, dy 't in stikhinne oan it Wyldpaad ta, oan 'e strjitwei wennen. Dêr wie ek sa'n opslûpen jongfanke, dy hiet Ymkje en dat wie in nichtsje fan har want Ymkje har mem wie in suster fan Janke har heit. Janke rûn dan dat hiele ein, hinne en ek werom. Dat wie noch al wat in loop, mar yn dy tiid ferblikte men dêr net fan. Wol krige Janke by reizen lykas dizze it boadskip mei, dat se de stiennen fan 'e strjitwei sa folle mûglik mije moast, want "dat fret klompen" sei heit dan. Doe 't se wer wat âlder wie, soe se dan ek mar it fytsen leare. No, dat wie in hiele pree, fansels. Mar gau in fyts út it hok en mei heit of ien fan de grutte broers mar besykje - Ho, ho, mar sa gie dat net. Tochten jimme, dat der samar efkes in fyts foar it pakken stie. As der al in fyts wie, dan wie dy eins altyd wol yn gebrûk by ien fan de broers en yn alle gefallen wie it in manljus fyts.

"Nee", sei heit, "wy sille goede dingen dwaan. Dit fanke moat fytsen leare, no dan moat se dat ek leare op in frouljusfyts en neat gjin gehingel mei de fuotten tusken de stangen troch, lykas ik dat wol sjoch by dat berneguod by Jelle en Jap. Ik sil nei de smid en dan hiere wy in fyts". Dat gie oan. Yn Twizel wenne smid Douwe Boonstra en dy hie fytsen yn 'e hier. Foar in krats koe men dêr in fyts foar in dei hiere, mar ek wol foar langer.

Benammen as it gie om it fytsen learen, wie de man o sa geskikt. Dan koe men in fyts hiere foar ien gûne wyks. En dêr waard gauris gebrûk fan makke. De smid hie dat wol aardich besjoen. Hoe mear minsken it fytsen learden, hoe better hy syn fytsen dernei ferhiere koe. Dat Janke rekke ek oan it fytsen. Se hie it al gau wat ûnder de slach, dat nei in pear dagen wie it hiem en it loantjse te lyts en sette se de âlddyk út de kant op nei de barten. No hiene dy earste fytsen noch gjin kettingkasten, lykas letter en Janke hie in gloednije, wite mouskelk oan en ... jimme riede it al.

It spul begûn te hekjen en te lûken en Janke tearde mei fyts en al om yn 'e berm. It wie in hiel geheuker, mar se kaam wer oerein. Lökkigernôch wie se flak by Sytze en Kobe, en heal ridend, heal tôgjend kaam se dêr oansetten en mar gûle: "Oe, oe, myn moaie wite skelk". Kobe hat it spul wer wat lostoarnd. It skelkje wie wei, mar Janke koe fytsje. No, dan koe de fyts wol werom nei Boonstra. Ja, sa gie dat doe; men koe fytsje, mar dat betsjutte net, dat men dan ek fuortdaliks sels in fyts ha moast. Wol nêe, wêr soe it goed foar wêze? Nee, as jongfaam hat Janke nea sels in fyts hân. Wol gauris giene nicht Ymkje en sy hinne en hierden se in fyts foar in dei en dan trieken se der tegearre op út. Meastal gie it dan op in winkelfen. Hja fertsjinnen beide en sa 't ik al earder sei - Janke wie in neikommerke, waard wol wat bedoarn en sa koart net hâlden as de broers en susters, dy't earder opwoechsen wiene yn it wentsje op nû 2, dêr oan 't Djip. Dêr kaam noch by dat hja beide tige graach moaie dingen lije mochten. Har jurkjes makke Janke meastal sels wol, mar in moaie gesp foar in mulbân, in doekspjelde of in hingjerke, in kreas earmbantsje, dêr

koe men it ien en oar dochs gâns mei opfleurje - of net soms? Dat sadwaande wie de goudsmid yn Kollum wol gauris it eindoel fan har reizen.

Hiene se in kettinkje of in rinkje of soksawat, dêr 't se de aardichheid wat ôf hiene, of dat net sa moai stie by de nije jurk, dan giene se wol hinne en ruilen dat om foar in nij pronkstikje, dat har better sinnige en dan betellen se by, wat de goudsmid frege. Der wiene yn dy jierren net folle jongfammen fan Janke har jierren yn 'e Mieden. By Jelle en Geartsje Merkus wiene twa famkes, Ynskje en Ymkje, dêr't se wol mei omgyng. Ynskje wie in pear jier âlder en Ymkje wat jonger. Folle setsjes en pretsjes wiene der net, in inkelde kear ris nei in sjongútfering mar oer't ginneraal sochten se har fertier mar wat by innoar sa 't se dêr wennen op in streekje by it wetter lâns.

Op moaie simmerjûnen barde it wol, dat der mesyk klonk troch de jûnsstilte en dan sette de iene nei de oare dat út nei de Twizeler feart, want der kaam it lûd wei. Dan wist men it wol - Janke' Jan wie dwaan-

de. Dat woe men net misse en eltse-
nien (ek fan de Alddyk) kaam der op
ta. Dan draaide Jan platen op in
grammefoan. Hy hie wol mear as
ien, guon koe er opwine, mar oaren
draaiden op it elektrysk. Dêrta hie
Jan in mûne boud, dêr 't er stream
mei opwekke koe.

Op 't lêst siet of stie der in hiele kloft
folk by Jan op it hiem en elk harke
mei ynmoed nei de mesyk. Hoe 't
soks bestie, snapte net ien, mar hja
wiene Jan allegearre tige tankber,
dat er harren sa mei genietsje liet fan
syn technysk kinnen. No noch, sa
folle jierren letter, fertelle minsken
mei glans en gloede oer dit barren en
hoe'n djippe yndruk it op har makke
hat.

In oar attraksjepunt lei by de
Bûtenpostmer feart. Dêr wenne op
nû 26 in frjemde man, dy 't him min
of mear foar die as wie er in soarte
profeet. Syn namme wie Albert Ko-
ning en hy húsmanne dêr yn twa
brekfallige krûpyntsjes mei wat gei-
ten, skiep en hinnen. It lytste wie
eins in skipke, dat er op 'e wâl lutsen
hie en dat hie er wat betimmere mei
plankeguod bûtenom, wat dutsen
mei reid, dat dêr om hûs en hear
mear as genôch wie en in molkbus

sûnder boaiem stiek healwei troch it
dak en dat wie de skoarstien. It wie
tige lyts, mar hjir hâlde hy oerdei
meastal ta. It oare hutsje, dat der in
eintsje ôf stie, wie wat rejaler. Dêr
stiene in mannich stuollen, in taf-
felsje en twa kaskes en yn 'e hoeke
wie in kantich fek mei strie en hea
der yn. Dat wie syn bêd.

No hat der yn 1933 ris immen fan 'e
Kollumer krante by him west en dy
hat dêr doe in hiel ferhaal oer
skreaun. Ditselde stik hat wat jierren
ferlyn nochris wer yn it jubileumnû-
mer stien. Ik nim dêr no it ien en oar
út oer.

Koning mient fêst, dat hy al yn 'e hi-
mel is. Hy is der wis fan, dat er net
stjerre sil, want tweintich jier earder
hat hy alle deadssmerten al ûnder-
gien. Wol wachtet hy op de oardiels-
dei, sa sterk, dat hy mar in bytsje
oan sliepen ta komt. Yn alle gefallen
jowt er him nea earder del, as wan-
near 't de hoannen begjinne te kraai-
en. Hy sliept soms ek wikenlang net,
want hy wol wach en op syn iepenst
wêze, want dat stiet beskreaun yn 'e
Skrift. Yn de nacht fan 31 augustus
hat hy by ljochtmoannewaar in fers-
kining sjoen. Hy hat neffens syn siz-

zen in meunster sjoen, dat bes-
kreaun stiet yn de Iepenbiering fan
Johannes. Hy wol net fertelle, hoe
âld hy is en ek wol er net oer syn
ferstoarne frou prate. "Dea is dea",
seit er, "en hja wie folle âlder as my.
Hja wie 67 jier, doe 't hja stoar en
dat is al withoelang ferlyn".


Letter heart de kranteman, dat Ko-
ning op dat stuit sels ek 67 jier is. As
hy dan fierder fertelt, dat hy tsien
jier earder dit lapke grûn kocht hat
fan immen út Burum en dat hy hjir
doe hinne gie is, kin men neigean,
dat syn frou tominskens tsien jier âl-
der wie as hy. Sa tusken de bedriu-
wen troch lêst Koning ris wat bibel-
teksten foar, of hy sjongt ris in
psalmsferske. Hy fertelt fierder, dat
er de hinneaaien sels mar opyt, want
dêr kriget er mar ien of oardel sint
foar en ek de skiep, dy't er ferkeapet
sit eins gjin fertsjinst yn, dat hy
moat him rêdde mei de trije gûne,
dy't earmmaster Ploeg him alle wi-
ken taskikt. Klean kriget er wol fan
de buorlju en as der wat ferset of
stoppe wurde moat, dan docht er dat
sels wol. Yn it lytste keatsje stiet dan
ek in bakje, dêr't er de naaierij yn
bewarret. Fierder leit dêr hout en
turf oer de flier, der stiet in bile yn
'e hoeke en der stiet ek in platte ka-
chel, dêr 't er op itensiede kin, mar

dêr komt, neffens syn sizzen, net
sa'n soad fan terjochte. Waarm iten
kriget er mar komselden. De greatste
naden hat er ticht stoppe mei buord-
papier.

Hy fertelt ek noch, dat er berne is yn
Twizelerheide, dat syn heit Jan Alles
Koning hiet, dat er noch ien broer
hat en dat er de lêste winter mastere
hat mei dokter Neve, want doe wie
er noch al wat siik. Op guon fragen
reagearret hy hielendal net en dan
docht er krekt as hat er neat heard.
As de kranteman wer fuort sil, seit
er noch al, dat mynhear foaral ris
wer komme moat.


Sa fier yn 't koart, wat de krante doe
skreau. Jimme kinne fan tinken wol
hawwe, dat de Miedtsjers der ek wol
nocht oan hiene om ris te hearren,
wat dizze frjemde apostel te fertellen
hie. Somtiden hie er in hiele kloft
om him hinne en dan gie it der mar
frijwat oan wei. Hy koe de minsken
wakker it oardiel oansizze en as er
dan wer oer syn fisioenen begûn,
dan stiene se mei de mûle iepen te
harkjen.

Oant no ta ha wy noch neat heard oer Janke har belangstelling foar leden fan de oare sekse. Wie dy der wol? Hie se wolris in skarreltsje? No, doe 't ik har reaksjes op dizze fraach beharke, krige ik net de yndruk, dat hja bekend stean kinnen hie as de wyldepûst fan de Mieden. Née, eins krekt oarsom. Hja moast nochal in moai skoftsje neitinke ear't it har yn't sin kaam, dat se ris in skoftsje omgong hân hie mei in jonge út Twizel. Ja, dat wie ien fan Cuperus mar hoe hiet dy no ek al wer? It wie in broer fan Mintsje, dy't mei Geale Stoker troude, mar de namme, née, dêr koe se mar net op komme. Doe't ik oansjouwen kaam mei de nammen Hindrik, Age, Wiebe en Klaas, hie se sa'n idee, dat it dan Age wol wêze moast. Botte djip hat it dus net sitten en lang hat it ek net duorre. Dat feroare, doe't se Feike fan Lammert en Geeske efter har oan krige. Dat waard wol tinken en al gau wie it fêste ferkearing. De fammen fan Merkus krigen ek wat gedoente mei it jongesguod. Ynskje krige kunde oan in jongkeardel fan Sânbulten. Dy hiet Jouke de Vries. En Ymkje learde Jan fan Lubbe en Leen Postma kinnen. Janke wie op in stuit samar beret. Yn 1917 (hja wie doe 20 jier) stapte hja mei Feike (dy wie 22) yn it houliksboatsje. Har earste berntsje wie in famke en dat wie in lytse Anna. Grutte blidens yn dit jonge gesintsje. Mar it jier dêrop barde der wat slim. Ynskje wie doe 23 jier en sy en Jouke hiene ek trouplannen. En doe



kaam sa hommels foar Ynskje de ein. Sy wie ien fan de safolle, dy 't doe stoaren oan de Spaanske gryp. Dat kaam hurd oan, by de femylje, by de buorlju, benammen by Jouke, dy 't yn ien klap syn hiele takomst yn diggels lizzen seach. Leau mar, dat dit barren ek in hiel djip skaad smiet oer it jonge houliksgelok fan Feike en Janke. Jouke hat letter in jonge frou, Tryn, kennen leard. Hy is mei har troude en hja hawwe tegearre altyd yn Sânbulten wenne. Hiel lang hat hy lykwols noch kontakt hâlden mei de femylje Merkus.

De foto fan Feike en Janke, dy 't hjirby ôfdrukt is, is noch fan foar har houlik. It stambeamke hjirby past by datselde fan ôflevering 5. Mochten der yn de neiteam (hjir de ûnderste groep) guon wêze, dy 't der oer prakkesearje, om ris ûndersyk te dwaan nei harren foarâlden, dan ha se hjir al least in net ûnaardich oansetsje, om mei te begjinnen.



In minskelibben lang oan it wetter (9)

Sa foar en nei ha ik al ris ferteld, dat de minsken dêr yn 'e Mieden bytiden gâns lêst hiene fan heech wetter. Dan koene der hiele stikken ûnderstrûpe. As men in kaart fan it wetterskip "Sânsleat" besjocht, dêr 't fan alle persielen yn it bemeallingsgebiet de hichte oanjûn is, dan kin men moai krekt sjen wêr 't de leechste stikken lizze. Om mar ris wat te neamen. De pleats fan Willem en Ids Geertsma. De earste beide stikken lân lizze sa'n oardel meter boppe A.P. Dy lizze ek net yn it bemeallingsgebiet. Wat fierder nei de sânsleat sakket it nei sa'n 70 cm. Mar tusken de Sâns- en de Miedsleat leit dan in gebiet, dat leit tusken +16 en -4 a.p. En komt men dan oan de âlddyk, dan rint it dêr wer op nei in heale meter en in eintsje fierder, dêr 't it ryche reade wenten stiet, is it dan al wer 1.30 + A.P. Hjirmei wol ik net bewearre, dat al dit lân ek by de Geartsma's pleats heart. Dat rûn (en rint noch) wol ris wat frjemd trochinoar. Ik wit wol, dat Hille Lania der ek in stik lân bebuorke; dat wie in hiel lang smel stik en dat lei achter it spul fan de Groenhof's. Yn de fyftiger jierren ha ik Lania wol gauris wat holpen mei de ûngetiid en yn 't earstoan swilen wy dan noch mei de riuwe. O, wat wie dat dan in ein sûnder ein. Lania wie doe wolris wat syklik. Yn 1952 ha wy mei de le-

den fan de feinteforiening syn hiele ûngetiid berêdden. It gie wolris wat mâl. Sa hellen wy op in jûntiid nochris in foer hea op; de wein kaam tusken twa reaken te stean, dat wy hoechden net te ferriden. Ik wie oan it lûgjen en ik hâlde de bynpeal, dy 't efter ta de wein útstiek goed yn 'e gaten om in moaije kante weide te meitsjen. Op 't lêst in pear fikse bânren der op, foar en efter en doe de bynpeal derop. It like sa kreas as wat. Mar, o - heden, doe 't wy mei 't spul fuortrieden, doe hong it alhiel út it lead. Wat wie it gefal? De wein hie mei twa tsjillen wat yn in fuorchje stien en doe 't wy midden op 'e eker rieden, blik dat moaije rjochte bouwsel alhiel bryk te hingjen. En doe moasten wy noch al dy gatterige reden del en troch in mannich dammen, dy 't soms ek frijwat útriden wiene, dat wy seagen it spul in gat troch de kop.

Mar it gie dochs in hiel ein goed. Bytiden wipten de tsjillen ris in bytsje fan 'e grûn, mar dan wie der lokkich wer in knikgatsje oan 'e oare kant en dêr ried it wer hinne. En doe kaam de daam út it lân wei nei it hiem fan Groenhof en dat wie suver in gat. Wy hâlden efkes en beseagen ris hoe 't wy dêr it bêste trochkomme koene. As wy hjir earst mar troch wiene, dan hoegden wy allinne mar mear

oer Groenhof's hiem, dan oer de wei en it hiem fan Lania op. Op 't lêst weagen wy it. It hynderke lûk oan, de wein dûkte yn it gat - wy wiene der hast troch - en der siigde it hiele spul op 'e side. No, dat hat ús dy jûns noch wol wat oerkes en wat switdrupkes koste. In jier as wat letter rekke Lania wer yn de ûngetiid nei it sikenhûs. Doe moast der wer holpen wurde. Harm Bouwman fan de Wedze hie der ek in pear stikjes lân njonken dat lange stik fan Lania lizzen. Hij hearde hoe 't de saken der foar stiene en hy wie daliks ree om by te springen. Mar der moast fansels noch wol wat help by. De bern fan Lania, Aafke, Gryt en Berend, wiene doe ek wer wat grutter, dat dy diene ek mei, sa goed se koene mar it wiene noch bern. Mar lokkigernôch wiene der noch wol in pear minsken, dy 't ek wol in hantsje helpe woene. It wie in selsskipke fan fjouwer mânlju, dat dan yn 'e lijte fan in reak siet te kofjedrinken, mar wat in nuver gearmjuksel. Dêr sieten dan in boer, in plysjeman, in kassier (sa hiet dat doe noch!) fan de boerelienbank en in skoalmaster. Dy plysjeman wie Jaap Zijlstra en de kassier wie Earde Reitsma. Sjoch, soks koe doe sa mar. Neat gjin geëamel, oanpakke, hjir moat holpen wurde. De tiid is oars, de mentaliteit is oars, de sitewaasje is oars en dochs bin ik der

wis fan, dat dizze mienskipssin by hiel wat minsken noch altyd oanwêzich is, benammen yn 'e lytse mienskippen. Men libbet mei yn de oare syn soargen, men stiet noed foar elkoar, men hat omtinken foar ien, dy 't ferlet hat fan wat oanspraak of oandacht, men stiet ree, om help te bieden, as de need oan 'e man komt. Dat is wat wurdich.

Nei dit útstapke ekfes noch twa foarbylden fan tige lege dielen yn dit gebiet. Yn 't foarste plak is dat it lân fan Johan Boersma, njonken de Miedwei en dan sa efter de pleats út, dat leit tusken 0 en 18 + A.P. En it oare is ek fan Johan en dat leit eastlik fan it Nonnepaad. Dat is wol de allerleechste krite yn dit hiele gebiet.

It heechste is 5+, mar it measte leit ûnder Amsterdams Peil oant 10- ta. As men dan betinkt, dat guon stikken by dizze opmjitting al gans ophege wiene, dan kin men fan tinken wol hawwe, dat yn noch eardere tiden heech wetter in pleach wie foar de bewenners fan de Mieden mar likegoed foar it boerefolk, dat dêr it lân lizzen hie. Rounom yn Fryslân wie de behearsking fan it wetter altyd al in saak, dêr't men eins allegedrigen mei dwaande wie. Benammen it opwaaien fan it wetter mei hurde wyn wie in probleem. As al dat wetter út it marregebiet opjage waard nei it Noard-Easten, dan koe men in hichteferskil yn wetterstân fan 'e Lemmer nei Dokkumer Nije Silen krije fan ryklik in meter. Om dêr teminsten wat oan te dwaan is yn 1883 de Nije Slachtedyk, Noardlik en Eastlik fan de Snitsermar oanlein. Dêr kamen kearsluzen yn by Jongebuorren en Goayingaryp. It ferkear oer wetter fan Noard nei Súd

moast lykwols al trochgean, dat dêr foar waarden der skutsluzen ynboud by Terherne en by De Jouwer. Benammen foar Noard-East Fryslân skeelde dit gâns. No koe alteast mei stoarm al dat wetter út 'e grutte marren yn 'e Sud-West hoeke dit net mear útkomme. Dochs bleau it troch de jierren hinne in duorjende striid om it wetter de baas te bliuwen. Ek noch, doe 't yn 1920 it Ir. Woudage-maal by de Lemmer yn 't wurk set waard, wie de sitewaasje net optimaal. En wat dit gemaal fersette koe, dat wie mear as in bytsje - hast seis miljoen m³ it etmiel, elke menút 4000m³. De measte minsken, dy 't soks hearre, sizze fêst: "O, hea wat in soad wetter". Ja, mar ha jo der wol ienich idee fan, hoefolle dat wol net is? 6.000.000 m³ = 6.000.000.000 liter. Mar litte wy ús mar efkes hâlde by seis miljoen kubike meters. In kubike meter is in bak fan 1 meter lang, 1 meter breed en 1 meter heech. Sokke bakken binne der dus 6 miljoen fan, as it gemaal ien etmiel draaid hat. Sette wy no seis fan sokke bakken neist elkoar, dan kinne jo der in aardige barricade fan meitsje op in wei fan seis meter breedte. Net ien, dy 't se der sa mar efkes ofskopt, want elk fan dy bakken waacht 1000 kilo.

Mar der binne in miljoen fan sokke

rychjes fan seis beskikber. Set mar út ein, as der tûzen rychjes delset binne, dan ha jo ien kilometer pot-ticht ôfsletten. Der binne lykwols tûzen kear tûzen, want earder ha jo net in miljoen. Dat wol dus sizze, dat jo in wei lykas de rykswei troch Twizel oer in lingte fan 1000 km tichtsette kinne mei dizze bakken. Troch de hiele lingte fan Nederlân, troch Belgje, no dan binne jo de helte sawat kwyd, dat dan moat jo ek noch sa'n 500 km Frankryk yn. Ha jo no wat in idee, wat 6.000.000.000 l. is? No soe men sizze, hoe kinne der dan noch problemen wêze? Dat komt fan twa kanten. Oan de iene kant komt der al mar mear wetter yn de Fryske boezem, omdat de heger lizzende sângrûnen de ôfwettering geandewei ferbettere hawwe, omdat der gâns heidegrûn yn cultuer brocht is, omdat besteande poldergemalen ferbettere waarden en der ek gâns nije gemalen by kommen binne. Oan de oare kant is it wetterbergjend fermogen fan de boezem gâns lytser wurden, earst al omdat der hiel wat boezemlân ynpoldere is. Dat giet dû-beld op, want eartiids strûpte sok lân by heech wetter der gewoan ûnder en nou pompt dat gebiet by deselde omstannichheden it oerstallige wetter ek noch út yn dy lytser wurdende boezem; twad binne in hiel soad opfearten en puollen, dy 't earti-

ids by de boezem hearden, gewoan ôfsluten. Gelokkich is der gâns ferbettering kaam nei de ôfsluting fan de Lauwerssee. Moast men eartiids by it ôfstreamen by Nije Silen en Zoutkamp altyd rekken hâlde mei it tij, dat hoecht no net mear, omdat de Lauwersmar wol op in peil te hâlden is, dat de sluzen, dy 't ik krekt neamde, iepen kinne, wannear 't dat mar nedich is.

No, dat wie in hiel ferhaal oer de wetterbehearsking yn ús provinsje. Wy wolle no ris sjen, hoe 't dit him yn dizze omkriten ûntwikkele hat.

It wie op sneon, 23 maaie - 1896, dat der by Eabe T. Rispens oan hûs in hiele gearsit wie fan wol sa'n 40-50 boeren. De bedoeling wie om te kommen ta de oprjochting fan in wetterskip.

No, dat gie ek troch, want alle oanwêzigen wiene der foar. Der waard ek fuort in bestjoer stimd. Nanne B. Kloosterman, Wytze J. Binnema, Teake Hindriks Zijlstra, Andrys S. Boersma en Alle Minzes Radema foarmen mei har fiven it earste bestjoer. Der waard ek daliks in siktari- ûntfanger beneamd. Dat wie de bo-

argemaster fan Achtkarspelen, de hear W. Bekker. Hy soe der yn't jier f60,- mei fertsjinje. J. B. v.d. Veen fûn dat wat te rejaal. Him tocht, it koe wol mei f50,- ta. Foldie it goed, dan koe de "jaarwedde" altyd noch ferhege wurde. Mar it bestjoer hâlde de poat stiif. Siktaris hat blykber wol goed foldien, want hy bleau 16 jier, dus oant 1912 ta. Doe kaam Paulus van Zuilen foar him yn 't plak. Hy hat 27 jier lang dit wurk dien mei greate ynset en tawying. It is suver in lust, om de notulen fan syn hân te lezen.

In prachtige hân fan skriuwen, in tige kreative formulearring fan bepaalde diskusjepunten en in goed fersoarge styl.

It wie dan ek foar syn tiid, dat ik neikommende sin yn de notulen fûn: "W. Meerstra vestigde de aandacht van het bestuur op de weg binnen de Zandsloot deze de egge over te halen zou veel verbetering aanbrengen, terwijl klachten over het aftrekken der barten en deze niet weder over te brengen werden gehoord". Dit is net in sin, dêr't de skriuwer no daliks in literaire priis mei winne soe, mar wol wurdt der efkes in probleem yn neamd, dat doedestiids nochal gau-

ris ûnderwerp fan gesprek wie. Wat wie it gefal? De Sânsleat wie doe noch in farwetter (krektlyk as de Miedsleat) dêr 't gauris preammen mei terpmoeder yn moasten, om de oanlizzende landerijen dêrmei op te heegjen. No leine der op fjouwer plakken barten oer, dêr't de boeren oer moasten om op it lân tusken Sân- en Miedsleat te kommen. Der lei ien efter de winkel út, dêr 't Dillema no yn sit. Dan ien yn de krite fan de Boersma's, de folgjende lei yn de Miedwei, dy 't doe noch de "Nieuwe weg" hiet en dêr 't yn it boppesteande sitaat de eide nedich ris oer moast. De lêste lei yn de Sipkema's krite. As dy modderskippers der sa'n barte ôflûken om fierder farre te kinnen, dan waard der ferwachte, dat se dy ek wer toplak leine, mar dat hie der wolris oan.

It leit foar de hân, dat de boeren dan fansels alhiel op ien ein wiene, benammen as de barte dan ek nochris op de oare kant fan de sleat lei. It bestjoer seit dan ta, dat se der wat oan dwaan sille. Der stiet ek noch by, dat se yn har om gean litte, om der in preemje op te setten en dat wolle se dan bekend meitje troch in adfertinsje yn de Kollumer krante te setten. Hoe 't sa'n regeling wurkje moast en hoe 't men der sicht op hâlde woe, oft de preemjes wol of net

terjochte jûn waarden, dat wurdt der net by ferteld. Ik bin der net iens wis fan, oft it der ea wol fan kommen is. De bedragen oan jild, dy 't anneks wiene mei dit hiele wetterskipsbarren, wiene net grut. Bepaalde wurksumheden moasten útbestege wurde, men hie faak wol wat materiaalkosten, der wiene kosten fan it siktariaat en gearkomsten, mar men wist altyd wer de jierlikse lêsten foar de yngelannen sa fêst te stellen dat men de rekkening oan de ein fan it jier mei in foardelich saldo ôfslute koe. Dé iene kear wie it f4.16, in oare kear ris trije ryksdaalders, mar it siet eins altyd ûnder de tsien gûne. It skinmeitsjen fan de Sânsleat mei in oantal wiken wurdt útbestege foar f37,-. Oardel hûndert meter slatwurk moat dien wurde foar f75,-. Sa'n kerwei wie fansels ek tige bewurklik. Dêr moasten twa strykdammen makke wurde op 'e beide einen fan it út te slatten stik. Dan moast al dat wetter der út en dan koe men krekt mei it eigentlike wurk begjinne.

As der ris yn in gearkomste frege waard, oft dit of dat net wat better oanpakt wurde koe, dan wie it bestjoer der ek wol foar te finen, mar as it ekstra kosten meibringe soe, dan

waarden de lêsten wol ferhege mei b.g. in kwartsje de hektare. Yn it wetterskip wie foarearst noch gjin sprake fan bemealling fan it hiele gebiet. Der sil fêst wol hjir en dêr in boer west ha, dy't sels mei help fan in wynmûntsje besocht syn krite wat droechsum te hâlden. Der hat yn alle gefallen in mûntsje stien oan de Knollen flak foar it húske fan Jelle en Jap Boorsma oer. Mar it bûtenwetter keare - nee, dat soe allinne kinne as men it gebiet ynpoldere.

Dêr waard dan nei ferrin fan jierren ek ris oer praat. Foar it earst yn 1917.

It bestjoer en benammen de foarsitter Tj. Sipkema, is der net hjit op. Wol binne se der foar, dat in lytse kommisje ris in rapportje meitsje sil fan it hoe en wat. Dat noch tige beheinde rapport komt op tafel yn 'e gearkomste fan 1918. Wer is it it bestjoer, dat tige tsjinakselt. Wat in kosten en wa sil dat allegear opbringe. Dochs kriget de kommisje opdracht om fierder te gean mei har ûndersyk. Dat risseltearret yn in folslein útwurke rapport, dêr 't alle kosten fan oanliz en bemealling yn útwurke binne en fansels ek de te ferwachtsjen lêstenferheging foar de yngelannen is net fergetten. No, dêr gnuve de measten dan wol raar tsjin oan, dat is feest giet dan noch net troch. It foarstel ta ynpoldering wurdt fersmiten mei 86 tsjin 9 stimmen.

Earst efkes dit der tusken troch. Doe 't ik it hie oer de argewaasje mei it fuotpaad foar de skoallebern by de Twizeler feart lâns, fertelde ik dêrby

ek, dat der in oplossing fûn waard yn gearwurking mei it bestjoer fan it wetterskip. Dat wie yn 1914. Ik tocht dat soks wol yn de notulen fêstlein wêze soe, mar nee, net in wurd, dat dit befêstigje kinne soe.

As ik dan lykwols al dy ferslaggen oer sa'n 75 jier besjoch, dan is it net sa frjemd. De notulen hawwe eins allegearre deselde yndieling. De jierrekkening wurdt behannele, neisjoen en goedkard, der is faak in bestjoersferkiezing en dan is der gelegenheid om fragen te stellen, krityk út te oefenjen of foarstellen te dwaan.

Dan wurdt der noch fêstlein, dat it bestjoer guon dingen ris besjen sil en taseit, dat bepaalde fersiken ynwillige wurde sille en dan wurdt de gearkomste sletten. Yn in folgjende gearkomste komt men net wer werom op dizze saken, dy wiene ôfdien; wat tasein wie, hie syn beslach krige en elk wist dat. Wêrom soe men dêr dan noch ris wer in hiel ferhaal oer ophingje? Sa sil it ek gien wêze mei dat paad by de Miedwei lâns. Dat fersyk kaam by it bestjoer, der waard net in gearkomste foar belein - née, it wie goed en it waard útfierd en doe 't de folgjende gearkomste hâlden waard

lei it paad der al. Elk koe it sjen, dat soks ek noch ris opskriuwe, wie net nedich. Dochs wurdt it ien kear neamd en wol yn it ferslach fan 1924. Dêr stelt A. Boersma foar om de greppel tusken reed en fuotpaad ticht te smiten, dat is foar de boeren, dy't mei hynder en wein dêr lâns moatte noflik, dan ha se wat mear rûmte. Dan sprekt Paulus van Zuilen in wurdmannich en komt dêrmei op foar de mindere man, dy 't faak net sa folle yn te bringen hie. Hy seit dit: "Ik vrees, dat indien zulks gebeuren zou, binnen korten tijd de weg dan voor fietsers en voetgangers niet meer zal zijn te passeeren". En de greppel bleau bestean.

It is yn dyselde jierren, dat boargemaster Eringa ris op 'e gearkomste ferskynt om it probleem fan de wurkleazens oan de oarder te stellen. Der wurdt noch al wat wurk yn it wetterskip útbestege en hy stelt foar, om yn oerliz mei it gemeentebestjoer tenei in oantal minsken hjir oan it wurk te setten, dy 't oars oanwezen binne op it stimpellokaal. No, dat makket noch al wat réaksjes los by de yngelannen. "Hjir yn 'e mieden ha wy gjin wurkleazen, dat dan soene wy hjir fan dat heidefolk krije.

Dat is neat wurdich. Dy ha alhiel gjin ferstân fan dit soarte wurk. Sy soene der yn ferslaan, it rint har oer de fûst. En dêr komt noch by - de wurkleazens is op 't slimst by de winterdei en dan kin men hjir omers neat begjinne. "En sa giet dat mar troch. Oan 'e ein fan de gearkomste wurdt boargemaster tige betanke foar syn taljochting, mar hy kriget al nul op 't rekest.

Yn 1928 komt de kwestje fan ynpoldering wer op it aljemint. Der wurdt wakker praat oer de ferheging fan de wetterstân yn 'e boezem. Ien fan it bestjoer hat syn ljocht ris opstutsen by de Griffy yn Ljouwert en dy seit, dat it 10 sentimeter heger wurden is. Oaren bewearde, dat er him wat wysmeitsje litten hat - men kin sa ommers wol sjen, dat it minstens 20 sm is. Hoe 't it ek wêze mei, allegearre binne se it der oer iens dat it figuerlik en letterlik oer de hege skûn giet. It lêste jier wie it bar en boas; dit kin langer sa net. Ek foarsitter Sipkema, eartiids fûleinich tsjin, is omkeard as in blêd oan 'e beam.

Dat de plannen fan 1919 wurde gau út it laad helle en yn in twadde gearkomste yn 1928 giet de kûgel troch de tsjerke. Mei 69 tsjin 50 stimmen wurdt besletten ta ynpoldering. Dan wurde der polderdiken makke, de Miedsleat wurdt by de Twizeler feart ôfsletten en dêr komt in skûf. Dêr 't de dwerswyk fan de Miedsleat, dy 't yn de notulen "Aafkewyk" hjit, mar troch oaren "Abewyk" neamd wurdt, yn 'e Bûtenpostmer feart útkomt, sil de bemeallingsynstallaasje syn plak krije. De Sânsleat bliuwt bûtenwetter, want it grutste part fan it wetterskip bliuwt bûten it bemeallingsgebiet en sil troch frije ôfstreaming syn wetter kwyd wurde moatte

troch dyselde Sânsleat. Der wurdt noch efkes oer praat, oft der in mûne komme moat of in gemaal, mar der wurdt besletten in elektrysk gemaal te bouwen.

Yn 1930 hat ien en oar syn beslach krigen. De barten oer de Sânsleat binne ferwidere, it binne no dammen mei fikse dûkers der ûnder troch. De barten oer de Miedsleat binne foar 't grutste part alhiel fêrwûn. Op 'e gearkomste fan 1930 komt der hiel wat oan de oarder. Inkelde boeren fregen wat skeafergoeding, want der wie it ien en oar ferdield mei it graven fan sleatten en soksawat. De Hammensdaam (dat is de útgong efter Dillema's winkel) leit der noch mar krekt, mar begjint al te fersakjen. Egbert Veenstra hat hiel wat noaten op 'e sang. Hy is min te sprekken oer de kwaliteit fan it fersette wurk. De polderdiken binne der mar wat hinne skiten. It materiaal, dat brûkt is foar de wetterkeardammen, beskriuwt er as "rommel"; de skûf by de feart is net in sint wurdich. En by it gemaal, dat noch net iens yn 't wurk set is, is no al sprake fan fersakking. It bestjoer seit ta, dat se omtinken jaan sille oan ien en oar. Op dizze gearkomste wurdt ek noch de ynstruksje foar de "Bemalingsbediende" besprutsen.

De beleanning wurdt fêststeld op f75,- yn 't jier. Stel jo dat ris foar. Dêrfoar moast sa'n masjinist it hiele jier troch op syn iepenst wêze, waar en wyn yn 'e gaten hâlde, bytiden as de wyn oanboaze of as it stjelpich begûn te reinen, yn neare nacht yn 't earstoan troch it lân en letter it net sa sljochte reedtsje lâns knoffelje, om it gemaal yn 't wurk te setten en oer de heap hinne, dan ek noch alle snútslaggen fan de boeren yn tank oannimme, want as men it de iene boer nei 't sin die, dan kaam in oaren te krimmenearjen, dat der fierstefolle útmeald wie en in trêdde bewearde dan tagelyk, dat er sawat fersûpte. En mei de skûf yn 'e Miedsleat, dy 't er ek betsjinje moast, wie it al net oars. Men koe it de boeren nea nei 't sin dwaan. En dat alles, in hiel jier lang, foar f75,-. Sa goed ik it neigean kin, hat Jan Stel de earste masjinist west. Hy wie dat ek noch, doe 't yn 1939 Paulus van Zuilen ôfgie as siktaris-ûntfanger.

Hast 27 jier hie van Zuilen dizze funksje hân; hy waard dan ek tige betanke en krige ta in oantinken in moaije rooktafel mei tabehearren oanbean.

Earde Reitsma kaam doe yn syn plak en dy hat it dien oan't 1970, want op 30 nov. yn dat jier waard de opheffingsgearkomste fan it wetterskip Sânsleat hâlden by Bleeker yn Twizel. Dêrnei waard it opnommen yn it greate gehiel fan Lits-Lauwers. Nei Jan Stel, dy't wat byleauwich wie en by nacht der op 't lêst net mear hinne doarst, hat Egbert Veenstra der in skoftsje hinne reiz'ge en doe hat Anne de Bruin it in oantal jierren dien. Dy hat wenne op nû 25, dat wie dan it lêste wentsje, dat ik noch efkes neame moast. En dêrnei hat Pôppe Douma it dan noch dien, oant dy nei Twizel ferhuzen en - doe hat Rinze Boersma as hikkelsluter de tiid folmakke oant it gemaal by de Bûtenpostmer feart klear wie. En no wurdt it fansels heech tiid, dat Janke en har folk ek nochris efkes neamd wurde. Dat komt goed út yn dit ferhaal oer it wetterskip, want wy kinne net om in tal mânlju hinne, dy 't hiel wat wurk ferset ha yn dit ferbân.

Dat binne dan Ruurd Veenstra, Egbert Veenstra en Joon Wagenaar en Feike de Bruin. Ruurd wie meastal warber yn 'e tochtsleatten, yn de Sânsleat, de Miedsleat en yn noch ferskillende oare wiken. Egbert, Joon en Feike fûnen wol oanslach oan 'e wetterkant by't Djip. De wâl fan it Djip wie yn ûnderhâld by it wetterskip en dat betsjutte wat. Al dy skippen, dy 't dêr fearen, dat gie in hiele dei troch en it wetter sokke al mar oan. Dy wâl hie wat te ferduorjen en dy slûch al mar út. As men it in bytsje fersleauke, dan koene der hiele stikken wâl samar yn 'e djippe sakje. Dat der moast op tiid wat oan dien wurde. Gatten tichtmeitsje, hjir en dêr ris in pear peallen en planken en dêrefter waarden dan grouwe bientepeallen treaun, of in pak strie en ek wol skripten se mei tûken of wylgeteannen om en dy waarden sa goed mûglik wat yninoar frissele.


Benammen it hiem fan de Postma's moast beskermme wurde mei in goede stevige beskoeiing. It wie faak fertrietlik wurk. Dan mienden se op in stuit dat se alles aardich foar innoar hiene en dan koe it nei in pear dagen heech wetter en hurde wyn der op ferskate plakken wer mâl hinne lizze. Dan waard der mar wer in fracht

spjirrestamkes út 'e Sweachster bosken oantúgd, en koene se suver wer fan foaren ôf oan begjinne. Foar dizze kear hâld ik der mei op. De oare kear wol ik it ek noch efkes oer de Reahelster polder hawwe en dan geane wy ek wer fierder mei Janke en wat sy sa al belibbe as troude frou.

Yn myn lêste stik ha 'k in raar fersin makke. Ymkje fan Merkus kaam net yn 'e kunde mei Jan fan Lubbe en Leen Postma, nee, dat wie Anne fansels. Hoe koe 'k sa mâl.



Men soe hast sizze, dat dit kykje makke is, om myn ferhaal fan dizze kear te illustrearjen. Foaroan sjogge jo in eintsje, dat krekt wer ûnder hannen west hat. Fierderop liket it ek noch al aardich yn oarder te wêzen. Mar der tusken yn leit in stik gewoan iepen foar wyn en wetter, dat moat heech nedich oanpakt wurde.



In minskelibben lang oan it wetter (10)

Al wer moat ik begjinne mei efkes wat rjocht te setten. Yn myn fyfte stikje skreau ik, dat heit Marten Stel syn jongste dochter opwaachsjen seach ta in jong faam, dy't fêste ferkearing krige, mar dat er de heechtiidsdei yn har libben, har troudei, net mear meimakke hie, om 't er it jier dêrfoar stoarn wie. Sa hie Janke it my ferteld, mar no blykt, dat se har dochs fersind hat. Wat wol men ek - it is sântich jier lyn. En in trouwerij wie doe al wat oars as no. Neat gjin drokte, gjin blommen, gjin foto's, gjin brulloft, gjin oanrin fan famylje of buorlju. Feike en Janke binne mei Lammert en Geeske op 7 april 1917 gewoan nei Bûtenpost stapt. Der hie in ôfkundiging fan dit foarnommen houlik pleats hân op sneon, 24 maart; om 't der neat tsjin yn brocht wie, waard de akte reemakke en dy koe by har komst op it gemeentehûs dan ek daliks foarlêzen wurde.

Janke har heit en mem wiene net oanwêzich, mar dy hiene neffens de akte wol twa dagen tfoaren, op 5 april, ferklearre, dat se ek tastimming joegen ta dit houlik. Nei alle gedachten hat Marten Stel doe al siik west en hat der in ambtenaar nei it

wentsje oan it Djip west om dizze tassing te heljen. Goed fjouwer moanne letter op 8 augustus 1917 is heit ferstoarn. Tsjintwurdich wurde der faak famyljeleden of freonen frege om tsjûge te wêzen, mar dat mocht eartiids net. Yn 'e foarige ieu stie it der by oanjûn, dat de tsjûgen gjin kunde hiene oan it breidspear (sa b.g. "bovengenoemde getuigen, alle vier de echtelieden vreemd"). Dat stiet der by Janke har houlik net mear by, mar it binne yn wêzen noch wol frjemden foar har en foar Feike likegoed. De iene is Anne Boersma, in 67 jierrige klerk, en de oare is Eldert Wolthuizen, 54 jier en gemeentebode.

Janke sels hat eins ek gjin besûndere dingen, dy't har noch heuge fan dizze dei. In moaie jurk mei in heechsluten hals - en sels makke, ja, dat stiet har noch foar.

Dan moatte jimme no ris efkes nei it kaartsje sjen. Dêr is noch al wat feroare. Dat giet sa, hèn, men heart hjir wat en dêr wat, en stadichoan wurdt it byld, hoe 't it eartiids west hat - dúdliker.

Jimme sjogge, dat ik de barten oer miedsleat en sânsleat by de Twizeler feart der wei dien ha. Dy hiene der ek nea west. De Hammen ha ik der by skreaun en de Hammensdaam en noch in pear oare dammen mei dûkers (eartiids barten) ha ik der by tekene. De Miedsleat rint no krektlyk as de Sânsleat fierder troch, dat út nei Bûtenpost. De Aafkewyk, dy't ek wol Abe- of Agewyk neamd wurdt, rint fan de Miedsleat nei de Bûtenpostmer feart. Op nû. 32, dêr 't Tiense Schievink no wennet, stie eartiids in herberge. Doe wennen dêr Sjoerd en Aafke (yn 'e folksmûle Sjoerd 'e Aafke). It soe bêst ris kinne, dat dy wyk de namme mei krige hat fan dizze frou. En no 't ik it dochs oer in herberge ha, kin ik fuort ek wol efkes fertelle, dat it spul op nû. 16, dat Jan Bearns v.d. Veen en Grytsje Wouda yn 1864 kochten, ek in taap yn 'e foarkeamer hie. Benammen by de winterdei as it iis sterk wie, wiene der hiel wat reedriders, dy't dêr efkes oanstieken. Dêr wit ik noch in ferhaaltsje oer.

Sa om de ieuwikseling hinne, waard der by Klaas en Joukje Veenstra (nû. 7) in poppe ferwachte. It wie safier, dus de baakster moast komme. Dat

wie doe Melle' Jantsje (15) de mem fan Wiebren en Sikke Hoeksma. It wie sterk iis, dat hja kaam it Djip del, mar wol hoasfuotling, want se woe net útgliidzje. Doe't se goed en wol binnendoar wie, sei se, dat it dêr yn 'e herberch mar mâl oan wei gie.

De dochter fan Jan Bearns en Grytsje, - Leen - wie doe al troud mei Lubbe Postma en hja wennen doe op dat stee en de âld man wenne noch by harren yn. No wie der oer iis in hiele kloft mânlju út 'e omkriten fan 'e Harkema delsetten kaam en dy sieten dêr mar te sûpen en te máljtjirgjen. De iene flesse nei de oare gie der troch en betelje woene se neat fan witte. Lubbe wie der glêd mei oanhoe rekke er dat folk om 't skik kwyt. Se lieten har der net útjeie, nee, se raamden wrychtsjes it fleis út potten en pannen en makken dêr fiks regaat yn. En dan mar wer drigemintsje, dat Lubbe tape der noch mar ris ien yn.

En doe ynienen... dêr stiene twa jonge keardels, Wiebren en Sikke Hoeksma yn 'e doar, beide mei in flymskerpe seine foar har út. Doe woe it selskipke wol om 't lyk. Hja

wisten net, hoe 't se 't hurdst alle-gearre troch de doar wrotte soene en bûtendoar stroffele de iene hast oer de oare. Doe 't se goed en wol wer op it iis wiene, kamen se wer wat ta har sels en doe woene se blykber dochs sjen litte, dat se echte keardels wiene. In bakker fan 'e Tille, dy't mei in slide fol bôleguod ûnderweis wie, namen se te pakken en hja stie-len syn slide sa goed as leech. Ja, keardels wiene it wol! Yn it gesin fan Klaas en Joukje waard dy deis in jonkje berne. Dat wie in lytse Oeds.

Dy is mar goed twa jier wurden, doe is hy stoarn oan de krûp. Dit ferhaal ha ik heard fan Joon Veenstra. Hy wit noch skoan, dat dit lytse baaske altyd achter him oan fottele, as hy jûns de skiep melke en berêdde moast. Hy fertelde my noch wat, dat ik noch net earder heard hie.

Dat wie dit: Syn heit en mem, Klaas en Joukje en syn omke en muoike Oeds en Sytske wiene ek dûbele femylje. Klaas en Oeds wiene Veenstra's (bern fan Joon en Ytsje) en Joukje en Sytske hiene de elfter-namme Oosterhuis. Dy wiene al jong wees. Har heit leit begroeven op it tsjerkhôf yn Twizelerheide (al-

hiel foaroan mei in houten grêfmo-numintsje). Joukje kaam al hiel jong als faam by de Luimstra's. Dy buor-ken doe op it stee, dêr 't âlde Aukje Luimstra ek noch jierrenlang wenne hat en doe wenne Rynk Zwart, dy't postboade wie oan de eastkant yn 'e foarein. No wenje de Scherjon's op dit stee.

No earst werom nei it kaartsje. Aar-dich is, dat de wei nei de Tille ta, al-tyd de âlde dyk neamd waard, mar gie men yn eastlike rjochting, dan gie men oer de barken nei de diken. Fierder sjogge jo, dat it lang mêd no oan de noardkant fan de Knollen leit. Dat leit dêr hjoed-de dei eins noch krekt allyk hinne. En dat stik op 'e oare ein fan de knollen wie it persieltsjelân. Dêr hiene hiel wat be-wenners in persiel (ek Feike en Jan-ke) en dêr waarden allinne mar iera-pels op boud.

It mûntsje by Jelle en Jap, dat ik de foarige kear al efkes neamde, wie in jasker (of tjasker), in frij simpel ge-fal, dêr 't de skroef oan deselde as siet as de wjukken. Gjin oerbringing mei kamrêdden. De skroef draaide krekt like hurd as de wjukken yn 't rûn giene. "De Tunen" leine by de

âlddyk lâns en dan oan it nonnepaad ta. Oan datselde paad ha ik by nû. 33 ek noch in wentsje tekene. Dêr wenne in wyfke, dat Joon Veenstra Styntsjemuoi neamt. Hy wie mei syn mem sa no en dan wolris op besite by dizze mouike. Letter moatte dêr Douwe en Jel van der Wal wenne hawwe en Joon Wagenaar seit, dat Martinus en Ytsje Hoekstra de lêste bewenners west hawwe.


Dan ha ik dwers oer de Aafkewyk in wyk tekene, dy't fan de âld dyk oan it Djip ta rint en dêr is dan ek noch in dwerseintsje, dat oprint nei it wentsje fan de Wedzinga's. De Post-ma's sieten doe eins op in eilân en der koene se allinne mar ôfkomme oer de barte en dan sa op it nonne-paad ôf. Anne Postma mei it noch heuge, dat se ris mei in pear hynders troch dy barte sketten binne. No 't wy witte, hoe 't dy Krúswyk mei dat dwerseintsje dêr lei, kinne wy ek be-gripe, hoe't Sikke Hoeksma mei syn arkje dêrkomme koe.

Dat gebiet tusken de Aafkewyk, it nonnepaad en de Krúswyk wie iens allegearre in soarte wyldernis; op plakken wat heger mei in rûge be-groeiing, en dan wer tige leech en sompich. Der lei in stik efter it hûs

fan Wytse Wagenaar, dêr woe noch wolris wat waachsje. Dan kaam der in krite tsjerkelân, dat foar in part eigendom wie fan de Herf. tsjerke fan Droegeham, mar ek de Herf. tsjerke fan de Koaten hie dêr in stik yn besit. Dan lei der in hiel stik reidfjild. Eigener dêrfan wie Schui-linga fan 't Fean. Wagenaar hat gau-ris dat reid snijd. Fierder lei der in stik, dat fan Geart Etes Boersma út 'e Koaten wie. Dat stik waard Gear-terier of Geartjitterier neamd. Wat dat "rier" betsjutte moat, wit ik net.

Wol, dat hiel wat minsken mar wat skruten wiene, om by nacht yn dy omkriten te kommen. Dêr stiene twa swiere wylgemoezen oan it paad en dêrachter rûn in wat heger lizzend paadsje dat gebiet yn. En op dat paadsje, dêr doogde it net. Dêr koe samar in fôle mei in brijtsjettel om 'e hals jin temjitte fleanen komme. Dêr hie fansels nimmen ferlet fan, dat sadwaande.

Hjirby kin ik fuort ek wol efkes fer-telle, dat der nachts in non stie op it stee, dêr 't it nonnepaad op 'e âld-dyk útkomt. Der waard bewearde, dat dêr ris in nontsje fermoarde wie, dy 't net ta rêst komme koe en dêr noch altyd omdoarme. Ditsoarte dingen sille Jan Stel misskyn ek wol



Sjoch, dit is no sa'n tjasker. Dizze stiet yn de greide, eastlik fan Stynsgea, Sa'n soarte dinkje stie der dus ek by Jelle en Jap oan de Knollen. Hein Kempenaar fan 'e Tille mealde dêrmei syn stik fean wat droech, dan hoegde hy de klyn net ûnder wetter wei te heljen.

yn 'e mage omwynd ha, as hy ûnderweis wie nei it gemaal. Wytse Wagenaar wie net sa byleauwich. Dy bewearde, dat er faker as ienris wol nei de hoeke ta west hie, mar de non, nee, dy hie er noch nea sjoen en dat muoide him eins wol.

Wy sjogge efkes nei de oare kant fan de Krúswyk. Dêr lei in gebiet, dêr 't graach de greidefûgels tahâlden en dan mei namme de skriezen. Dy hâlde fan boskjes en pôltsjes dêr 't se har nêsten meitsje om mei har lange hals wat beskûl te sitten tusken lange raaien. Dy hiele krite hiet de fjirtjinnen en neffens Joon Wagenaar, hoegde men dêr mar ien slach oer, om mei in pet fol skriesaaien thús te kommen. Wat it fûgelguod oanbelanget, is der yn dit hiele gebiet ek gâns feroare. Wietse fan Geale Stoker skreau my in brief, dêr 't hy hiel wat fan syn jonge jierren yn fertelt en sa hie hy it der ek oer, dat der by har efterhûs faak in stienûltsje yn in wylgemoes siet. Dêr brette ek in beamfalk en by ferskate huzen sieten swellenêsten. En tichte by de Twizeler feart seach hy by 't maityd wol tritich-fjirtich fûgels dy't kragen yn in hiel ferskaat fan kleuren opsetten

en dêr dan wakker tsjininnoar omheech sprongen. Hy wist doe noch net, hoe 't dy fûgels hieten. Dat wiene fansels hoantsen (kemphanen), dy't 't dêr harren breidsdûnsen útfierden, ear 't it pearjen en nesteljen begjinne koe.

No, dy stienûltsjes, dy wiene der ek noch, doe 't wy yn 1950 yn Twizel kamen. As ik jûns út é buorren wei nei hûs stapte, dan sieten der gauris in pear op it tek fan de pleats fan Sjoerd Boersma. Fan fierrens hearde ik se dan al roppen: Mieuw - mieuw, men soe suver tinke, dat der in hiel jong katsje op it dak siet. It ferkear waard lykwols al mar drokker yn ús doarp en ek by nacht waard it al mar slimmer, dat de ûltsjes setten ôf en no binne der in slompe minsken, dy't dit lûd noch nea heard hawwe. Ek de hoantsen sochten in oar ûntwyk. Dy kamen letter alle jierren wer oan byinoar oan de Burgumer mar, noardlik fan Blauhoek efter Jistrum. Doe 't de Sintrale dêr boud waard, rekke dy kloft fan slach en doe ha ik yn dy jierren in pear kear in keppeltsje yn 'e Mieden om mirakljen sjoen. De earste kear op 't lân fan Ale Boersma, tusken Mied-

Sânsleat en letter nochris yn de lege krite fan Johan Boersma, njonken it Nonnepaad.

Der is lykwols mear weiwurden út 'e Mieden. Yn 'e begjinjierren fan ús wenjen hjirre, sette ik op Saterdeimoarn wol gauris ier en betiid (soms al om goed twa oere) op 't fytske de Miedreed del en dan de âlddyk del en op nei Moestille. Dêr siet ik dan te fiskjen op dat eintsje, der 't Janke, âlde Sikke en Wiebren Hoeksma mei dochter Minke wennen. Mar as ik dan sa ier troch de stille moarn fytste, hearde ik yn 'e Radema's petten in wûnderlik fugellûd. Moai hearde it net, krekt as waard der in tin latsje stadich brutsen. It wie ek as klonk it wat kwea. "Kraeak". De nammen, dy't men him jûch, wiene dan ek kreakhintsje of Teapert. Ek dat hintsje strykt wol aardich, want fan postuer hat dizze fûgel in soad fan in meager hintsje.

Ik ha mar twa kear dizze fûgel sjoen en dat wie ek noch in wûnder, want it is in echte rin-fûgel, dy 't eins nea op 'e wjokken giet. Hy hâldt him leaver beskûl yn 't reid. Syn sneinske

namme is kwartelkoning. Doe't de trekker al mar mear it wurk fan it hynder oernaam, waard it dizze kening hjir te drok en hy ferliet syn domein foargoed om in wat rêstiger oarde op te sykjen. Sa fynt men yn dizze hiele kontreijen ek gjin patriizen mear. Yn 'e foarige ieu tilde it hjir noch fan dizze fûgels, mar sûnt de "Twyseler boulanden" (neffens Schotanus) linkelytsen allegearre oan greide makke binne, hawwe ek dizze gasten ús de hakken sjen litten op syk nei in stee, dêr 't se noch oan 'e kost komme kinne. Ek de reid-domp (roerdomp), dy't eartiids yn it ûnlân syn fierklinkend bwoem, woem hearre liet, is net mear in bewenner fan dit gebiet. Allinne yn tiige strange winters, as alles tichtsit, komt er út need dit noch wolris út, soms weaget er him dan wrychtsjes op 'e hiemen fan minsken yn 'e buorren. Sa ha ik in moai opstoppe eksemplaar, dy't folslein úthongere telânne kaam op it hiem fan de Veenstra's foar aan de Wedze.

Lokkigernôch is der noch hiel wat fûgelguod yn 'e Mieden te finen. De ljip, de skries, de tsjirk en de strânljip binne dan sa machtich net mear as foarhinne, mar men sjocht se

noch wol. Yn de petten fynt men de wylde einen en de fasanten, de koe-kút en de houtekster en ek hiel wat lytsguod, lykas de greidepiper (graspieper) de giele hōfsjonger (fitis) en de reidmosk (dêr bedoele wy Friezen dan de rietzanger mei, mar ek de rietgors en de karekiet). Fierders fynt men yn de beamwallen ek houtdouwen, dúmkjes (tjif-tjaf), readboarstjes en tomkes (winterkoning). Oan de wetterkant stiet hjir en dêr in ielreager, dêr skarrelje reid-hintsjes en markols om en in pear kear ha ik it iisfûgeltsje sjoen, dat út de tûken fan de elzen boppe de Twizeler feart wei yn it wetter dûkte.

Soms sjocht men in spantsje bercheinen yn de greide kuierjen, en driuwt dêr boppe yn 'e loft in mûzefanger (buiserd), dy't fêst syn domisylje hat yn 'e bosk fan Feankleaster. Dizze fûgel hat in hiel grut jachtgebiet, want hy kin allinne mar bût te pakken krije, dy't net al te halich is en dus net sa hurd útnaaie kin. De reade wikel is wol goed fluch en dy sjocht men noch wol gauris wikeljend boppe de greide stean, heech yn 'e loft (torenvalk). Ien nijsgjirrich fûgeltsje mei ik net ferjitte. Dat is it waarlamke of bletterlamke (wetters-

nip), dy't graach briede mei op lege, sompige stikjes lân. As men troch syn gebiet kuieret dan kin it mantsje in hiel ein mei jin opreizgje, al mar mjekkerjend, krekt salang, oan 't men it nêst fier genôch foarby is. Yn de tiid, dat de fûgels reiz'gje, de "trek", kin men frij geregeld de wat mankelike rop fan de wylp hearre.

In oare kear saait der in hiele kloft kramsfûgels al of net mei protters der by, del yn de koetsebeibeamkes. Dan witte jo, net wat jo hearre, sa'n getsjotter en geskel, men kriget de yndruk, dat se allegearre tagelyk oan it wurd binne en men freget jin ôf, hoe 't se yn 'e goedichheit ek noch tiid fine, om in hapke te iten. Ik wol net bewoare dat ik mei dit ferhaal folslein alles neamd ha. Dat wie ek net de bedoeling, mar miskyn is der hjir en dêr ien, dy't no wat nijsgjirrich wurden is en tenei ek ris mei de earen en eagen iepen troch dit gebiet rint of fytst. As dat sa is, dan is dat moai meinommen. Wat in petfol skriesaaien en in brief fan Wietse al net te weech bringe kin!

No bin ik noch net iens klear mei alle feroarings op it kaartsje. En Reahel wachtet ek noch en fierder is Janke der diz' kear ek wat bekaaid ofkommen. Mar wy geane de oare kear wer mei moed fierder.

In minskelibben lang oan it wetter (11)

No gau werom nei it kaartsje, want der is noch mear te fertellen. Op 'e hoeke fan Krúswyk en Aafkewyk stie in wynmotor. Dy moast dat gebiet bemealle. Sa'n mûne wie alhiel fan metaal. In hiele rûnte fan bled-den, dy't de wyn fange moasten en efter in grutte sturt, dy't him mei de kop yn 'e wyn hâlde moast. Dêrop stie mei grutte letters Bakker - IJlst. It dwersein yn de Bûtenpostmer feart, dêr flak by, hiet "It Spikerboar". Sa'n pear heakse bochten yn in feart koene soms de foarm ha fan in omslach fan in âlde hânboar. Dêr komt de namme wei. No wie it wol faak sa, dat ek stikken lân, dy't by sa'n Spikerboar leine, deselde namme krigen. Dat kin men op de kaart fan Schotanus fan 1743 ek sjen. Dêr rint "d' oude Veenster vaart" troch de Surhuzumer mieden sawat lykop mei de Lauwers. Ien fan de "Verlaten" hjit der ek "Spijkerboor Verlaat" en de landerijen dêrby drage deselde namme. Hjirby kin ik wol efkes fertelle, dat it "Caspar di Robles Diept" oarspronklik troch Gerkeskleaster rûn dan wat eastlik fan dit doarp flak by in "Koorn-Molen", rûn it yn "d' Oude Veenster Vaart" en dan waard dy folge nei it suden, troch Stroobos en boppe it niisneamde "Spijkerboor" giet it "Kornel Robles Diept" dan nei it easten. op nei de Leekstermar.


Yn 1743 wie dit al net mear de faarwei nei Grins. It "Stroobos Rak" wie der doe al en ek de "Trekvaart op Groningen" stiet der al op oanjûn. En no 't ik 't dêr dochs oer ha, wol ik der fuort by fertelle, dat der in "Hoog-Holt" by Reahel oer 't Djip lei en in bytsje westliker rûn it "Kornels Diept" troch in marke. Ik kom aanst noch werom op dy âlde kaart fan Schotanus, want dy fertelt ús noch mear nijsgjirrige dingen.

No moat ik earst lykwols de nûmers 34-36 by de Bûtenpostmer feart noch efkes ûnderhannen ha. Dêr hawwe nammers trije wentsjes stien, dêr 't hjoed de dei net folle minsken mear weet fan hawwe. Ik tink dat nû. 34 it lêst ôfbrutsen is, want der hawwe noch lang stikken en stollen fan te sjen west, lyk as brokstikken fan de muorren en noch in part fan de reinwettersbak. Op dat plak moat Jelle Kalsbeek wenne ha. Nei 't ik heard ha, hie in soan fan him, Marten, letter in winkel yn Droegeham. Pakesizzer Jelle zit no yn deselde saak.

Dêr foar oer, oan de oare kant fan de feart wennen Gabe en Sytze. Wa't op nû. 35 wenne en wa op nû

36, dêr bin ik net wis fan. Sytze wie yn alle gefallen ien fan de beide; wat syn femyljenamme wie, wit ik ek net, mar hy hie wol in bynamme. Hy waard Sytze knûstje neamd en dat hie syn reden. Hy miste nammers ien hân; oft hy sa berne wie of dat it kaam wie fan in ûngelok, dat wit ik ek net, mar hy wist him mei dy iene hân aardich te rêdden. Hy help faak mei, as der in skip mei leukmodder lost wurde moast. Ik sil efkes útlizze, wat leukjen is. Sjoch, in baggermûne is nochal gâns in ding, dy kin men brûke yn frij brede fearten en kanalen. Mar yn de opfearten lykas de Twizeler feart, de Hamster feart, de Feenster feart, dêr koe men mei sa'n apparaat net yn. Dat dêr moast leike wurde. Dêr fear men dan yn mei in pream mei in moai-stevige barte der oer en der stiene dan faak twa man op, dy't dit wurk diene. Dy hiene in lange pols mei oan de ein in heal-rûne izeren bûgel en dêroan fêst in learen sek. Dat seach der likernôch sa út.

Men smiet dy baggelbûgel lyk as in hekkel in ein fan de pream ôf yn de feart mei de bûgel op 'e side; sakke dy dan ûnder wetter dan draaide men de stôk noch in heale slach sa, dat de bûgel mei de heal rûne kant op 'e boaiem kaam en dan oanlûke en tagelyk op de stok drukke. Sa kaam de learen sek alhiel fol mei de slamp, dy't op de boaiem lei. Helle men it spul omheech, dan kaam de sek mei blabze fansels boppe wetter en dan wie ien handich beweginkje genôch om de sek troch de bugel fleane te litten en dan lei de drek yn 'e pream. By de folgjende goai moast de stôk gewoan in heale slach nei d'oare kant draaid wurde en dan koe men de folgjende fracht oan board helje. Dizze leukmodder waard faak hjir of dêr oer it lân brocht. Joon Wagenaar en Feike de Bruin ha dit wurk ek wol by d'ein hân. As sy dan mar soargen, dat der in kroadfol slamp op 'e loopplank stie, dan rêdde Sytze der fierder wol mei. Hy hie dan in soarte bân oan syn iene pols. Dy sloech er handich in mannich slaggen om it iene hânsel fan de kroad, besocht efkes oft it strak siet en dan pakte er mei syn iene hân it oare hânsel en dêr kroad hy hinne. Hy brocht it te plak, wêr 't se it mar ha woene en de kroad leech kiperje, dêr draaide hy, om sa mar te sizzen, syn iene hân mar in heale slach foar om. Sytze bewearde altyd, dat hy net



sa âld wurde woe. No, it skynt, dat hy syn sin krige hat, want der is my ferteld, dat hy by in ûngetiid yn de omkriten fan it Fean, fan in weide hea fallen is en dêr by om it libben kommen is.

Dan wenne dêr ek noch in Gabe. Dizze man moat raar wat yn 'e bouden hân hawwe. Ik hie sa hjir en dêr alris heard fan in keardel, dêr 't se yn de mieden eins allegearre mar wat bang foar wiene. It soe my gjin nij dwaan, as dat dizze Gabe west hat.

Want dat er ûnhuerige sterk wie, mei blike út it folgjende teltsje. Jan Stel, Janke har broer, wie klompmakker en dy hie ris in swiere beam kappe. Dy lei yn 'e sleat. Misskyn wie er by ûngelok der ynrekke by it kapjen - 't kin ek wêze, dat ze him der yn rôlle hiene, om in skoftsje te wetterjen.

Hoe 't dat ek wêze mei - hy lei yn 'e sleat en hy moast der út. Jan en broer Sytze wiene der tegearre oer gear. Hoe 't se ek skripten en wrotten, der wie gjin beweging yn te krijen. Dan mar nei Gabe om help. Dy

kaam fuortendaliks mei. Hy beseach it spul efkes, pakte it tou, slûch it oer 't skouder en rûn wat skeanoer by de sleat wei it lân yn. Doe 't it tou strak stie, rôp er efterom nei Jan en Sytze: "Klear?" Dy seine fan ja, mar se hiene it tou net iens beet. Gabe gie yn it tou hingjen as in grouwe Belg, sette him skrep en - dêr kaam beweging. Stap foar stap bealge Gabe fierder. Syn spieren tynden op, dat it bûsgroentsje hast barstte, mar hy bleau yn beweging. Stikje by bytsje glied de grouwe stamme by de oanrinnende wâl op. Jan en Sytze wisten net, wat se seagen; de eagen pûlen har ta de holle út. Doe 't Gabe de beam alhiel op 'e greide hie, rûn er noch in eintsje troch, as hie er in stekpeal oan 't tou. Doe seach er om en sei wat spytgnyskjend tsjin de beide mannen: "Hea, ik tocht dat ik jimme efkes helpe moast - no - de oare kear, dan helpe jimme my en dan gean ik der noflik by sitten."

Gabe moat ek in broer hân hawwe. Op in dei stie dêr in doaske op 'e stûpe mei wat sinteraasje en pompiere der yn en dêr siet ek in briefke by. Dêr stie dit yn: "Sykje mar net om my, want jim fine my dochs net." Sa woe de broer lykwols net, dat dy gie

der op út. Oeral freegjend kaam hy der efter, dat Gabe sjoen wie yn de omkriten fan de Feankleaster bosk.

Yn 'e poel efter de bosk ha se him fûn. Hy wie alhiel ferside wrotten ûnder de sompen en sa hie er him sels ferdronken.

No ha ik hast alle feroarings op it kaartsje neamd. Mar ik sei al, dat ik noch efkes werom komme woe op de âlde kaart fan Schotanus. Dêr stiet de brêge op, dy't ik no by moestille oer it Djip tekene ha. Op dy kaart stiet de Sânsleat wol, dy rûn doe yn 't West fan Bûtenpost noch oan de wei ta. Dan gie er fierder om Bûtenpost hinne en mei frijwat bochten kaam er op 't lest út yn 'e Stroobosser trekfeart. Sa stiet it teminsten beskreaun yn "De tegenwoordige staat van Friesland" fan 1785. Mar der is noch gjin sprake fan in Twizelerfeart of in Miedsleat en ek it paad fan de âld dyk nei Moestille wie der noch net. It paad wie doe fan de brêge skean op it nonnepaad ta, sa 't ik dat tekene ha mei stipkes. It hjit no nonnepaad, mar goed fjouwer iuwen ferlyn wie it it paad, dêr 't de nonnen lâns rûnen om fan it iene

kleaster nei it oare te kommen. Der wiene gâns frouwekleasters yn dy tiid. "Maria's Graf" of Bouwekleaster by Droegeham lei aardich sintraal. Súd-east lei in frouwekleaster yn Trimunt. Súd-west lei "Smelna" by Smelle Ie, wat heger "Sinia" by Sigerswâld ûnder Garyp, dan it frouwekleaster fan Burgum, gâns fierder nei it noarden "Bethlehem" by Bartlehiem, tichterby de "Olijfborg" by Feankleaster en "Galilea" súdlik fan Burum. Dat wiene allegearre frouwekleasters. En dan wiene der fansels noch in hiele rige mannekleasters, lykas "Mariengaard" te Hallum "Claercamp" by Rinsumageast, "St. Bonifatius" te Dokkum, "Jeruzalem" - Gerkeskleaster, "Barra Convent" yn Burgum, "Vlierbos" op 'e Veenhoop en "Marienhof" yn Bakkeveen.

En al dat folk reiz'ge mar wakker hinne en wer. Nammen lykas de "Mûzewei" fan Feankleaster nei de trekfeart, muontsetille, nonnepaad en mûzegroppe (eartiids "Munckegruppe") bringe ús dy lang ferfleine tiid nochris wer yn 't sin. Rin yn jo tinzen mar efkes mei.

Dêr binne in kloftsje nonnen fan "Smelna" de "Mûzegroppe" lâns kaam en dy bekomme in skoftsje yn "Maria's Graf" (Bomkleaster). Mar se moatte noch fierder. Dan oer de Kromelle op it "Cornels Diept" ta, dêr oer de brêge en dan it Nonnepaad lâns nei de Âlddyk, dan in eintsje it westen yn (likernôch oan it plak ta, dêr 't no de flapbrêge leit) en dan koene se rjochtsôf in paad lâns, dat rjochtstreeks (sûnder ien inkelde bocht) útkaam yn de "Wester-Buiren" fan "Twijssel". It lêste stik fan dat paad (likernôch fan de Sansleat ôf) moat suver in leane west ha, want dy wie oan beide kanten mei beammen beplante. Dan folgje se in eintsje de "Rijdweg van Leeuwarden nae Groningen" en dan slagge se loftsôf de "Dam Wedze" yn en sa komme se dan oer "t Wild Pad" yn "Veen Klooster" oan op de "Olijfberg". Ik tink no wol ris: Spitch dat it skoallebestjoer yn 1912 dizze kaart net mei hie nei de rjochtbank, doe 't der spul wie oer it paad, dat de bern lâns rûnen nei skoalle ta.

Dan hiene se oantsjutte kinnen, dat dit paad der al sa'n twa ieuwen (en faaks al folle langer) lein hie. Der

wurdt wol tocht, dat dêr by de brêge oer it Djip op Moestille ris in ûngelok of sa bard wêze moat, want by de earste ferbreiding fan it kanaal, krekt foar de twadde wrâldoarloch, kamen dêr by it baggerjen twa (guon sizze trije) sulveren krusen boppe wetter. Men moat tajaan - it wol jin net oan, dat sokke weardefolle godtsjinstige attributen mei sin yn it wetter smiten wêze soenen.

Wat wie der yn dy tiid (1743) noch in soad bou. Alle lân tusken de Rykswei, it Wylpaad en de Swadde in stikhinne oan Bûtenpost ta wie bou. Der stie doe noch in "Rog-Molen" efkes fierder as it tolhús, sawat yn 'e buert fan it spul fan Wytse en Martsje Hamstra en dan in eintsje fan de wei ôf. Ek de Kooten wie hast kleare bou, allinne tusken de Âlddyk, it Djip en de Bûtenpostmer feart lizze de "Kootster Maaden", oan wjerskanten fan de "Sand Sloot" fynt men de "Twyseler Hooijlanden" en súdlik fan Bûtenpost hjitte se "De Woudmaaden". Oan de oare kant fan de "Bruglaan" wurde dat dan de "Augustiner Gaesten".

Folle huzen ha der doe fêst noch net west, net oan de Âlddyk en ek net oan it Djip. Te mear falt it op, dat der wol in "Aansienlike Hofstede" stien hat, yn 'e buert fan it plak, dêr 't Jelle en Gaatske no wenje. De namme stiet der ek noch by - Blankenburg Altena. Dat liicht der net om. Men soe hast tinke, dat der folk mei blau bloed tahâlden hat.

Dan sil ik it no efkes ha oer de polder fan it wetterskip Reahel. Dit wetterskip is útein set mei in tariedend bestjoer yn 1878. Foarsitter wie Jacob Kuipers fan Bûtenpost en Stiksma is yn aksje as waarnimmend skriuwer. Der hawwe al in hiele rige gearkomsten west (ek de ferslaggen dêrfan steane yn it notulenboek), as yn 1879 op 6 febr. de offisjele oprjochtingsgearkomste hâlden wurdt.

Dan wurde Jacob Kuipers fan Bûtenpost, Lammert J. Boetes fan Stynsgea en Jacob E. Sikkema fan Bûtenpost as bestjoersleden stimd.

De heer P. v.d. Werff, gemeente architect te Bûtenpost, wurdt oansteld as opsichter. Nei alle gedachten hat

men yn dit wetterskip al gau plannen makke om te kommen ta ynpoldering, want al yn 1880 wurdt der in hoekje grûn oankocht om der in mûne en in mûnderswent op te bouwen.

Dat dizze polder earst bemeald is mei in wynmûne is wol wis, want dy is ôfbaarnd yn 1914. Yn dat jier moat it wol wat bisûnders west ha mei it waar. Dagen oanien wie it swier waar. Dy buien kamen op yn it súd-westen en dan bleauwen se mar hingjen. En dan wie hjir brân en dan dêrre. Yn Droegeham klauden se op it platte dak fan de herberch om te sjen oft it ek wer hjir of dêr yn 'e omkriten ynslein wie.

Ferskillende minsken hiene my dit al befêstige, mar foar de wissichheid ha ik dochs efkes neifrege by ús waarman, Hans de Jong. Ik hie noch mar krekt it wurdt tonger en 1914 fallen litten, doe sei er al: "Ja wis, dat hat nei myn betinken de slimste swierwaarsrite fan dizze ieu west. Skippers, dy't hjir doe lâns fearen troch it Djip hawwe ferteld, dat se dan wer brân seagen oan de iene kant en dan wer oan de oare. Dêr wiene minsken, dy't har wurk om fierrens hiene en dy't it net oandoarsten om troch sok need waar nei hûs te stekken."

Doe't de mûne ôfbaarnde, ornearre it bestjoer, dat it no mar ris besocht wurde moast mei in stoomgemaal. No, dat like de mûnder, Hindrik Tjoelker doe noch, ek wol goed ta.

Der waard in tsjettelhûs boud, in piip waard opmitsle en doe kaam de mesine der yn. No, dat wie in pracht. Hindrik Tjoelker hat doe noch 12 jier masjinist west, mar it gefolch wie al, dat hy tenei altyd be-neamd waard as Hindrik Stoom. Yn 1926 kamen Hindrik de Haan en Anna Meyer yn it masjinstehûs.

Hja wiene doe krekt troud en hja hawwe dêr 51 jier wenne. Yn 1977 binne hja ferhuze nei Surhuzum en inkelde jierren ferlyn is Hindrik dêr ferstoarn.

Syn widdo wennet dêr noch en as dy op 'e tekst is oer dizze stoommesji-ne, dan rekket se no noch alhiel út 'e skroeven. Sa'n skoandere mesjine, it

wie in pronkstik, neat gjin lawaai en sa moai skjin en al dat koperwurk, it blonk as goud. Hja hawwe dêr te-gearre tsien jier lang wille oan belib-be. Mar doe wie it dan 1936 en dat wie midden yn 'e krisisjierren. It bestjoer krimmenearre stien en bien, wat it allegearre wol net kostte. Dat ding friet stienkoal, né - dit koe net langer sa.

It pronkstik waard der út helle en der kaam in sljochtwei dieselmotor foar yn it plak. It wie in griis. Soan Geart de Haan, dy't sûnt 1977 hjir wennet mei syn frou Geartsje Dijkstra en harren fjouwer jonges, wit noch dat de piip ek it leadtsje liz-ze moast. Om 'e piip waard boppe in strûp lein fan in lange kabel, dy't fêstmakke wie oan in moterboat, dy't yn it Djip lei, in ein út 'e wâl. Underoan waard oan de efterkant in rige fûgen loskappe. En doe koe it wurde. It boatsje begûn te tuffen, de kabel lûk strak en doe 't de skipper de moter noch wat oanpuonde, kaam der beweging yn 'e piip. Earst

in bytsje, doe wat fierder - noch wat fierder en doe 't er ien kear út it lead hong, doe gie 't fansels. Dêr plofte 'r om yn syn hiele hear en fear. Se hie-ne it knap útfigelearre, want de kop lei krekt op é kant fan it Djip.


De nije diesel joech yn 't begjin net sa folle argewaasje, mar yn de oar-lochsjierrren waard dat minder. Doe begûn it spul wat út te rûpeljen en ûnderdielen wiene der net te krijen, want it wie in Ingelske moter. No, doe wie it echt gjin aardichheid mear. Dan wiene se der soms twari-som oer gear en dan koene se dat kring noch net oan 'e praat krije.

Benammen by de winterdei, as alles like kâld wie, dan wie it moardzjen. It wie dan ek in hiele ferromming doe 't yn 1946 de âlde Diesel it plak romje moast foar in electro-motor. Dêr hat Hindrik de Haan doe ek noch ris 31 jier it tafersjoch op hân.

Doe 't yn 1970 ek dit wetterskip oergie nei "Lits - Lauwers", hat de Haan de went fan it bestjoer kocht, mar wol bleau hy noch yn funksje en ek syn soan Geart hat nei 1977 it gemaal noch sa lang betsjinne, oant it nije gemaal op 'e ein fan de Bûtenpostmer feart it oernimme koe.

En no is de frij brede wyk, njonken en efter Geart syn hûs it iennichste, wat der noch oer is en in foarbygonger hat der gjin weet fan, wat hjir al gearre yn it ferline bard is.

As lêste wol ik diz' kear noch efkes weromkomme op dat tsjerkelân oan it Nonnepaad. It tsjerkelân fan de Koatster tsjerke lei it neist oan Wagenaar's hûs. De opbringst dêrfan kaam te'n goede fan de pastorijsje. Dêrom hiet dizze hoeke dan ek de Pastorij-petten. De oare kear mear.



Al in pear kear ha ik it sté neamd, dêr 't Klaas en Martsje Wedzinga wennen. Dat wie dit wentsje, mar it is der net mear.

In minskelibben lang oan it wetter (12)

Nei al dy ferhalen yn de lêste beide stikken soene wy hast Janke en har libbensrin wat ferjitte. En dat is fansels net de bedoeling. Dus wy geane tebek nei 1917 en de tiid dêrnei. Hja kamen, sa't wy al witte, te wenjen op nû. 11. Dêr hiene Michiel en Aaltsje Kramer in jiermannich buorke en dy ferhuzen doe nei Twizel. De jongelju hawwe al ridlik gau, om't se dochs net buorkje woene, it spul aardich ynkoart. De skuorre en it bûthús rekken der ôf en der kaam sa'n foech hokje foar yn it plak.

Wat romte moasten se dochs wol hawwe, want se hiene eins altyd wol in keppeltsje hinnen en meastentiids in pear skiep. Altomets waard der in brodsk hintsje op in nêstfol aaien set, dan bleau men wat yn 'e jonge hinnen en soms koe men der ek noch ris in aardich hanneltsje mei dwaan. Janke hie ommers gjin fyts, sei 'k al.

No der kaam ris in man by har oan de doar en dy hie wakker aardichheit oan in klok mei piken dy't dêr op 't hiem omskarrele. Sa yn it petear

kaam it praat ek op fytsen en doe't Janke fertelde, dat se wol fytse koe, mar noch gjin fyts hie, sei de man: "No, dan wit ik it goed makke. Jo krije in fyts fan my, dan moat ik dy klok mei piken ha". De hannel gie troch, mar doe't de man letter mei de fyts kaam, foel it Janke wol wat ôf, want it wie in hiel kärke fol losse ûnderdielen. Feike gie der oer te set en hy makke der in kreaze fyts fan, dat doe koe Janke ek ris fuort. Ek as se earne hinne moast te kreamheinen of te baaksterjen, dan koe se gâns hurder hinne en wer as yn de tiid, doe't se alles noch berinne moast.

En dat kaam har net fan ûnpas, want se hie it faak fleanende drok. Feike wie hiele dagen fan hûs, soms wol de hiele wike. Dat de tún mei alle griente deryn, dêr moast sy mei rêdde, siedzje, wjude, en letter ynlizze yn flessen en potten; de ierappels op it persieltsje lân moast se ek wat skjîn hâlde, sa lang 't se de grûn noch net yn hiene, de hinnen en de skiep (op 't meast ha se seis hân), alles moast op tiid syn gerak ha. En dan wiene der ek al in pear lytse berntsjes, twa

famkes, Anne en Geeske, dy't fansels ek hiel wat omtinken fregen. En dan noch ris hjir en dêr by in oar in hantaast dwaan, nee, Janke hoegde der net oer yn te sitten dat se mei har tiid ferlegen reitsje soe.

Feike wie, sa 'k sei, eins altyd fan hûs. Earder ha 'k al ferteld, dat hy in bulte warber wie yn 'e polder, mar fierder makke hy ek diel út fan in fêste ploech dy't in bulte meiïnnear op en út wiene. Dat waard wol de "goudploech" neamd en Feike syn âldste broer Freark wie de putbaas. Dy seach de kranten der op nei, oft der ek hjir of dêr in put wurk út-bestege wurde soe.

Dan gie hy der op ôf en besocht dan it grûnwurk, laad- en loswurk en fierder fan materiaal te besetten. Dêr skynde hy aardich tûk yn te wêzen, want se wiene eins nea sûnder wurk. Se wiene ek al in bulte mei itselde protsje folk op stap. Freark, Feike en Johannes, alle trije broers, Egbert Veenstra en Hylke Merkus en Sybren fan Jelle en Jap Boorsma.

Doe't Hylke út 'e ploech gie, kaam Dictus Jager der by en healwei de tweintiger jierren kaam Joon Wage-naar yn 't plak fan ~~Boorsma~~ Boorsma, want dy hie der wol oan, dat er dit swiere wurk oan koe. ^{*Sybren} It wie ek bealgjen, dei yn, dei út. Soms dagen oanien swier grûnwurk, as der yn Ljouwert of Grins wer ris in grut bouwurk op priemmen stie. En dan wer skippen losse. Stien, sân, portlân, it makke neat út. As se safolle wurk hiene, dat se it mei har fêste ploech net neikomme koene, dan diene Durk Mozes en Alle Postma ek mei en sa no en dan die der ek in ploechje mánlju út 'e Harkema mei. De mannen namen dan faak har middeisbrochje mei fan hûs, mar kofje en sa, der rêdden se sels mei. Sa wiene se ek wer ris oan't stienlossen yn de trekfeart by de "Laast-Stuver" en doe sei ien fan de mannen ynienen: "Wa't mear bûsjild hat as my, dy kriget minent der op ta". In oaren sei: "En as ik dat no ris besykje en ik ha safolle net, wat dan?" "No, dan krij ik dinent der by fansels" sei de útdager wer.

De mannen wiene eins mar wat ferstuivere en se begriepen mar net, hoe 't no krekt dat mantsje sa'n breed swee slaan koe. Op 't lêst sei ien fan harren: "No, ik weagje it der op". De oaren wisten wol, dat dizze selde soms wolris in moai protsje jild by him hie, dat se wiene tige benijd, hoe 't dit ôfrinne soe.


In briefke fan f25,- helle de man foar 't ljocht. Oan 'e oare kant barde it selde. Doe twa fan f25,-. De man, dy't de útdaging oannommen hie, gûchele wat yn syn knipke om en mei wat tsiengûnebriefkes en in mannich ryksdaalders kaam er op 't lêst ek op f75,-. De útdager hie geduldich en in bytsje gnyskjend nei dat gepiel stien te sjen. No helle er beret trije lapkes fan f25,- tagelyk út 'e bûse en seach syn tsjinstanner oan, suver in bytsje meilydsum, as woe er sizze: "Spitich jonge, mar ja.... En doe seach er, dat de man dochs noch wer yn syn beurs begûn te klauwen en..... wat kaam dêr foar it ljocht? Ien fan f100,-. Hy waard sa wyt as in pantsje en hy stammere der oer: "Dit kin net, nee wier, dit kin net".

Hy koe der lykwols net foarwei en syn hûndert daalders ferhuzen nei de oare syn beurs.

De hiele dei hie er neat te keap en doe 't tsjin 'e jûn de mannen de fyts pakten, bleauwen de ferliezer en de winner dêr as lêsten tegearre oer. De man, dy't wûn hie, wie it net ûntgien, hoe't syn maat mei dit gefal ompakte, dat hy helle no de seis briefkes fan f25,- wer te foarskyn, rikte se de oare ta en sei: "Sjoch

jong, doch dit no nooit wer". De man, no alhiel ferbûke sei: "O, hea, wat dochstû my hjir in deugd mei. Ik hie foar gjin goud sa nei hûs ta doarst. Ik sil 't dy wol earlik sizze: mei dizze hûndert daalders moat ik no nei notaris ta om rinte en ôflossing te beteljen. En doe tocht ik fan 'e moarn, as ik no ris ien fan de mannen sa gek krije kin om mei my te wedzjen, wa wit, ha'k dan jûn dochs noch in pear tientsjes yn 'e bûse. Dit hie raar betoare kinnen".

Wylst de mannen sa by al har swiere wurk, dochs ek noch har wille hiene mei nuvere oanslaggen en frjemde setten, skripte Janke thúshom en by in oar, op 'e bou of yn 'e tún of se hie de iene of oare kuorkerinder of keapman oan de doar. Dat wiene foar in part guon, dêr 't se steat op meitsje koe, dat se op bepaalde dagen oankamen. Mei winkelguod kaam Binne v.d. Meer; dy kaam eins altyd mei in boatsje, want de Alddyk wie doe noch net ferhurde. Doe't soan Willem letter yn deselde winkel warber wie, kaam dy wol de wei lâns. In oaren, dy't ek mei in boat oankaam, wie Romke v.d. Meer fan Skûlenboarch. Dy wie parlevinker fan syn berop, hy sloech dan ek hast altyd op it wetter om en die de measte saken mei farrend folk. En dan kaam Janus Dillema fan Gerkeskleaster ek yn 'e mieden mei syn affearen.



Yn dy beammen links stie it hûs fan Sikke Hoeksma. (nû 13). De reidkraach, dy 't wy efter it skip noch sjogge, jout oan, wêrt de Hamsterfeart yn it Djip útkomst en yn dy beammen efter de boat giet it hûs fan Jabik en Antje v. Houten beskûl.

It bakkersguod kaam al in bult fan 'e Tille fan de Bulthuzen, mar as der brea wêze moast, dan kaam dat fan Goaitzen Nicolai fan Twizel. Dy su-tele hiel Twizel ek ôf mei syn houten karke op twa tsjillen. Dan die Renze Bijker, de slachter fan Jistrum it al hiel wat moderner. Hy wie de earste, dy't syn kouwe- en bargeguod al mei de auto te plak brocht. Fierders wie der faak noch hiel wat oanrin; heide-folk mei hânskrobbers en heidebie-zems, guon mei in kofferke mei al-lerhande snypsnaren, knipers en kamferballen, kaartsjes knopen, slútspjelden en illestyk en folle net genôch; oaren mei moaie stoffen en lapen. Stuolwynders kamen ek sa no en dan ris efkes lâns, om te fernim-men hoe't it der foarstie mei de sit-tings fan de stuollen. Ien kear hat Janke in tsiis fan sa'n reiz'gjende tsi-zekeapman kocht. Ja, dat wie ien kear, mar nooit wer, want doe't se goed-oen wol begjin makke hiene, blik it, dat er fan binnen hielendal hol wie. Men koe mar oppasse mei soksoarte folk, benammen dy om-stippers, dy't men ien kear seach en dan nooit wer, dy wiene faak ek noch sa bretaal as de beul.

De tiid stie net stil. Sûnt 1921 wiene der trije bern, want der wie ek in lyt-se Marten berne. Doe duorre it mar krekt of Anna moast ek al nei skoal-le en Geeske en Marten wiene mei tuskenskoften fan twa jier ek safier. En dizze trije lytse stropen moasten, krekt lykas mem sa'n goe-de tweintich jier earder, ek elke dei oer it wetter om yn Droegeham te kommen. Destiids waard Janke helle en werom brocht troch har suster Jantsje. No moasten se oer by de Droegehamster feart, dêr't Jabik en Antsje v. Houten op 't hoekje wen-nen. As se mar lûd joegen, dan kaam der al gau ien fan de bern, Bearn of Styntsje, mei de boat oer it wetter en dan waarden se útset oan de eastkant fan de feart. Dan bleau-wen se ek oan dy kant en rûnen sa oer de Kromelle nei it doarp.

Jûns deselde wei werom en sa gie dat dei oan dei, jier yn, jier út. Mar soms, yn echte kwakkelwinters, koe-ne se skoften lang net nei skoalle. It iis net sterk genôch om der oer rinne te kinnen, mar wol sa sterk, dat men der mei de boat net mear troch

kaam. No, dat betsjutte dan: frij fan skoalle. Dat it berneguod der slim argewaasje fan hie, nee, dat wol my net oan. Nei Marten kamen der foa-rearst gjin bern mear, mar nei in jier as sân ferwachtte Janke wer in pop-pe. Dat waard lykwols in te-loarstelling. It bliken twillingen te wêzen, mar dan Siameeske. Hja wie-ne al wei doe't se berne waarden, mar Janke en Feike, dy't lokkiger-nôch thús wie, hawwe har dochs bei-de in namme jûn - Lammert en Jan - nei Feike syn heit en Janke har âldste broer. Dit wie wol in yngri-pend barren yn dit gesin, mar der hat net folle praat fan west destiids, dat hiel wat miedtsjers hawwe dit nooit iens witten. It de Bruins-folk hearde fan hûs út wol by de Her-foarme tsjerke, mar yn de praktyk makken de measten der net folle fan. Allinne Johannes wie oars. Dy gie wol nei tsjerke en dy genearde him ek net om der oer te praten. Fei-ke hie der neat op tsjin, dat de bern nei de Griff. skoalle giene, mar yn syn hert wie er in echte soasjalist.

Foto's fan it Keninklyk Hûs dêr moast er eins neat fan ha. Hy koe

wakker ôfjaan op „dat kapitalistysk gedoch”. En doe barde dit mei de twillinkjes. Feike pakte der mei om; hy kaam der mar net út. Ek yn 'e ploech waard der wol oer praat. Hylke Merkus en Johannes seine dan ek, hoe't sy soks seagen.

Feike koe der net foar wei: It praat fan dy beide mannen, dêr hie hy mear hâld oan, as oan alles wat de oaren seinen. En doe kaam dûmny Ten Brink yn Twizel. Dat wie de man fan 'e strjittepreken en fan evangelisaasje. Hy sette fuort útein mei in belideniscatechisaasje foar wat âlderen. Dat sloech tige oan. De iene beprate de oare en it waard op 't lêst in hiele kloft. Hylke en Jits Merkus, Joon en Jeltsje Wagenaar, Egbert en Gepke Veenstra en ek Fei-ke en Janke setten alle wiken in jûne nei de buorren te fraachlearen. Der diene ek noch oaren mei. Dat wiene Wiebe en Tryntsje Koster, Alle en Griet Postma út 'e Koaten en Gjerrit en Froukje Duursma, dy't op 'e Tille oan de Alddyk wennen.

Dat al mei al (as men ek de bern mei-rekkene, dy 't doopt wurde soene) waard it in tal fan mear as tritich minsken dy't lid wurde soene fan de tsjerke. It mei frjemd lykje, mar de man, dy't suver longerjend útseach nei de Peaskesnein, dat wie Feike de Bruin. Hy wie suver as in blêd oan 'e

beam omkeard; hy woe mear witte, hy rekke der net oer útpraat, hy koe gewoan net langer wachtsje. De tsjerkerie hat doe tastien, dat Feike in moanne earder as de oaren belidenis dwaan mocht.


Op Peaskesnein kaam doe de grutte dei foar al de oaren. Doe waarden der ek in hiele keppel bern doopt. Anne de Bruin wit noch skoan, dat Geeske en Marten al doopt waarden, mar sy net, want sy wie 13 jier en de tsjerkerie wie fan miening, dat bern fan dy leeftiid har eigen kar dwaan moasten. By guon leden fan de Grifmearde mienskip fan Twizel stiet dit besûndere barren noch tige skerp yn it ûnthâld.

Yn 1932 (Janke wie doe wer yn ferwachting) barde der wat, dêr't Janke alhiel fan oerstjoer rekke en krekt

doe wie Feike der net. De foto, dy't hjirby stiet, is nei alle gedachten yn dyselde tiid nommen earne yn Drinte, misskyn yn 'e omkriten fan Gasselte, dêr't de mannen doe warber wiene yn it fean. Fan de ploech, dy't ik earder neamde steane hjir allinne op Feike (de middelste boppe) en ien nei rjochts Durk Mozes.

Under fan lofts de twadde is Alle Postma en Johannes, sit alhiel rjochts. De oaren komme misskyn út oare doarpen. Freark, Joon en Egbert steane hjir net op, want hja hiene doe ek in put wurk yn Ljouwert.

Dy ploech yn Drinte bleau dêr hiele wiken; de manlju húsmannen dan meiïnoar yn in boat, dêr't se sliepe en ite koene. Dêr wie ek it adres, dat warskôge wurde moast as der ris wat barre soe. Dy moandeitemoarn wiene de maten al wer betiid ôfset op har fytsen, want se hiene in hiele reis foar de boech. Doe't Janke in ûre of wat letter alhiel fan 't stik by Joon en Jeltsje oanfleanen kaam, wie't mar goed, dat se dat adres hienen. Joon makke fuort risselwaasje. Hy stiek nei de Tille en ferstjoerde in tillegram nei it adres yn Drinte.



En Feike wie dêr noch mar krekt fan de fyts stapt, doe kaam der in postboade in feanpaad del en dy wiuwde wakker mei in pepierke en rôp al fan fierrens. Feike naam it tillegram oan, skuorde it iepen en lies it.

„'k Wit net wat der bard is mannen", sei er, "mar Janke skriuwt dat ik daliks thúskomme moat". Hy pakte de fyts en sette ôf. Krekt sa'n reis op 'e lea en no fuort wer werom en dan dy ûnwissens. Wat wie der bard?

Wat soe er thús oantrefte? Wie it Janke, wie it ien fan de bern? Hoe slim soe it wêze? De eangst jage him op. En al mar oan mealden syn tinzen yn dat selde rûntsje. Hjoed de dei kinne wy ús sa'n reis eins net mear foarstelle. No soe in inkeld tillefoantsje by it earste hûs, dat men foarby komt, de benearjende ûnwisens weinimme, mar doe bestie dy mûglikheit gewoan net.

Doe't er lang om let thús kaam, waard er it gewaar. Aldste dochter, Anna, jong faam fan 15 jier, wie dy moarns ûnderweis nei de Westerein, wer't se as naaister arbeide op it atelier fan 'e Baarsma's. Doe wie se oanfallen troch in jongkeardel, dy't har noch al wat tatakele hie. Op dat stuit, doe't Feike thúskaam seach it der al wer gâns better út. De bludderige klean stiene al yn 'e weak, dokter hie der al west, de dieder wie al pakt, mar like goed wiene se alle-gearre tige bliid, dat heit thús wie. Heit, net in drokke prater, mar wat er sei, der koe men op oan en wat er ienris tasein hie, dat kaam er nei. It joech in gefoel fan rêst en feiligens te witten dat heit der wie.

Lokkigernôch hat Anna op 'e lange d oer der neat fan oerhâlden en koe se nei in skoftsje gewoan wer trochgean mei har wurk yn 'e Westerein. It jier dêrop yn 1933 krigen Feike en Janke en jonkje; hja neamden him Lammert en it jonkje, dat twa jier letter berne waard, krige de namme fan Jan. Yn 1941 krigen hja noch in famke, in lytse Pytsje, neamd nei Feike syn jongste suster. Tenei mear.


In minskelibben lang oan it wetter (13)

Yn 'e lêste helte fan de tritiger jierren waard it Djip tige ûnder hannen nommen. It wie de firma Verhoeve, dy 't mei swier materiaal dit kerwei oanpakte. Grutte baggermesinen draaiden hiele lange dagen en de iene folle bak nei de oare waard de Bûtenposter feart yn lutsen mei lytse sleepboatsjes. Dat gie nei it spikerboar en dêr waarden se dan leechspuite. Dy wiete dridze woe wol rinne, dêr 't it it leechst wie, mar der moast wol folk wêze, dat it spul yn 'e gaten hâlde.

De buizen moasten geregeld ferlein wurde, der moasten buizen oan kep-

pele wurde, hjir en der moasten wat dykjes makke wurde om it spul yn goede banen te hâlden.

As men it kykje hjirby goed besjocht, soe men hast tinke kinne, dat dit slykwurkers binne earne bûten-dyks op it waad. It wol jin no eins mar min oan, mar dit is de gemeentepolder fan Bûtenpost. Dy hiele wrâld waard dêr foljage oan de Alddyk ta en hjir en dêr ek noch wol in stikje dêr oerhinne. De man lofts op dizze foto is v.d. Schuit en rjochts stiet Feike de Bruin. In hûd fol wurk fersetten dizze mannen op it stoart. (Sa hjitte sa'n opspuite stik grûn.)



Joon Wagenaar, dy't fan jongs ôf op it wetter omsloech, waard al ridlik gau bakskipper en dat hat er dan ek jierrenlang dien. Op 't stoart wie ek nei it opspuitsjen noch wit hoe lang wol wurk. As in bepaalde hoeke nei ferrin fan tiid wat fersjigd wie, dan moast it noch egalisearre wurde. Dan waarden der rails op lein en kamen de montany's mei rigen kypkarres yn it spier. Al dy lorry's moasten wol laden wurde mei it skepke. It ferfier wie dan al aardich noflikker, no 't der sa'n motorlûkerke foarspand wurde koe, mar as de kar-

kes omkrypt waarden, moast de bats der dochs wer oan te pas komme om 't al dy karfollen dan noch sljochte wurde moasten.

Op dizze foto sit Geert Kempenaar op 'e montany en efterop stiet Marten de Bruin (âldste soan fan Feike en Janke). Dat der noch gâns ferskil yn hichte is, kin men sjen oan dy beide manlju yn 'e fjirte. Dy steane suver op in soarte dykje, sa to sjen. Benammen by de Alddyk moattê de destiids hiele hege bulten lein hawwe.

Nei alle gedachten binne dy koppen ôfgroeven yn 'e besettingsjierren. De Dútsers hiene doe sân nedich op it fleanfjild. De V.d. Woude's hawwe doe in steiger boud by de feart.

Sa koene de montany's mei de lorry's dêr by opride en as se dan kypen plofte de modder yn it skip, dat der stiif ûnder lei. No wie dy grûn noch al kliemsk en sa moat it in kear bard wêze, dat by it kipen fan de earste lorry de modder net loslitte woe, doe rekke it karke út it lykwicht en it plofte fan de steiger yn it skip. Mar al de oare karkes sieten oan innoar, dat de iene nei de oare tearde om en de hiele rige foel nei ûnderen, in pear yn it skip en de measten yn 'e feart.

Wat sil dat in gebealich west ha, om al dat ark wer op 'e steiger te krijen. Nei ferrin fan tiid kaam der in ein oan de sânfarderij. Oft der sprake west hat fan in bepaalde foarm fan sabotaazje (sa 't der wol ris bewoerd wurdt) of dat de Dútsers sân genôch hiene, dêr ha ik gjin wissichheit oer.

Sa lei dêr, yn dy besettingsjierren, dy hiele opspuite wrâld wat te bekommen en yn te klinken. En doe kaam der yn 1943 in kweker út Sappemeer (Kroon hiet de man) en dy soe it wolris besykje.

Om teminsken wat fruchtberens yn 'e grûn te krijen waarden der lupinen op boud en dy waarden der dan ûnder ploege. Der kaam ek in bedriuwslieder en dat wie Koert Bos, dy't mei syn gesin út Drinte wei kaam en dy kamen doe te wenjen yn it âld febykje oan de ein fan de Alddyk. Al ridlik gau begûn men mei de bou fan rogge en ierapels. En om geandewei dochs wat in bettere grûnstruktuer te krijen, avensearren Feike de Bruin en Egbert Veenstra mei in pream hinne en wer tusken dit gebiet en de dwinger ûnder Kollum.

Dy dwinger lei op de hoeke fan de trekfeart en de feart nei Kollum ta. Dêr waard de hússmoargens en ek de ynhâld fan de "tontsjes" stoart. As dat allegearre wat trochinnoar hutsele waard dan krige men in pûrbêst

produkt, dat tige geskikt wie foar dy earme grûn op it stoart. Mar it kostte wol gâns tiid. Se wiene fêst in pear ûren ûnderweis, kloetsjendewei of yn 'e line. Dan moast de pream laden wurde, kroadfol nei kroadfol en de weromreis moasten se al moai wis lûke.

Ien yn 'e line en de oare oan it roer. Dy stie dan yn 'e bollestâl. Dat wie de heal rûne romte by it roer, it ienige plak, der 't men dan noch ferkeare koe. En altomets sille se wol ris ruile ha fan plak, tink ik. Wie it iterstiid, dan leine se it spul foar de wâl en namen dêr efkes de tiid foar. De Bûtenposter feart yn en by it Spikerboar gie it op en nij oan. Kroadzje, de iene skepte se fol, de oare kroad se it lân op en lege se. As de pream leech wie, sljochten se tegearre de bultsjes en as se dan wer op it Djip útkamen, setten se nei Moestille, want dan wie de dei om. En sa gie dat dan dei oan dei.

Ek Roel Nicolai brocht yn dy tiid fan Kroon geregeld it tontsjeguod


fan Bûtenpost oer de landerijen. En dan waard der mar ris wer klaver yn-siedde. As dat dan de grûn goed yn hie, waard it der ûnderploege. Der waard dus tige war op dien om sa troch de jierren dochs in bedriuw op te bouwen, dêr 't ek in bestean yn siet. De ierapels, dy 't ik al neamde, wiene net bedoeld foar de konsumpsje. Né dat wiene febyksierapels.

En fierders kaam it indied sa fier, dat der ek noch hjouwer en weet ferboud waarden. Yn 1951 hat D. de Winter it hiele spul kocht fan Kroon. Yn dyselde tiid emigrearre Roel Nicolai nei Kanada, mar de levering fan it tonnégoud gie gewoan troch. Dêr hat de gemeente doe noch tsien jier lang foar soarge. De ferkeap fan de ferboude produkten wie yn hannen fan Jan Nicolai fan Twizel. De ierapels moasten levere wurde oan in febyk yn Grins. Se waarden ophelle troch skippers fan it febyk. Dat dêr hie De Winter fierder gjin omsjen nei. As is sied ryp wie, kaam de sichtmesine op it lân. De skeaven kamen yn hokken te stean;

as se goed droech wiene, waarden se opladen en yn 'e skuorre riden. En dan kaam nei ferrin fan tiid de terskmesine op it hiem. Dat terskjen waard dien troch de gebr. Cruming. Dan joech De Winter tiding oan 'e Striekartonfebryk en dy hellen it strie op. Fan it sied naam er dan meunsters en dy brocht er by Jan Nicolai, de kommisjonêr. Dy gie dêr mei nei de Beurs yn Grins en ferkocht de ferskillende partijen sied. De keapers stjûrden dan sels wol in frachtwein om it op te heljen. Sa by de tiid lâns hat de Winter stadichoan fan dizze boupleats in greidpleats makke. It wol jin no hast net iens mear oan, dat hjir ienris hiele hoeke sied yn 'e wyn stiene te weagjen en te soeijen.

Hjir tuskentroch efkes dizze beide kykjes. Op dit plaatsje sit Janke har mem (Martens Antsje) foarhûs op har eigen hiem. Spitigernôch stiet de went der net op. Slean efter har sjogge wy út op it spul fan Jelle en Geartsje Merkus en in bytsje nei rjochts (bûten it byld) stie dan oan de oare kant fan it Djip it wentsje, dêr 't Sybren en Jantsje Stoker wennen.

Op dizze foto steane Bein Stelman en Geeske (dy hiene doe ferkearing) en dan Anna en Marten. Foar stiet Lammert (doe in jier as seis, sân) en by Marten stiet Jan. Dat wie doe sa'n baaske fan in jier as fjouwer, Hja binne allegearre wakker yn 'e pronk en hja lizze hjir oan de oare kant fan it Djip. Alde Sikke wenne yn dy beammen dêr rjochts, Hjir hie it Djip al gâns mear breedte. De kant moast noch wat útspiele en dan soe der mei forrin fan tiid beskoeiing makke wurden.



Doe 't it Djip sa ferbrede waard, koe it op en dêr fansels net sa bliuwe, dat al dat skipferkear troch de buoren fan 'e Tille moast. Dat waard doe eins in soarte flessehals. Yn 't lêst fan de besettingstiid kaam der dan ek feroaring. It kanaal waard om it doarp hinnelein. De nammen fan Bosma en Geveke wurde dan neamd. Ik tink dat Bosma de oanimmer west hat en dat it wurk útfierd is troch de firma Geveke. Dit wie wer in hiel oare put as de ferbreiding fan it kanaal. Diz kear waard de te fersetten grûn ek net spuite.

Né, alles waard ferfierd mei kypkarren. Súdlik fan it Djip wie in terrein oankocht en der waard in mânske dyk omhinne lein. Dat koe ek skoan, want der kaam hiel wat fêste grûn beskikber om 't men in ny stik kanaal makke. Der sil fansels hjir en dêr wol grûnwetter it wurk minder noflik makke ha. Doe't men op 't lêst noch wat baggerje moast om it nije stik op djipte te krijen wie der al safolle fêste grûn op 'e "hege bult" oanfierd, dat dat lêste baggerguod dêr skoan te bergjen wie. Dizze hege bult is yn 'e rin fan 'e tiid hielendal begroeid. It is suver in oerbosk wurden. De natûr giet dêr syn gong.

Tûken brekke ôf, beammen falle om en poddestuollen en swammen fynt men dêr dan ek yn ryk ferskaet. Wat it beammeguod oangiet, hawwe de wylgen en de flearen de oerhân, mar men fynt der ek noch al wat bjirken. Wa 't by de simmerdei de âlddyk wolris delkomt, sil fêst de roze-reade


tekken fan tieneblommen (wilgenroosje) wol sjoen ha, dy't dan de skeante oan 'e kant fan it Djip oer in hiele langte sa'n skoander oansjen jout. Yn 1966 wie it Djip wer oan in opknabbeurt ta. Dizze kear wie it de firma Blankevoort, dy 't it kerweiklearje soe. Hja krigen de beskikking oer in pear stikken lân fan Anne Postma. In stik hinne oan it gemaaltsje ta en dan by de feart lâns op it Djip ta, dêr lei dy krite. Hjir waard ek in dyk omhinne makke en doe is dat hiele stik fol jage mei baggermodder. Dizze bult is lykwols net begroeid, lykas dy by Koatstertille; de Postma's hawwe der eins altyd in keppeltsje hynders op rinnen en dy hâlde it spul likernôch keal. Sa is der yn 'e rin fan de jierren hiel wat bard mei dit kanaal en eins binne se dêr noch altyd mei dwaande. Benammen de wâlkanten moatte geregeld har ûnderhâld ha; reid wie oars in bêste beskerming tsjin grûnôfslach, mar ja, boatsjefolk en fiskers binnen net altyd like hoeden. Dan waarden

der wolris in hiel boskje reiden knoeid om in moai smûk fiskersstekje te meitsjen, mar as dat earste begjintsje der wie sloech it wetter wer ta en yn in lyts skoftsje koe dat dan wer in hiel gat wurde. It Djip is no fuort oan 'e kant ek folle djipper as foarhinne. Destiids hie men mei in spjirrestamke fan in pear meter al aardich hâld, mar as no in nij stik beskoeiing makke wurdt, geane der soms balken yn fan wol fiif-seis meter. En it gewelt, dat de skippen fan no meitsje, is ek hiel wat oars as yn de tiid, doe't der skippen lâns kamen fan sa'n 20-30 en soms 40 tonne. In hiel lyts jachtsje mei fekânsjefolk sokket gâns mear as in swierladen turf- of biteskip yn 't foarige. En dan ha wy it noch net iens oer dy greate kasten fan 1500 ton en mear.

Om 't dit hiele stik eins oer it wetter giet, wol ik dit no ek ôfslute mei it ferhaal fan it "zwembad" yn 'e Mieden. Ja, sa waard it neamd yn de

folksmûle. Jimme sjogge der hjir in foto fan. Dy is dit jier yn 'e foarsimmer makke. Wat wie dit eins en hoe kaam it dêr? No, dat sit sa. Doe 't mei it ferbreedzjen fan it Djip al dy bakken mei baggermodder nei it stoart moasten, is dat ein fan de Bûtenposter feart ek breder makke en doe moast dêr fansels ek in swaigat komme. No, dat wie dizze poel. De gemeente hat dêr in lyts boskje by plante fan popelieren en krintebeamkes. En njonken de reed, dy 't om de poel hinne rint nei it eardere gemaaltsje is ek noch in hiele seame beammen en dêr steane in hiel soad hazzenûten. Dizze poel waard geregeld skjin makke en ek wol útleike, mar dan brûkten se dêrfoar in baggerbûgel mei in netsje ynpleats fan in learen sek. Yn de fyftiger jierren waard der noch wol swommen. Gauris wiene der ek memmen mei bern, dy't dêr wat fertier sochten. En der waard ek fiske; der mocht wol graach ris in snoek yn tahâlde. No leit it hiele spul yn de polder en dat

betsjut, dat it wetter sa'n 70 centimeter leger stiet. dat op dit stuit waachset it fan de kant ôf frij hurd ticht. It ien mei 't oar leit it der op 't heden wat fertuteare by. De izels-kea fan ferline winter is hjir noch klear te sjen en ek de reed dêrhinne wurdt net it measte oan dien. It minsk dom siket hjoed-de dei al in bulte syn fertier op campings, yn "pretparken" en fakansjesintra, hoe mear minsken op in bult, hoe moaier. Wa't wierliken ta him sels komme wol, soe him ris in middei deljaan moatte hjir by it "Zwembad" of op de "hege bult" bij Koatstertille.



In minskelibben lang oan it wetter (14)

Nei myn ferhaal oer it Djip en oer it ûnstean fan de pleats fan de Winter wie ik al in hiel ein yn 'e tiid foarút. Mar no gean ik dochs noch ien kear werom nei de tritiger jierren en dan sil ik besykje, om noch wat te fertellen oer it gesin fan Feike en Janke, en dan komt dêrby ek de besettingstiid wol efkes oan 'e oarder.

Anna en Geeske woechsen op ta kreaaze jongfammen en ek Marten wie in fikse jonge keardel, sa yn 'e lêste helte fan de tritiger jierren. Anna hie al ris in skarreltsje hân mei in feint út Bûtenpost, mar dat stelde net sa folle foar. Doe trof se in feint, dy 't se ek al ris yn tsjerke sjoen hie.

Net, dat it fuort ferkearing waard, né Anna seach earst efkes de kat út 'e beam. Mar doe waard it feest yn Twizel. It hiele doarp op ien ein en de jûns meiïonoar yn 'e govert en stuelledûns en folle net genôch.

Ta beslút mei de hiele kloft achter de mesyk oan in slach om it febyrk hinne en doe sette it jong folk (de

measten as in spantsje) op hûs ta. Anna hie ek selskip. Deselde jongfeint fan earder (Joeke hiet er) brocht har troch de wûndermoaie simmernacht nei it wentsje oan de wetterkant. En by dizze iene reis bleau it net. Oankommend jier diele dizze beide al fyftich jier lang de oantins oan dizze skoandere jûn.

Dat wol dêrom noch net sizze, dat se har gouden houliksjubileum al fiere sille, mar it giet al moai dy kant út.

Wa wie dizze Joeke en wer kaam er wei? Syn "fan" wie Kuipers en hy kaam fan Burgum. Hy arbeide dêr by in frachtbedriuw as sjauffeur. Yn 1938 kaam der feroaring.

Yn Twizel ferstoar doe Siebe Bloemhof. Dy hie ek in bedriuw mei fee- en frachtweinen. De widdo hie wol in tal opwaachsje soannen, mar se woe dochs wol graach in bedriuwslieder ha, dy 't te'n earsten it spul wat bestjoere koe. Hja kaam ta in akkoart mei de firma yn Burgum.

En sa kaam Joeke, dy 't der ek wol sin oan hie, yn Twizel te lânne. Fan hûs út wie hy Herfoarmd, mar om't er by de femylje Bloemhof yn 'e hûs kaam, gie er sneins ek mar mei nei de Griff. Tsjerke. No, hy hie de eagen net yn 'e bûse, dat sadwaande hie er ek al ris in knypeachje weage oan dat aardige fanke út é Mieden.

Nei in pear jier ornearre frou Bloemhof, dat se har wol rêdde mei har eigen jonges. Joeke kaam doe oan 't wurk by v. Gend en Loos. Ek yn it begjin fan de besettingstiid like dit noch in baan, dy 't aardich wissicheit joech, dat Joeke en Anna trouwen yn 1941 en setten har nei wenjen yn Ljouwert. It wurk waard der lykwols net noflikker op, want de benzine waard krap. Doe moast der wat op útgjûn wurde, om dochs oan it riden bliuwe te kinnen. Der waarden grutte metalen bussen makke en dy waarden oan bussen en frachtauto's befestige. Dan moast der stienkoal of hout (talhoutsjes) yn ferbaarnd wurde en sa krige men gas, dêr 't de motor op rinne woe. Men koe dan tominsten wer ride, sa goed sa kwea

as dat gie. It wie in hiel gedoch en der moast altyd in protsje brânje mei, om net op healwei stean te bliuwen. It woe ek noch wolris in rare plof ôfjaan en soms rikke it spul as in kalk-ûne. It waard lykwols noch minder doe 't de Dútsers frachtweinen begûnen te foarderjen. Joeke seach it swurk driuwen, dat hy seach om oar wurk. Dat slagge ek. Hy koe oan 'e slach by it spoar. Hy begûn as perron-arbeider. Doe 't op snein 17 septimber 1944 de spoarweistaking troch Radio-Oranje proklamearre waard, lei ek Joeke it byltsje der by del en hy dûkte ûnder. Hy kaam doe earst by syn âlders thús yn Burgum. Om 't der yn Glinstra State in stel Dútsers sieten, fiede hy him hjir net sa feilich en dêrom hat er him doe beskûl hâlden op Moestille by skoanheit en -mem yn 'e hûs.

Dêr hat hy tahâlden oan de befrijing ta. It mocht dêr oan de wetterkant betreklik feilich wêze, dochs moasten se wol altyd goed wach wêze. Der wie nammers in soad skipfeart troch it kanaal en dêr mochten de Ingelske jagers wol graach ris op

sjitte. Dan wie it dêr sa ticht oan de wetterkant likegoed nuodlik, men wist ommers noait krekt, wêr't al dy kûgels te lânne komme soene. Dat dan naaiden se mar in ein it lân yn en bleauwen dêr sa lang, oant it wer rêstich wie. Njonkenhûs lei winterdeis soms noch in hiel fjild ûnder wetter. As it dan frear, wie it dêr al gau sterk iis en dan koene se ris in streekje sette. Dan barde it ek wol, dat der Dútsers kamen te sjen, hoe fleurich it dêr om en ta gie. Dy diene lykwols neat en gyngen letter wer gewoan werom nei har boaten. In net te grut skip besocht wolris ferside te krûpen under de swiere beammen, dy 't der stiene by Sikke syn went.

As it dûnker waard, fearen se dan fierder. Ien kear hat it der al tige om spand. Doe wiene der twa skippen ta sinken brocht tusken de Twizeler feart en de Tille. En doe hâlden de Dútsers in grutte razzia dêr oan de wetterkant. It measte manfolk sette doe oer it Djip en socht in goed hinnekommen yn de rûge, wylde wrâld fan ûnlân oan de oare kant. De boatsjes waarden dêr ek yn 'e reiden lutsen, dat se net te sjen wiene. Joon Wagenaar fear mei iten nei de oare kant en dat mocht ek wol, want it

wie striemin waar dy deis. Rein en stoarm, it gie der oan wei! De moarns wiene de mânlju droech oanlânne yn har skûlplak, dat fan reid makke wie, mar doe 't se werom koene, lang om let, moasten se oan 'e knibbels ta troch it wetter, sa hurd wie it wetter opset. Se wisten, dat se werom koene, om 't in ruft, dat by Hylke Jits de hiele op 'e line hongen hie, der doe wei wie. Dat wie sa ôfpraat sjoch. Nei de befrijing is Joeke wer by it spoar kommen. Al wer wat jierren ferlyn, is hy as perronmeester mei pensioen gien. En sûnt dy tiid binne se wend om saterdeis op 'e middei efkes by mem oan te wippen.

Dan moatte wy it no mar ris efkes oer Geeske ha. Dy hat ferskillende plakken hân, dêr 't se oan it wurk wie. Earst by Lykele de Hoop, dy 't op it spul siet, dêr 't no Oevering buorke. Dêrnei hat se in skoft op 'e "Sonneborch" yn Ljouwert tahâlden. Dat wie in tehûs foar âlderein, mar yn 'e besettingsjierren leine de Dútsers beslach op dat gebou. It moast ûntromme wurde en de famkes, dy 't dêr har wurk hiene, moasten mar oars omsjen. Sa rekke Gees wer nei Twizel en doe kaam se yn tsjinst by Rynk Zwart. Dy wie postboade

en hy wenne doe yn de went, dêr 't letter Jan en Maai Bosman jierrenlang wenne hawwe en dêr 't no Anne en Geeske Zuiderma yn sitte. Rynk hat letter noch in skoft wenne yn in keamer by Aukje Luimstra. Doe is hy nei "Wilhelminaoord" yn 'e Grinzer Pein rekke en foar sa fier ik wit is hy dêr ek ferstoarn. Geeske hat ek noch tsjinne by de Praamstra's, dy't in meubelsaak yn Ljouwert hiene en by de famylje Kramer, de direkteur fan de wetterlieding. No kaam der sawat healwei de besettingstiid in jonge man út Grins as ûnderdûker yn Twizel te lânne. Hy kaam yn 'e hûs by Gryt Zwart in noch jonge widdo, dy 't har man Jan Reitsma in skoftsje earder ferlern hie. Sy wenne doe noch yn it hûs, dêr 't har man ek yn stoarn wie. Letter hat Earde Reitsma as direkteur fan de bank der jierrenlang wenne en no hâldt Wiebren Miedema dêr ta mei syn gesin. Dizze jonge man wie Piet Beukema. Hy wie dan wol ûnderdûker mar dêrom siet er noch net altyd binnendoar. Hy kaam by hiel wat minsken en simmerdeis sette hy ek wol de mieden yn. Dan stiek er gauris nei it "Zwembad", dêr 't ik de lêste kear al oer skreau. Dêr waard doe wol

swommen en hiel wat jongfolk wist dat plakje wol te finen. En dêr wie it ek, dat hy yn 'e kunde kaam mei Geeske.

Dy hie har jongfammetiid goed meinnommen en al in stik as wat feintsjes fersliten, mar dit like dochs tinken te wurden. Ek doe 't Piet nei in skoftsje fan plak feroarje moast en doe by de Alma's op Blauw Vallaat syn yntrek naam, reiz'ge er noch geregeld, sa wat binnentroch, nei Moestille.


Oan 'e befrijing ta hat hy op Blauw Vallaat tahâlden, mar dêrnei ha se net lang mear boarge en giene se tegearre de lange hier yn. Ek de troudei woene se blykber goed meinimme want dat waard de langste dei fan it jier, dus op 21 juny 1945. Pyt hat in pear jier yn militaire tsjinst west en hy lei doe yn Grins. Har wenplak wie doe Reahel; dêr wennen se yn in keamer. Letter binne se ferhuze nei it wentsje fan Beppe Antsje. Dat stie dochs leech, want Beppe wie stoarn yn 1937 en omke Sytze wie mei syn twadde frou ferhuze nei Surhústerfean. Yn 'e oare helte fan it wentsje wenne omke Jan noch, mar it leechsteande part wie al ûnbeuwenber ferklearre. Der sieten gjin

flierren mear yn, it lekte as in tjems en de ratten, dy't har der nei wenjen set hiene, wiene net samar ree om it fjild te romjen. Heit Feike hat noch wol besocht om mei wat plankeguod soksawat as in flier te konstruearjen, mar it joech net folle. As se op d'ie-ne ein fan de keamer op in planke stapt hipte der op d'oare ein in stoel in ein omheech. Doe kaam Pop Bakker fan Bûtenpost dêr mei boadskippen en dy sei: "Wat sille wy hjir beleve, dit kin sa net, jimme moate hjir wei". No, dat wie moai sein, mar de jongelju hiene der net folle fidusje yn. Mar d'oare dei, dêr wie Pop alwer. Hy sei: "Myn buorman arbeidet by it spoar. Dy ferhuzet meikoarten nei Grins, mar hy wol no al in keamer rom meitsje, dan kinne jim dêr yn". Dat gie troch en Pyt en Geeske wisten net, wat har oerkaam. Gjin ratten mear oer de flier en as it reinde, hoegden se net mear te slepen mei potten en pannen, mei amers en tobben. Hja hawwe ek noch ik skoftsje wenne by Meijer, dy't doe in winkel mei diggelguod en sok sawat hie. Yn dy jierren hat Pyt fan alles by d'ein hân. Hy moast ierpelsykje op 'e klaai en bitedolle. Sok wurk wie hy alhiel net wend, mar hy krige de slach nei in skoftsje wol te pakken. Mar it wie en it bleau swier wurk, dat hy wie bliid, dat er nei in skoft oan 'e slach koe op it molkefryk. Dêrwei is er nei Koopmans rekke en ek hat er noch arbeide by de Condens. En doe is er nei Rotterdam gien. Hy kaam by Shell en der

is er bleaun. Nei syn pensionnearing binne Pyt en Geeske wer nei it noarden tein. Simmerdeis hâlde hja in bulte ta yn in caravan en dy stiet... by mem efter op it hiem.

Diz'kear tocht ik safier te kommen, dat ik mei noch ien stikje myn ferhaal ôfslute kinne soe, mar dat slagget net, fernim ik no wol. Dêrom de oare kear wat oer de oare bern en no noch efkes oer de tiid, dat dûmny Ten Brink hjir stie. Hy hat hjir fan 1930-1940 west en stiet noch altyd bekend as de dûmny, dy 't de minsken suver wist te twingen, om grutte beslissings yn it libben nei út 'e wei te gean. Dat hat ek wakker bliken dien, doe't al dat baggerfolk der by it Djip warber wie. Dat wie in echte mannemienskip en leau mar, dat it der soms rûch oan wei gie. Hiel wat fan dat folk húsmanne der meiïnoar yn in rige wenarkjes. Hja wennen sa fier fuort, dat guon mar komselden nei hûs ta koene. Dy 't woene koene gesellichheid en húslikens fine yn it hûs fan Feike en Janke. En dan kaam dûmny ek. It waard op 't lêst foar guon in jûn, dêr 't se de hiele wike nei útseagen. Dêr waarden gesprekken hâlden, dêr 't men wat oan hie. Ik neam allinne mar de namme fan Geart van Dyk.

Dizze man wennet no yn Ljouwert en hy hat noch sokke goede oantinkens oan dy tiid. De famylje De Bruin wie ek tige trou yn 'e tsjerkengong. Waar as gjin waar, hja setten nei Twizel. Sa fertelde Jeltsje Steltman (frou fan Fokke Dam) my, dat der op in sneintemoarn ris gans snie fallen wie. Doe eamelen sy as bern:



Janke yn har beste jierren. Net in frou, dy't harsels op 'e foargrûn kringe soe, mar oan 'e oare kant wol bired en net sa gau ferslein.



Dit is in foto fan Feike de Bruin yn 'e besettingstiid. Dit wie de pasfoto, dy't op syn persoansbewiis siet.

"Mèèem, wy hoege net nei tsjerke, hè? Sjoch ris, sa'n snie. Dêr kinne wei noait troch. En 't is sa kâld." Op dat stuit wiisde mem oer it ûndergerdyntsje nei bûten en sei. "Jim woene thûsbliuwe? Skamje jim, dy pear stappen. Wy wenje suver yn tsjerke. Sjoch dêr ris..." En dêr kaam de famylje de Bruin oan, dwers troch it lân, soms oan 'e knibbels ta yn 'e snie. Dy hiene wol in ûre ûnderweis west.

In minskelibben lang oan it wetter (15)

De foarige kear ha wy it efkes hân oer de libbensrin fan de beide âldste dochters en ik gean dan ek fierder mei Marten, dy't dan folget yn it rychje bern fan Feike en Janke. Dat betsjut al, dat ik mei de jierren, dêr 't dit folkje sa d'ien nei d'oare troude, wat hinne en werje moat. Dat giet ommers wolris sa; d'iene set wat hurder út ein as de oare. Sa troude Marten, al wie er in pear jier jonger as Gees, dochts in pear jier earder as har. En Pytsje mocht dan sa'n jier as acht jonger wêze as Lammert, hja wie dochts al in pear jier troud, doe 't broer de grutte stap ek weage. Mar dat komt aanst allegearre wol, wy begjinne no mei Marten. Dy siet yn it klompmakkersaffearen. Hy sil faaks wolris by omke Jan omstrúnd ha en misskyn hat er dêr ek de earste hantaasten wol wat leard. Yn alle gefallen wie hy al jong feint by Willem Laanstra, dy 't klompmakker wie op Koatstermûne. Letter die er itselde wurk by P. Roorda yn Bûtenpost.

Hy krige kunde oan in jongfaam fan de Tsjoele. Dat wie Lys Jeltema. Hja troffen inoar yn Bûtenpost. Dêr stie doe de "sweef". Soks loek faakhiel wat jongfolk. No earst efkes wat oer Lys. Hja wie berne yn Stynsgea, mar hja wie noch mar in lyts famke, doe 't it gesin ferhuze nei de Tsjoele.

Hja moasten lykwols noch wol nei Stynsgea nei skoalle. Dan giene se yn Blaufallaat oer de doe noch platte draaibrêge en dan in eintsje by de Surhuzumer feart lâns. Dêr lei foaroan in "draai" oer, dy 't skippers sels iepen en ticht dwaan koene, en in eintsje fierder lei it flapbrechje, dêr 't se oer moasten nei it doarp.

Doe seagen se op in moarntyd yn dat eintsje feart in nije klomp yn it wetter. No, dy woene se graach pakke, mar se koene der net by, dat se draafden werom nei de brêge en fregen de brêgeman, oft hy ek in stôk foar har hie, dan koene se dy klomp út it wetter fiskje.

De man stie it spul net rjocht, dat hy rûn mar efkes mei de bern dêr hinne en dat wie mar goed, want doe 't er de klomp te pakken krige en der oan loek, die it bliken, dat der ek noch in man oan fêst siet. Dat wie in skrik-o heden! Lokkich kaam op dat stuit Andrys Kalsbeek, de molkrider dêr ek lâns. Doe koene se de man op 'e wâl lûke en doe seagen se, dat it Hedzer van der Schors wie, in âldfeint út Surhuzum. Dy hie de jûns dêrfoar yn 'e herberge op Blaufallaat wat oan it kaarten west mei syn maten; net ien hie merkbiten, dat er

net thúskaam want hy wenne allinne. In broer fan him, Jabik moat ek ferdronken wêze en dat moat bard wêze by it slúske op Reaskuorre.

Dizze beide mannen wiene âldomkes fan Simon van der Schors út 'e Surhuzumer mieden, dy 't troud is mei Leen fan Anne Postma; dêr ha 'k al earder ris oerskreaun.

Fierder oer Lys no. Dy waard fuort fan skoalle ôf al faam by frou van der Ploeg, dy 't yn Twizel foar it skoallahûs oer wenne. No wenje Gerke en Saakje Huisma dêr. Letter rekke Lys as faam nei Eije de Vries op Koatstermûne. Op beide plakken wie hja foar deis en nachts, dat doe't Marten har dy jûns út 'e "sweef" nei hûs ta brocht, gie de reis dan ek nei Koatstermûne. Dêrwei is hja ek troud mei Marten yn 1943. Hja kamen doe earst yn in keamer by Anne Laverman op Blaufallaat. Marten wie doe nachts faak net thús, want dêr lei in Dútse besetting te Blaufallaat en men wist noait krekt yn hoefier dat folk te fertrouwen wie. Hja ha ek noch wenne yn it wentsje oan de Aafkewyk (32) en dêrnei ha se in jier as seis oan 'e Bouwyk yn Bûtenpost wenne.

Doe kaam de tiid, dat der rûnom aksje makke waard om folk aan te lûken foar it wurk yn 'e minen. Sa stieken Marten en Lys dêr ek hinne.

Hja ha tsien jier dêr tahâlden yn Sittard. Misskyn hat Marten him doe al net al te goed field; hy woe der yn alle gefallen graach wei. Syn broer Lammert, dy 't doe by Hubert arbeide yn Surhústerfean, hat safolle war dien, dat Marten dêr ek oanslach krije koe. Doe wie noch efkes de fraach, wêr 't se telânne komme soene, mar ek dat kaam klear. It âlders-hûs op 'e Tsjoele stie leech. It wie wol slim ferinnwearre, mar Marten, Lammert en Jan hawwe it wat opkalefattere, dat doe koene se der dochts in skoftsje yn tahâlde. Marten hat mar in jier by Hubert oan 't wurk west; doe trof er in freon en dy sei: "Man, wat hast by d'ein, hast dy earst dêr yn 't suden yn 'e grûn bedobbe en no slútst dy sels op yn sa'n nearzich febryk. Ik bin by de gemeente en ik ha heard, dat der ien by komme moat, dat is krekt wat foar dy." No, dat slagge en sa hat Marten dêrnei altyd yn tsjinst fan de gemeente warber west. Stadichoan krige hy dochts lêst fan syn yngewanten. It blik kanker te wêzen. Dit wie

net maklik foar Marten, Lys en de bern. Har tinzen sille doe wol gauris west ha by de tiid fan har earste houliksjierren, doe 't heit Feike yn 1947 itselde boadskip krige fan de dokter.

Lammert, Jan en Pytsje wiene doe noch yn 'e hûs en hja wisten net, hoe 't se it hiene. Heit, altyd sa fleurich, sa sûn en sterk en doe pakte dy sykte him sa hommels oan en it gie sa hurd. It kaam Janke sa slim net oer 't mad as de bern. Hja hie al in skoftsje, moarns as Feike fuortstappte, him gauris neisjoen en dan tocht se: "Né, dit is Feike net mear. Oars stapte hy moarns feardich en fiks de doar út, sûver in slach yn 'e rêch. En sjoch no ris, de earms bongelje him mar wat slop oan it liif en hy rint sûver wat dûknekkich." En doe gie it hurd efterút. Yn febrewaris 1948 kaam de ein. Dit wie in slim ferlies foar dit gesin. In man, in heit dêr't se allegearre sa oan hongen. Noch mar 52 jier âld. Likegoed kaam it hurd oan yn 'e ploech, dêr't altyd mei oparbeide en ek yn 'e tsjerke, dêr 't er as âlderling diel útmakke

fan de tsjerkerie, waard it lege plak field as in grut ferlies. Pytsje wie doe noch mar sa'n lytse krobbe; hja siet by juf Andringa yn 'e klasse en hja wit' noch skoan, dat dizze juffrou deselde dei noch by harren thúskaam om har meilibjen yn it fertriet fan dit gesin te betoanen. En no hongen boppe it gesinslibben fan Marten en Lys deselde dûnkere wolken. It gie sa hurd net as mei heit, mar wat wie it in striid. Dan ris wer nei it sikenhûs en dan wie er wer oan it wurk. Thús sitte koe en woe er net.

Yn 1981 hiene se tegearre noch in Rijnreis makke en it sa nei't sin hân. En doe, koart dêrnei, waard it yniennen folle minder. De kwaal kaam him doe oan yn 'e holle. Yn 't sikenhûs, wer nei hûs, operaasjes, mar it joech allegearre neat. De lêste seis wike moast er hielendal op bêd bliuwe, op 't lêst koe er al net mear prate en doe is er ferstoarn op 7 desimber. Hy waard begroeven op 10 desimber 1981.

As dat twa dagen letter west hie, dan hie dizze begraffenis fallen op de stjerdei fan syn 12-jier jongere broer Lammert, want dy wie twa jier earder op 12 desimber 1979 al ferstoarn. Dy wie noch mar 46 jier âld en ek by him wie it deselde kwaal, dy't heit ek hie - longkanker. Syn jonge widdo, Wipke van der Veen, bleau doe mei har trije famkes efter yn it hûs, dêr 't se har it jier dêrfoar, yn 1978 nei wenjen set hiene. Dêrfoar wennen hja oan 'e Nije wei yn 'e Harkema. Lammert hie eins wol graach yn 'e Mieden wenje wollen, want hy wie in echte natûrman.

Wipke woe doch wol wat mear tusken de minsken bliuwe, dat doe hiene se in went sette litten, hast oan de ein fan de Alde Hamsterwei. Dêr hiene se yn alle gefallen noch wat sicht op it Djip en op it ferkear fan lytse en grutte boaten.

No gean ik dochs werom yn 'e tiid, om sa it ferhaal oer dizze beide minsken net hielendal efterstebek op papier te krijen. Lammert gie, doe't er de legere skoalle hân hie, nei de technyske skoalle yn Ljouwert. Hy

wie doe yn 'e kost by Joeke en Anna. Hy folge de oplieding foar smid-bankwurker en doe 't er syn diploma hie, kaam er oan it wurk by de Afek.

Dêrnei hat er by Riemersma west en noch letter by Hubert, alle trije yn Surhústerfean. As hy middeis fan Hubert op hûs ta sette, trof it wol ris, dat er in faam moete, dy 't ek dy kant op moast. Dat wie Wipke, dy't earst in skoft tsjinne hie by Siebe de Jong yn Eastermar. Dêr wie se dan moarns en middeis gie se dan nei de naaiskoalle. Letter hat se in jier arbeide by Philips yn Drachten. En doe kaam se by Numan op 't Fean yn 'e húshâlding, mar as it drok wie, holp se ek mei yn 'e winkel. Dat wie dan de tiid, dat se gauris mei Lammert opfytste. Op 't lêst wie it sa, dat Lammert op har stie te wachtsjen. Dêr kaam in ein oan dy fytstochtsjes tegearre, doe 't Wipke har bestege by Jan de Jong op Bouwkleaster. Hja ferlearen inoar lykwols net hielendal út it each en doe't se inoar wer wat faker troffen op 'e iisbaan oan de Hamster feart, waard it fêste ferkearring en yn 1962 binne hja doe troud. Lammert wie doe noch by Hubert. Hy arbeide

jûns wolris oan 10-11 oere ta. Wipke wit noch, dat se in kear om ien oere yn'e nacht wekker waard en doe wie Lammert der noch net. Se siet yn tûzen noeden. Wat koe der wol net allegear barre mei dy grutte mesines. Krekt foar twaen kaam Lammert thús mei in maat. Hy hie sein: "Wy binne noch net klear, mar wy moatte earst efkes nei hûs, want as Wipke wekker wurdt en ik bin der net, dan kriget se gjin wink mear yn de eagen." Se hiene in mesine hielendal út inoar en dy moast noch wer yninoar, want d'oare moarns moast er wer draaie.


No, doe't de frou dat mar wist, koe se har teminsten wer rêstich deljaan. Letter kaam Lammert by Spimeta yn'e Harkema oan it wurk. Doe yn 1977 lieten se dy went bouwe op'e Tille. Al ridlik gau dêrnei klage Lammert wolris, dat er sa wurch wie. As hy nei it wurk noch ris in hage knippe moast, dan wie er sa yn ein, dat syn buorman sei: "Dat liket mâl, sânjongkeardel, ik bin al oer de sechstich, mar as ik in bakje kofje hân ha, dan spring ik der wer foar, as hie'k de hiele dei noch neat dien.

No, sa wie't mei Lammert net. Yn 1979, yn 'e simmer ha se noch tahâlden yn de caravan fan Joeke en Anna op 't Amelân, mar hy krige hieltyd mear lêst fan benaudens. Doe't se in kear nei it strân fytse soene om

te sjen, hoe 't de rêddingboat mei hynders der foar de see yn brocht waard, koe hy it net mear dwaan. Wipke woe him wol wat triuwe, mar doe waard er mar wat nitelich. Sa lyts woe er dochs net wêze. Doe't se

letter wer thús wiene, waard it al mar minder. Hy stapte noch ris in lyts eintsje, efkes oan it wetter ta of nei de hoeke, mar fierder koe net. Hy hie noch sa graach ris efkes nei Pytsje ta wollen (dy wenne doe al yn

de Sinneblomstrjitte mar it kaam der net mear fan. Op 5 desimber 1979 rekke hy nei it sikenhûs. De lêste nacht foar syn stjerren ha Pieter en Pytsje de hiele nacht by him west en de oare moarns kaam Wipke



Prachtich, dizze âlde foto fan it flapbrechje oer de Surhuzumer feart. De foto is nommen fan de Sânwei nei it Fean. Rjochtút foar it brechje lâns kaam men op Blauwvallaat en loftsôf oer it brêchje koe men yn Stynsgea komme. Dit brechje is oanbestege yn 1911 foar f 3.647,-. Jan en Andrys van der Veen hawwe it boud. Yn 1938 waard de brêge ôf brutsen, om't it ferkear al mar drokker waard.

wer en doe hat dy by him sitten oan't op 'e jûn de lêste sike der út gyng.

Wipke giet geregeld nei skoanmem. By 't simmer giet se wol op 'e fyts, mar as it waar minder wurdt, dan giet se mei har dochter yn 'e auto. Dat bart eins altyd om 'e fjirtjin dagen en as it ris in kear trije wike duorret dan krimmenearet mem: "Wat binne jim lang weibleaun. Ik wol myn beppesizzers dochts ek wol ris sjen".

No wol ik it dan earst oer Pytsje ha en dan kom ik dêrnei noch werom op Jan, want dat is in ferhaal apart.

Pytsje hat, krekt lyk as Lammert en Jan yn Twizel op skoalle gien. Dêrnei hat se de húshâldskoalle dien yn Droegeham. Se krige in plakje as faam by Sybren en Feikje Brouwer yn Bûtenpost. Dêr wie se moarns en dan gie se moandeis en freedts de middagen noch nei Willem en Lies de Vries yn Droegeham. Letter wie se in pear middeis yn 'e wike by Doeke Kloppenburg yn Bûtenpost. Dat wie in rintenierboer, dy't mei in húshâldster wenne yn 'e buert fan de

toskedokter. Pytsje siet op 'e gymmestyk yn Droegeham. As se dan ris in útfiering joegen, wie Hindrik Land der ek wol ris. Dy wie sjauffeur by it bedriuw fan syn heit op 'e hoeke fan 'e Rysloane en de Reitsmastrjitte yn 'e Harkema. Dy woe har wol ris thúshringe. Doe't se oan't begjin fan it reedtsje stiene, wisten se hast net, oft Hindrik fierder mei soe of net. Dat hiele ein oan it Djip ta, wie dat no wol de muoite wurdich? Mei yn 'e hûs, dat siet der net oan dat wist Pytsje, want se wie noch mar 15 jier. No, dan koe er dy lêste út ek krekt like goed hjir ha, dan hoegde er dat reedtsje teminsten net twa kear lâns te knoffeljen. Hindrik wist hast net - koe er Pytsje wol allinnich gean litte en... doe kaam Jan der oanfytsen yn syn soldatepak. No, doe wie it hielendal dúdlik.

Jan naam syn suske wol ûnder syn hoede en Hindrik sette ôf, de Alddyk wer del nei de Tille.

No, dat sukkele sawat troch, hja rieden tegearre ris op 'e Hamster iisbaan en op 't lêst sei mem: "Dat gestrún op 'e wei, dat is my ek neat wurdich; nim dy jonge dan mar ris

mei, dan wit ik teminsten wêr't jim binne".

Yn 1959 binne hja troude en hja kamen doe te wenjen yn it lêste wentsje rjochts op 'e ein fan de Lytse wei. Doe't se al wat yn it lyts berneguod kaam, fytste mem twa kear yn 'e wike nei har ta en help har dan wakker mei sokstopjen en it fersetten fan wurkklean en sa. Letter ferhuzen Pytsje en har man nei de Nije Buorren en dêr waarden se buorlju fan Lammert en Wipke, dy 't dêr krekt earder in hûs kocht hiene. It fytsen begûn mem doe al wat swier te fallen en omdat it ein doe ek noch fierder waard, hâldde dat op. In pear jier letter, doe't Pytsje de bern op skoalle hie, waarden de rollen omkeard en reiz'ge Pytsje nei Moestille om mem wat te helpen. Healwei de santiger jierren begûn it wat te heakjen yn dit houlik. Nei ferrin fan tiid sette Pytsje ôf mei de bern en se stiek yn earste ynstânsje nei mem ta. Doe hat se in min skoft trochmakke; fan de iene caravan yn de oare, in jier yn Burgum, doe it nochris besocht mei Hindrik, dy't har dêr wer opsocht en om't dat in besykjen om 'e nocht bliik te wêzen, kaam se wer by mem te

lânne. Lökkigernôch krige se doe al gau in went yn 'e Sinneblomstrjitte op 'e Tille. Letter is hja wer troude, no mei Pieter van der Bij. Dy is sjauffeur by firma de Bruin en hy rydt op it bûtenlân en is dus in bulte fan hûs. Simmerdeis hâlde hja faak ta yn in caravan flak yn 'e buurt fan mem. En fierder giet Pytsje wit hoe faak efkes nei mem, dêr is altyd wol in hantaast te dwaan. Allegearre meiïnoar dogge se alle war, ek mei help fan de wyksuster, om it mûglik te meitsjen, dat mem op har fertroude stekje bliuwe kin.

As lêste kom ik noch efkes werom op myn stikje fan de foarige kear oer dy razzia. Yn 't foarste plak hie dy razzia neat te meitsjen mei it sinken fan dy twa boaten. Dat wie letter en hat ek gjin aksjes teweechbrocht fan de Dútse kant. De oarsaak fan dizze jacht op minsken wie dat de befolking gjin gehoar jûn hie oan de Dútse oprop, dat mánlju yn in bepaalde leeftiid har melde moasten foar tewurkstelling yn Dútslân. De razzia waard dan ek net allinne yn 'e Mieden hâlden, mar ek Twizel gie dy deis ûnder it jok troch. Hiel wat manlju naaiden dan ek út.

In hiele kloft hâldde him beskûl yn 'e reidpetten en ek wol yn 'e boppe-lannen, dêr't skûlplakken makke wiene yn 'e beamwallen. Wer oaren setten ôf op 'e fyts en dy kamen dêr ek op Moestille, om har oer it wetter bringe te litten!

Op in stuit stiene der wol 15-20 fytsen by Joon op it hiem. Dat soe fansels yn 'e gaten rinne. Mar Joon wist rie. Hja hiene krekt pannen op it dak krige en it âlde reid, dat der of kaam wie, lei der noch wol. Dêr ha se doe in bult fan oer de fytsen hinne lûege. Sa wiene se út it sicht en koe it gjin kwea mear.

Ulke Nicolai, dy't doe molkfarder wie, liet syn skou by Joon Wagenaar foarhûs lizze en joech him ek ôf, mar hy rôp noch al: "Helje mar in busfol molke út 'e skou, dan kinne jim it folk wat waarms jaan, as se heal ferklûme werom komme".

No, der ha Joon 'e Jeltsje en Hylke Jits dan ek wakker mei yn 't spier west. Benammen de Twizelers, dy 't noch wer nei 't doarp moasten, hawwe doe iten as slatters. De measten wiene ek dweiltrochwiet om 'e fuotten, want se wiene op klompen. Dan ek noch mar in pear droege sokken oan. It gefolch wie al, dat Jeltsje en Jitske de jûns net in sok mear yn it kammenesetslaad hiene. Al moai wis ha de Dútsers dy deis Koert Bos ek te pakken krige. Hy wie warber op it spul fan Kroon en doe't er fernaam, dat der gefaar drige, besocht er ûnder wat takkeguod ferside te krûpen. Lykwols waard hy ûntdutsen troch


in soldaat en dy naam him mei dwars troch it lân nei de pleats fan Wiebe en Jantsje Geertsma. Bos hie gelok, want de soldaat, dy't dêr op wacht stie, joech him de wink, dat er mar gewoan rêstich fuortstappe moast, net hastich of oerstjoer, want dan soe er opfalle. No, dat liet Bos him net twa kear sizze. Hy seach sa gau mûglik ûnderdak te kommen by

ien fan de buorlju en dêr hat er de bui ôfskûle.

Ien fan de Twizeler doarsgenoaten, Jan van der Velde, waard dizze dei it slachtoffer. Hy wie mei oaren ek de mieden yngien, mar hy kaam de jûns net thúshús. Nimmen wist krekt, hoe en wat, mar d'oare moarns ha se him fûn. Wat in slach foar syn frou en de beide noch jonge famkes.

Jan Tsjisses Zijlstra en Johannes de Bruin (broer fan Feike) waarden dy deis al pakt troch de Dútsers. Hja binne oerbrocht nei Glimmen, mar lokkigernôch binne dy beide nei fer-rin fan tiid wer thúskommen.

De oare kear it lêste (tink ik!)



Sa lei de brêge op Blauwvallaat der eartiids by. In platte draaifbrêge mei in stevich remmingswurk oan wearskan-ten. De brêgewachterwente op de Sûdkant fan it wetter. De brêgeman Pieter Boetje stiet der foar mei syn twa fam-kes Tsjitske en Zus. Op 'e brêge steane Durk Hansma, Pieter Boersma en Hearke Bakker (fan l. nei r.) Dokter R. Keijzer fan Surhústerfean (de heit fan de lettere dokter Keijzer fan Bûtenpost)rydt mei syn Lillbury wer op hûs yn.

In minskelibben lang oan it wetter (16)

Ien fan de bern fan Feike en Janke, dêr't wy it ek noch efkes oer ha moatte, is Jan. Doe't hy in pear jier nei de oarloch fan skoalle ôf kaam, rekke hy as lytsfeint nei Jan Boersma. Dy boer wie yn 1942 fan Reahel ferhuze nei in greater spul dat in tal jierren dêrfoar boud wie troch de Steatsdomeinen. De earste boer Frâns Bergsma, dy't dat spul hierde, koe it net foarinoar hâlde.

Doe hat de Heide-mij dêr in pear jier in opsichter de Jong op hân en yn dy tiid is besocht, om de landerijen yn in wat bettere kondysje te krijen.

Jan Boersma hie syn earste frou ferlern yn 1941. Hy krige doe kunde oan in frou, dy't ek twa greate jonges hie. Sels hie er ek noch twa soannen yn 'e hûs, dat hy koe wol wat grutter spul bebuorkje. Sadwaande stiek er nei de âld-dyk. Yn't begjin fan de fyftiger jierren kamen Rinze en Ryk op dit spul en no sit pakesizzer Johan dêr al wer jierren. Dy hat it hiele spul, pleats en lân, in jier as

wat ferlyn kocht fan de Steatsdomeinen. Jan (de Bruin) wit noch skoan, hoe kreas alles om en yn de pleats der by lei. As't fee by't maitiid nei bûten koe, waard it bûthús sa skjinmakke, dat men fan de flier wol ite koe. En alles kaam yn 'e ferve. De iene die de ramtsjes fan de kouwerútsjes en in oaren kwispele de stangen en de bûgels fan de stallen oer.

Jan hat ek in skoftsje arbeide yn it timmerfabryk fan van der Witte. Letter by de Afek yn't Fean en doe dochs mar wer nei de boer. 't Wie wer in Boersma, dêr't er telânne kaam, mar diz kear wie it Barteles, dy't in buorkerij hie yn 'e Koaten.

Doe moast Jan opkomme as soldaat. Earst hat er wat moannen yn Schoonhoven lein en doe kaam er yn Grins, yn it Ingelske kamp. Doe hie ne se it taſicht op de gebouwen, dêr't it materiaal opslein wie; ridend ark, wapens en munysje. Nei syn tsjinsttiid kaam er oan it wurk op 'e helling op 'e Tille. Dat foldie net sa tige, want alle jûnen, as er thús-

kaam, siet er ûnder de rust. It hier fol en de klean der ûnder. Hy wie dan ek bliid, dat er oanslach krije koe by Fokko Velleman, dy't troud wie mei syn nicht Minke. Fokko wie setskipper op de "Maria" in skip fan in Belgyske eigener. Nei in pear jier kamen hja op in Dútsk skip "Rheinfals" en dêrnei op 'e "Lisel" út Heidelberg. Mei dy earste beide skippen ferfierden se fan alles, sa as moal, stienkoal, stiel. Mar mei de "Lisel" fearen hja altyd mei grind. Hja kamen doe eins ek net bûten Dútslân.

Doe hâldde it farren op. Fokko sette út ein mei in garaazjebedriuw en Jan hat in skoftsje tahâlden by it betonfabryk fan Niemans. Yn 1964 begûn men wer mei it Djip, sa't ik earder al fertelde. Jan koe dêr oan 'e slach as bakskipper en dat die er leaver. Hy hat letter ek noch warber west by it oanbringen fan de asfalt op de seedyk, dy't lein waard om de Lauwersee ôf te sluten. Tuskenbeiden hat Jan ek wolris efkes sûnder wurk west mar dat duorre noait net lang.

Jierren en jierren hat er doe noch arbeide by ferskillende bedriuwen, dy't hjir yn noardlik Fryslân de lieding foar gas en wetter oanleinen. Sa hat hy foar en nei yn't spier west by de "Hannap" fan Veendam, by "Hak" fan Ridderkerk, by de "N.B.M." fan Wolvegea, by "Hulsing" fan Ootmarssum en by de "Nacap" fan Grins. It kaam faak noch al op 'e lea oan en it is dan ek gjin wûnder, dat er op 't lêst wol ris wat lêst krige fan de rêch. Hy is no in pear jier thús en is no in hiele stipe foar mem, dy't krekt yn de lêste jierren wat efterút gien is. Sa lang Jan noch oan 't wurk wie, rêdde sy noch mei alles, moarns thee, Jan syn iten foar de deis reemeitsje, jûns hie se it waarm iten op 'e tafel, as Jan thúskaam. Dat soe no net mear kinne.

Moai, dat hy no al dy dingen dwaan kin.

Jan is net troud, lyk as de oare bern. Doe't hy nei syn fardery mei Fokko wer oan 'e wâl kaam, wie hy efter yn de tweintich en mem loek doe al moai nei de sântich. Hy hie it goed nei 't sin en doe 't hy in mannich jierren letter yn 'e kunde kaam mei in jonge

frou yn Eastermar, dy't ek al ien en oar meimakke hie, die bliken, dat dy der ek net op út wie, om mar gau ta in houlik te kommen. De earste jierren ried hy dêr hinne op it brommerke, mar doe't er it autoriden leard hie, waard de reis gâns noflikker. Hja kinne it tegearre goed fine, sa't it liket en al makket de femylje wolris in grapke oer it jubileum, dat stadich oan dochs al in bytsje yn 't sicht komt, "de jongelju" hawwe dêr beide neat gjin argewaasje fan.

En dan no noch efkes oer Janke sels. Wat makket in minske wat mei. Ik ha al ferteld, dat sy net ien fan har pakes en beppes kend hat. Mar hoe faak hat se te meitsjen hân mei de deal! Har heit, har beide âldere susters Jantsje en Minke, doe mem, har skoanâlden, har eigen man, twa fan har eigen bern, twa beppesizzers, Ineke fan Marten en Lys en Feike fan Pyt en Geeske en dan omkes en muoikes, neven en nichten, tefolle om op te neamen. No ha ik har beide broers net iens neamd en

dat ha'k mei sin dien, want dêr wol ik noch wat mear fan fertelle. Earst oer Jan. Dy wie al hast tachtich (it wie yn 't lêst fan de fyftiger jierren), doe húsmanne hy dêr noch altyd yn it wentsje, dêr 't hy nei it ferstjerren fan syn trêdde frou, en it trouwen fan Janke en Jinke, allinne oerbleaun wie. It waard op't lêst wol in nuodlike sitewaasje. Hy waard wat knoffelich; sa krige hy op in dei wat meleur mei it petroaljesteltsje, dat it spul rekke oer de kop en yn 'e brân.

Hy hat noch wol war dien, om it út te krijen, mar dat slagge net. Krekt op dat stuit kaam Hindrik Baas der oanfarren. Dy helle destiids de môleke op, dêr oan it Djip en hy sette dy bussen dan by de flapbrêge oer de Twizeler feart del en dan waarden se fierder brocht troch de molkrider, dy't dêr lâns kaam. Hindrik smiet de boat foar de wâl, stoude op it húske ta en koe de âld man noch krekt nei bûten slepe. Hy wie noch al wat tebaarnd en alhiel fan de roai.

Janke wie fuort beret. "Hjir mar gau hinne" sei se, "hy moat op bêd,


ik sil wol op him passe". Dat hat se dien en doe't nei in skoftsje it wer aardich better like, koe Jan ferfierd wurde en doe is er nei Anne rekke.

Dat wie de âldste dochter fan syn earste frou. Dêr is hy bleaun oant syn dea yn 1962. Om dy tiid hinne fernaam Janke, dat broer Sytze, dy't wol gauris by har kaam, him eins net bêst mear rêdde koe. Hja ornearre, dat hy mar better by har komme koe, dan krige er syn wiet en droech op 'e tiid en it wie ek wol gesellich.

Dat gie oan en it foldie mar tige. Ek de bern mochten der wol oer, want omke Sytze wie wol in plesierich man. By it houlik fan Lammert en Wipke hat er ek de hiele dei mei op en út west. En as de âlderein fan 'e Tille in reiske meitsje soe, dan gie net allinne Janke mei, mar ek Sytze wie dan fan de partij. De beide foto's hjirby binne al moai wis op deselde dei nommen. Dat kin hast net misse. Sjoch mar nei Anne de Haan,



dy't op beide kykjes foarkomt. It festje los, deselde strik foar. Dit wie yn 1963. Sytze hat dêr in pear skoandere jierren hân. Doe't hy yn 1965 siik waard, rekke hy nei it sikenhûs yn Drachten en dêr is hy ferstoarn, tachtich jier âld.





En no binne wy al wer 23 jier fierder. En no lêst men yn 'e krante it libbensferhaal fan dizze frou, dy't al oer de helte fan har 91ste libbensjier is en foar guon komme de oantin-

kens oan lang ferline tiden wer boppe en foar oaren begjint der in stikje histoarje te libjen, dêr 't se eins net iens fan wisten, dat se dêr sels ek noch mei anneks binne. Bern fan

Romke en Swaantsje en dêr noch wer bern fan, beppesizzers fan Gofte Jantsje (in dochter fan Romke 'Janke sj. nû 1), freonen en âlde kunde komme del en wat dogge se it âld-minske dêr in deugd mei. In pear dagen ferlyn fertelde se my, dat Albertsje fan Molle en Klaske ek noch komme woe. Stel jo dat ris foar - doe't Janke der noch hinne gie te naaien, wie dit noch in lyts famke fan 6-7 jier en no is it in frou fan tachtich.

Foardat ik dit ferhaal ta in ein bringe kin, moat ik noch in pear dingen dwaan. Earst it kaartsje. Wat is dat keal wurden, net? Ik kin't ek net helpe, mar it is no ienkear sa. Twa huzen, dêr 't ik in krús troch set ha, binne der noch, mar it binne no boufallen. It spul fan Boersma, it flapke oer de Bûtenpostmer feart, de pleats fan de Winter, it gemaal en it brechje by de Postma's ha ik der by tekene.


Jierren ferlyn hat in passant ris in moaie foto fan Janke har hûske makke. Sy krige dêr doe ek ien fan en doe hat se foar al har bern dêr ien fan meitsje litten en dy krigen dy doe mei it folgjende fers derby:

It Aldershûs

Dêr stiet dat hûske, neffens âld
bestek;
De foarein en ek fan efteren ûnder
tek.
Njonkenhûs in bjirk mei syn ljoch-
te stamme;
Oar beammeguod om't hiele hûs
hinne.
Wylgen spiegeljend yn't wetter fan
de sleat,
Fleurige blommen yn de folle,
waarme sinne.

Eintsjes en hinnen, yn't wetter en
op it hiem
Joegen dêr it libben en it oansjen
oan:
Ek de pony's en de skiep op it
lytse kampke.
O, ik wit it allegearre noch sa
klear en skoan!
Och, it wie eins mar sa gewoan en
hiel ienfâldich
Mar it bliuwt jin altyd by, dy
moaije tiid
Dat lytse wentsje, dêr oan dat
brede wetter
Wat libben wy dêr fredich, fry en
bliid.

Mem.



Dan kom ik no safier, dat ik myn
tank bringe wol oan in hiel soad
minskten, dy't my tige holpen hawwe
mei allerhande ynformaasje. Ik
doch dat mar foar de stôk op, want
it iene wie foar my like belangryk as
it oare, dus fiel jimme no net misle-
dige, as jim namme net hielendal
boppe oan stiet. Dan mar út ein.
De ôfdieling befolking fan it ge-
meentekantoar en dan neam ik mei
namme T. de Haan, G. J. Mollema,
L. Postma en J. Tabak. It persoan-
iel fan 't kantoar fan it wetterskip Lits-
Lauwers. Direksje, redaksje en mei-
wurkers fan de Kollumer krante
(dan wit elk wol, wat ik bedoel).
Dan fansels Janke de Bruin-Stel en

al har bern en oantroude bern. Joon
Veenstra, Bûtenpost. Joon Wage-
naar, Bûtenpost. Gepke Veenstra-
Veenstra, Bûtenpost. Ymkje Vries-
v.d. Veen, Jistrum. Pöppe Douma,
Twizel. Geert de Haan, Reahel. An-
na de Haan-Meijer, Surhuzum.
Wobbe Bouma, Surhuzum. Jacob
Bruining, Twizel. Lammert Frearks
de Bruin, Drachten. Rinze Boersma,
Koatstertille. Andrys Veenstra, Twi-
zel. Klaas Veenstra, Twizel. Jelle en
Gaatske v.d. Veen-v.d. Bij, Muont-
setille. Anne Postma en syn bern,
Muontsetille. Simen en Leen v.d.
Schors-Postma, Surhuzum. Earde
Reitsma, Twizel. Tjidsger Postma,

Dan de foto hjirby. It trof, dat dy
grutte tanker dêr krekt lâns fear.
Dan kin men teminsten sjen, dat der
no hiel wat oars lâns komt as yn de
tiid, doe 't Janke noch jong wie.

Bûtenpost. Kees en Anna Koster-
Stel, Bûtenpost. Bauk Kuipers-
Westra, Twizel. Wytse Stoker,
Heemskerk. T. Tamsma, Lytsepost.
Jan Veenstra, Augsbuurt. D. de
Winter, Bûtenpost. Joh. de Jong,
Bûtenpost. J. Adema Bûtenpost.
A. v. Lune, Bûtenpost (foto's by
15). En as leste neam ik dan noch
Alex Bouma fan Sibrandehûs. Hy is
de man, dy't de prachtige foto's
makke hat fan: Janke by de bloeien-
de clematis (1), Janke har went (3),
It "Zwembad" (13), Janke by it
Djip (16).

Achte lêzers. Sa, no kin ik mei goed
fetsoen der in punt efter sette. Ik
hoopje no mar, dat ik jimme net al
te slim ferfeeld ha; krekt oarsom, ik
hoopje, dat ik alteast in beskaat
oantal minskten in deugd dien ha mei
it beskriuwen fan minskten, sitewaas-
jes, plakken en tastannen, der 't se
wat fan werom fûnen yn eigen oan-
tinkens. Yn alle gefallen, tige betan-
ke foar alle reaksjes, dy 't ik sa foar
en nei ûntfange mocht.
En... ferjit Janke net, hèn?

H. v.d. Bij